

IT SOENHÚS

In histoarysk forhael
út East-Dongeradiel

FEN

A. M. WYBENGA



WYBENGA

IT SOENHÚS

BY BRANDENBURGH & CO. TO SNTS

1937


IT SOENHÚS

IN HISTOARYSK FORHAEL ÚT EAST-DONGERADIEL

FEN

A. M. WYBENGA

KRISTLIK FRYSKE FOLKSBIBLETEEK
NÜMER 3



BY BRANDENBURGH & CO. TO SNITS - 1937

I.

DE LÊSTE FEN 'E STELTINGA'S.

It wier in rûzige joun yn it jier 1297.

De hjerstwyn jage mei gewelt oer 'e deadske lannen. De losse bledtsjes swypken foar de wynpûsters út oant salang't hja in feilich skûlplak founen yn 'e grippels en efter de hagen.

It hie in pear nachten fen to foaren rypt en nou wier de lêste forbining fen beam en blêd losarbeide; skriel en neaken stieken strûk en beam de skodjende, kleijende strampels en tûken de loft yn.

Bytiden naem de wyn in grote wolkenflôdze mei op syn wylde tocht en den spatten de reindrippen oer de skiere kluoten en yn 'e wetterplassen twisken de hulten en bulten.

By nou en by den skimere in meagere lêste sinnenstriel oer de grille wettermassa fen 'e Moarster en Eanjumer Kolken, en oan 'e hegere lannen twisken Ljussens en Eanjum joegen dy strielen in skril en huverich oansjen.

En mei de joun waerd it der net better op. It boaze al mar oan; it like, de wyn wier fen doel alles omfear to reagjen. Kreakjend suchten de beammen fenwegens de geweltige wynskoerren, en de hûskes, de licht opboude wentsjes fen 'e lytse Ijue yn dizze kontreijen, skodden op hjar founeminten.

Hjir en to dêr stoppelen de reiden tekken al op, naem de wyn by 't earmfol dekking mei en saeidit alle kanten út en de loft yn.

Ek de greatere spillen hiene gâns to lijen, bynammen as

hja al in inkeld jier mei west hiene. De âlde forfallene huzinge, healwei Ljussens en Eanjum, wier de iene side al hast heal fen leechwaeid.

Wier der den gjin manfolk om mei touwen en peallen it toteistere dak to bifeiligen?

Lit ús dêrta efkes yn 'e wente gean.

Sjuch, dêrre, yn de fierste hoeke op in striegeger, tadtissen mei tekkens, dy't tsjûgje, det hja út in bettere tiid fen komôf binne, leit de man, dy't it hjir oars to sizzen hie.

Mar nou hat er neat yn to bringen: lit de stoarm syn wente tobûtsse, hy kin der net in hân nei útstekke. Machtleas leit er hjir, siik, deamin.

Dijppe tearen lizze der yn syn foarholle; syn wangen binne ynfallen; rûch en forwyldere is syn piper- en sâltkleurich bird.

Mar syn eagen!

Dêr leit noch de skittering yn fen syn foars en ânbidimme moed, mongen mei de teare ljeafde for it minske, det oan syn hollenein sit en him forheuvelet en forskeuvelet, nei't syn bigearthen binne.

In lyts setsje slommet er yn, mar skril wirdt er wer wekker.

Hy siker yn 'e skimer mei syn koartsige eagen nei de help, dy't er by him hat.

„Bist dêr, Tetta?” heas klinkt it yn 'e greate, holle keamer.

„Ja, Worp, jonge, hjir ommers, hjirre, flak by dy.”

„Soa, nou den is 't goed.”

Hy seach hjar nou ek. Klear.

Hy waerd hwet helderder en ek it fjûr yn it hirdsté lôge for in setsje fel en skerp op.

De flammen wapperen hinne en wer, al nei't de wynskoeren twirjend troch de reekkiste kamen, dy't as skoarstien tsjinist dwaen moast. De frou smiet noch inkelde blokken by 't fjûr; hja fielde, it wier sigerich en lûkerich om hjarren hinne; hwet mear waermte, it scoe goed wêze, ek for de sike.

„Och, lit it mar; kom hjir deun, deun by my,” hime de man.

„Ja, bist' minder?”

„Net det makket, mar ik leau fêst, det de ein der yn bigepen is, en nou wol ik it dy noch ienkear sizze.”

„Span dy net tofolle yn: ik wit wol hwetst' bidoelste, det fen ús trouwen en dyn famylje, is 't net sa?”

„Ja, ja,” kreunde de sike, „mar stiet it dy nou allegearre wol dûdlik foar?”

„Ik scoe sizze fen wol,” wier it hoedene andert.

Efkies bleau it stil, do bigoun er wer, lústerjend, mar dochs klear. Der wier in stille twang yn syn lûd, dêr't hja net oan ûntkomme koe. Hja woe ha, hy scoe him deljaen, det scoe goed for him wêze, mûglik waerd er den ek wol wer better, mar hy bleau ûnrêstich.

Einlings joech se hjar der den ek nei; mûglik, as er him ris útpraette, det it him forlichting oanbrocht.

O, hjar ljeafde, hjar ljeafde for dizze stoere en stege man, dy't hjir nou omtôge, wrak en machtleas.

„Siz it my den mar,” sei se mei triennen yn 'e eagen.

„Dou witst' wol, hwerom't wy trouw binne, n't wier? Om't ik fen dy hâldde, fen dy en dy allinne.”

„Ja,” snokkere it minske, „en omdetstou myn alles wierste.”

„Al wierstou ek in earm fiskersfanke, dou scoest' en dou moast' mines wirde. En dou bist' it warden, dwers tsjin 'e drings fen myn famylje yn. Dy woene ha, by heech en by leech, Worp fen Stelinga scoe in oare kar dwaen. Hja woene my ta ha Jitta Yntema fen Jarla, it Keningsbern, lyk as wy spottend seine, mar det like my neat. Dy paste net for my.”

Efkies seach vrou Tetta hjar man forwûndere oan: hjir hied er him dochs noait earder oer útlitten.

Do't de sike efkes bikommen wier fen 'e ynspanning, bigoun er wer: „En hy, neef Worp fen Ropta, dy't it my sa kwea ôf naem, det ik my forslingere oan Tetta, in fanke sûnder namme, hy mocht bliid wêze, det ik net oan Jitta rekke, sels hat er hjar letter nommen. Eft hja by him paste? Dêr haw ik altiten oan twivele.”

Wer rêstte de sike efkes, mar nou net sasear fen wirgens;

it like, eft er al dy bylden út syn jonge dagen yet ienris by folle forstân foar syn sielseach foarbygean sjen woe. En by it oertinken seach er se al folsleinder en klearder foar syn geast stean, de kinde út syn jonkheitsdagen.

„Mar dochs,” en der wier in twinkeling fen in minacht-sjende laits yn syn eagen, „ik grinde hjar him. Dy ûngestadige Yntema's! It binne ommers gjin Friezen! Hja hawwe forkeard bloed yn 'e ieren. Binne it gjin Noarmannen fen komôf? Skande, det wy it gewirde litten ha, det sok folk yn ús formidden him nei wenjen sette koe.”

Frou Tetta huvere by syn worden.

Det wier itselde fen altiten: de ôfstân, dy't der bistie twisken hjar en hjar man. Det stâns- en heechheitsbisef fen 'e Steltinga's, det hja wol oanfiele koe, mar dochs net bisiet. It hie hjar faken bineare; hja hie djip yn hjar siele field, det hja for hjarsels gjin part hie oan de hegens fen 'e Fryske adell-dom, al wier hja ek mei ien fen dy ealen fen komôf yn 'e trou forboun.

Hja hie in kreas fanke west yn hjar jeugd, — hja hie it mar al to goed witten, — dêrfendinne det Worp fen Steltinga by hjar sa lang oantoardn hie, det er mei folle oertsjûging hjar ta vrou nommen hie, mar yn hjar binneste libbe djip it bisef, det hja nea for hjar man wêze koe, hwet in Fryske ealmans-dochter is for in ealmanssoan.

Det hege, det hege! Det aparte fen oanfielen en bigripen en dêrneffens hanneljen, hja miste it en nea, né, nea koe se hjar man det gemis forgoedzje.

In Fryske ealman! Det wier Worp fen Steltinga bleaun, ek yn 'e tiid, do't alles tsjinroun. Do't de iene tsjinstuit de oare folge, lyk as de wynskoerren elkoar op dizze ûnljige hjerst-joun.

Hie hjar swakkens en minderweardigens fen geast him wolis hindere?

Hy hie it hjar nea skine litten; mar eft er djip yn syn ge-moed him altiten bifredige field hie oer hjar oars en minder

wêzen, hja bitwivele it tige. Faken hie hja bisocht ek to wêzen lyk as hy, mar hja koe it net, hja wier it net by machte.

Hja scoe it him wol freegje wolle, daliks wol, mar det koe net, det mocht net.

En dochs, hie se der gjin rjucht op? Wier se net syn vrou, forboun oan him mei de prysterlike segen?

Hja scoe hwet freegje, mar dochs, hja liet it. Dit geheim scoe wol mei hjar man yn it grêf bigroeven wirde moatte.

De sike laei nou in setsje stil.

Beide harken hja nei de wynfleagen, dy't troch de kreak-jende beammen skoerden en it wier hjarren sa bang, sa bang.

En hjar tinzen gyngen ek werom nei de jierren, dy't foar-by tein wierne. Jierren fen libbensfreugde, jawisse, mar ek fen libbenssmert. Hwet wierne der hjarren al in stoarmen oer 'e holle waeid, stoarmen, dêr't dizze skoerwyn fen joun mar in sigentsje by wier.

Hwet hie it to'n earsten in freugde west, do't hja trouw wierne en hjar kamen to wenjen op it fen de âlders irven spil, de foarfaderlike state fen 'e Steltinga's. De fiskermansdochter wier in ealmansfrou worden en mei in wûnderen wille wan-nale hja dy earste tiden troch de grote keamers fen it âld gebou. Ja, âld gebou; it wier to wrak om al de stoarmen fen forskate neuwinterfleagen troch to stean en it wier alris for in great part ynwaeid, itselde jiers, do't der sa'n stjerte wier ûnder it fé en der fen it gemaek fen 'e bou sa'n bytsje tolânné kommen wier, det it moast fen need folle bihindiger wer op-boud wirde: it like nou neat mear op in statehuzing, it wier fen oansjen in âld, unbidich brekfallich boerehûs worden. Hwent hja hiene it yn 't earstoan der ek to goed fen nommen en do't de tsjinstuiten kamen, hiene hja der net mear tsjin bistant west.

Hwet hiene hja de earste tiden ek lokkich west mei de bern: trije famkes en twa jonges, jonges, dy't ienkear de namme fen 'e Steltinga's heech hâlde moasten; hwent Worp fen Steltinga wier de iennichst oerbleaune fen syn skaei,

allinne oan dizze soannen scoe it tabitroud wirde de âlde namme foart to setten yn dizze kriten fen East-Dongeradiel.

Mar . . . de famkes wierne forstoarn, de iene efter de oare, en de iene soan, Doaitzen, wier troch it iis sakke en jammerlik oan 'e ein kommen, towylst de oare, Jetse, do't er sauntjin wier, rekke wier troch in fordwaelde pylk, ôfsketten fen ien fen Worp fen Ropta syn feinten . . .

Hja wierne beide mei hjar tinzen by itselde punt oankommen. En lûdop sei er: „Noch leau ik neat oars ef Worp fen Ropta hat it sa biskikt, det wy ús Jetse forlieze moosten. O, dy loebes! Hy liet syn neef hiel ynfieren syn meifielen witte by de ramp, dy't him troffen hie; mar mienste, det ik it leau? Gjin hier op myn holle, dy't dêr oan tinkt!” en hy woun him op.

„Och, dou moatst sa net: jow dy del!” bisusse hja.

„O, ik haw him yn 'e lampe, dy Worp fen Ropta, lyk as ik him altiten al trochsjoen haw. Hearskje moat er, hearskje! Det is syn iennichste doel. Hy moat baes wêze yn East-Dongeradiel en dêr moatte alle oare ealljue hjar ûnder deljaen.”

En al wer die it vrou Tetta oan. Det greatske, det aedlike bloed, dy hegersteanden, dy't yn 'e groun fen 'e saek oars gjin minsken kenne woene as hjar gelikens en dy't meijens dy evenminskens sa min forneare koene!

Hja suchte.

Mar hy bigriep hjar net en mei it lêste bytsje krêft yn syn lûd, dêr't er noch oer to biskikken hie, rôp er: „O, Worp fen Ropta, dou dytst myn neef biste! Ik ken dy, ik sjuch dy troch; mei mûlist en gewelt slachste del, dy't dy yn 'e wei stiet, en mei liepens en fluenskens forbynst' oan dy, dy't dy neat leare kinne, mar dy't hjarren brûke litte om dy op it plak to helpen, detst' dy foarsteld haste.”

En yetris suchte vrou Tetta.

Hja bigriep it. Ho koe hjar man dy Worp fen Ropta sa goed trochgrounje? Wier it net om't hy wier fen itselde bloed? Hie syn mem ek net in fen Ropta west? En hiene dizze beide

Worpen yn 'e groun net ien west yn bidoelen, al hie de iene dêr in folle nommeler en better wei for ynslein as de oare?

En ek: biskildige hjar Worp de Yntema's fen Jarla's net to skerp? Hiene Worp fen Stelinga syn heit Jelko en syn pake Menso net allike ûnevenredich west? Wierne det den wol rasechte Friezen? Siet it him dêr net krekt yn, det Worp syn each falle littin hie op it fiskermansbern?

Mar hja swei. Hja woe it hjar man net noch swiederder meitsje mei hjar tsjinabbelearjen. Hja bisocht yetris om him del to bêdzjen. Mar dêrtsjiny wier syn stimme: „Hark nouris goed: ik wit, ho't dy Worp fen Ropta my altiten hate hat en nou, nou moat ik stjerre en hy scil der bliid om wêze. En om't wy famylje binne, scil hy mûglik komme mei in swiet praetsje en him foardwaen eft er dy fortreatsje wol. Mar leau him gjin amerij! — hast' my bigrep?” As dwylsinnich kamen dizze worden der út. De vrou koe oars net as mei in knikje to forstean jaen det hja him fette hie.

En mei skokken brocht er der fierder noch út: „Hy hat mar ien doel, hy wol regearje, en alle ealljue út 'e Dongeradielen wol er oan syn foetten hawwe. „Mitselwier moat it formidden wirde!” hat er sein, en den doelt er op Roptaslot, dêr bidoelt er him, Worp fen Ropta, sels mei.

Unnoazelen, dy't soks net ynsjugge. De Holdinga's hjirwei, hwet haw ik se faek warskôge, mar hja jowe hjar del, dy swakkelingen! Eanjum, ús Eanjum, rekket in reed binefter en Mitselwier wint!”

En yetris suchte vrou Tetta. Och, hja wist wol hwerom de Holdinga's hjarren net troch in Stelinga warskôgje lieten. Fen âlds hie der ommers skeel west twisken dizze beide slachten, en de tsjinpartij lake yn syn fûstje, det it mei de lêste fen 'e Stelinga's allegearre sa earslings roun: hja seagen yn 'e rie fen Worp fen Stelinga neat oars as in bisykjen om sels ta mear gloarje op to klimmen.

En yetris swei vrou Tetta. Op hwet manear scoe hja útring jaen oan hwet der yn hjar herte omgyng?

Hy mirk it net sasear op, wei as er wier yn syn eigen tinzen en do't er oan 'e tried, dy't er efkes loslitten hie, foartspinne koe, bigoun er wer: „Dos, dou litst dy yn gjin gefal fortreaste troch dy Worp fen Ropta! Ik wol it net lije. Hy hat der in doel mei. As ik dea bin, kin ik him net mear yn 'e tsjellen ride, en as er dy yn 'e wieling nimit, den kin der ynfloed fen dy útgean op ús frjeonen, det de ljue tinke: dy Worp is noch net sa'n ûngaedlike keardel, om hjir yn ús gea to hearskjen.”

Frou Tetta moast der winliken wol om glimkje. Ynfloed op 'e frjeonen! Och, dy frjeonen wierne der tin siedde, en strakaenstouns, as Worp wei wêze scoe, nou, den scoe der fen de measte hjar frjeonskip wol in kromke mear oerbleaun wêze.

Mar de sike mirk neat fen it drôve glimkjen fen syn forsoarchster en forfette nei in skoftke rêtst: „Der is mar ien man, dy't him stean kin, dy't him trochsjucht lyk as ikke; mar dy iene, ho slim as Worp fen Ropta him en syn famylje ek tonettele hat, dy iene man hat krimp jown en scil de striid nea wer oanbine. Dy suffert!

Dy iene, dou witst wol, det is myn oare neef Worp, Worp fen Sjoarda fen Nijtsjerk. Ropta hat op in bisliple manear al de lannen fen 'e Sjoarda's by syn eigen State litsen en ynpaleats det de iennichste erfgenamt him soks bitelle sette, joech er him del yn — in Kleaster!” hy sei it mei djippe minachtinge.

„Mar jonge,” bigoun Tetta, „yn it Kleaster libje, det is God tsjinje!”

„God tsjinje!” foel er hjar tsjin, „in Fries tsjinnet God op 'e jacht, hy stelt de wacht for syn famylje, syn hûs en hawwen, syn vrou en bern, hy striidt dêrfor, as it wêze moat, mar hy sit net yn dy giele parkeminten om to sneupen. Alteast in Frysk ealman net. Det is it plak net for in warber man. Dêr hearre frouljue thûs, lyk as yn Sion by Nijewier, dêr kin ik yn komme — mar in man, in Frysk ealman, yn in Kleaster!! En den noch wol ien, dy't safolle oan 'e neitins fen syn heit

goed to meitsjen hat! Né, ik kin der net by! Worp fen Ropta bigryp ik, mar Worp fen Sjoarda dêr kin ik mei myn forstân net by! . . .”

En wer wist vrou Tetta net hwet se sizze scoe: yn hjar wier in stimme, dy't hjar oantrune om hjar man to wizen op God, dy't wy altiten to tsjinjen hawwe, mar de skrutenheit fen hjar minderweardigens hâldde hjar ek hjir fen tobek, al fielde hja wol klear de needsaek.

„Der is mar ien man mear oer, dêr't ik myn hope op festige haw, mar ik wit net eft dy for dizze taek birekkene is: Joeke fen Helbada . . .”

„Joeke fen Helbada!” Mei in gjalp kaem dy namme it minske út 'e mûle, „Joeke fen Helbada! Dy glûpert? Dy fijân fen alle rjucht en wet?”

Nou wier it tiid for Worp fen Stelinga om to suchtsjen. Sa slim as syn vrou it ôfbearde wier it net, mar dochs, dy Joeke hy hie hwet oer him, det fier fen noflik wier. Ja, as hy der planút for útkomme moast, den scoe hy sizze moatte, det er, sa goed as er Worp fen Ropta trochseach, hy ek Joeke fen Helbada yn 'e rekken hie; en det hja beide itselde doel hiene: hearskje, hearskje yn East-Dongeradiel; en stie it karakter fen Joeke fen Helbada noch net folle leger as det fen Worp fen Ropta? Wier hy net helte glûpsker en gemiender?

Mar dochs, dêr woe er net oan tajaen: hy hie, ek op syn stjerbêd, mar ien doel, en det wier: de fal fen Worp fen Ropta.

Frou Tetta bigriep nou, hwet hjar in wike-mennich lyn in great riedling west hie: det hjar man wol gauris mei dy skarlún fen in Joeke fen Helbada op-en-út wier, dêr siet hwet efter: in bisiikjen om Worp fen Ropta út it seal to lichten.

It praten hie de sike tige ôfmêd.

Bûten gyng de wyn tokear mei deselde faesje fen nou al mennich ûre. En hy krike aloan mear macht, hwent hwet hy stadich-oan loswriggele hie, koed er op 't lêst yn ien flap meinimme de loft yn.

It wier in binaud by inoar wêzen, det fen dy beide minsken yn it iensure hûs op 'e romte, wylst de wyn sa heftich tokear gie.

Frou Tetta tocht oan de Machtige, Dy't wyn en stoarm en alle ding regearret, en wol skruten, mar dochs mei clam brocht se it der út: „Wy scille dochs forjaen moatte, Worp! It is Gods wollen net, dy erflike striid.”

Mar sels op 'e rânnē fen it grêf bleau de sike deselde.

„Ik wit wol, hwa't dy det ynflûstere hat: dy pryster fen in Easge fen Eanjum, mar sok folk wit neat fen it libben ôf. En witst' wol, det ús foarfaers it safolle oars seine? De helten yn 'e striid scoene droegen wirde nei it Walhalla! Det is oar praet as fen 'e Christenminskens. Ik haw heit en pake der wolis oer heard. Dy stiene it Christlik gelove net sa rjucht. Ik wit hast net, hwet ik der fen tinke moat.”

„O ja, o ja,” jammere vrou Tetta, „mar ik wit it wol, myn heit en mem binne mei det gelove tige lokkich hijr weireizge.”

„Dyn heit en mem,” woe Worp sizze, mar hy bitocht him. Mocht er hijar to binnen bringe, det hijar heit en mem fen leger komôf wierne, en dos ek mei in oar gelove takoene? Det scoe hijar sear dwaen. Dêrom bleau it mei him by in swiere sucht.

„En ik scoe sa graech wolle, detstou dyselde frede for dyn siele hawwe mochste,” sei it minske oandien.

„Ik haw frede,” sei er stûfwei, „ik haw frede, tominsten mei myn tastân, mar ien ding moeit my: ik moat dy forlitte; ûnforsoarge moatstou fierder. Us goed is mei al dy tsjinrampen sa fel bilune, det nou't der gjin mânseardel oerbliuwt, nou scil it dy swier falle om troch de tiid to kommen. O, det deart my sa oan. Mar as ik hijr wei bin . . .”

Tetta skriemde nou sêft.

„Mar as ik hijr wei bin, scil der miskien in inkeldenien noch om dy tinke. Hear Pastoar hie it dêr ek oer. It kin wêze detst' hwet oannimme moatste. Mar ien ding, ien ding moatst' my ûnthjitte: nea, né nea, ien koarrel dy yn 'e hannen stopje litte

fen dy Worp fen Ropta. Det scoe for him de greateste oerwinning wêze: it him nei dy tabûgjen, om de widdou fen Worp fen Stelinga in gave ta to krijen. Yn gjin gefal moat hy him dêr op biromje kinne.”

Noch skriemde vrou Tetta.

Der wier hwet yn hijar, det yn opstân kaem tsjin de warden fen hijar man. Hja wist sels net hwette. Wier it om't hja fen minder komôf wier, ef wier it in better oanfielen fen 'e eask fen Christus?

Hja koe it rjuchte antwird net fine. Dêrom joech se hijar man ek daliks gjin biskie.

Mar hy twong hijar, mei syn warden, twong mei syn eagen: „Ut noch yn net fen Worp, hast' it heard?”

Noch swei vrou Tetta.

In nije wynskoer bearde om it âlde bouwirk, in swiere tûke fen in beam foarhûs gisele der ôf en sloech tsjin de gevel oan. Heech sloegen de flammen yn it hirdsté op, det de bjusterbaerlikste figueren fen Ijocht en skaed troch de wenkeamer dounsen.

It bisette de sike.

Hy hie him tofolle ynspond en den de oerstjûrens fen it waer dêr oerhinne. Machtleas laei syn holle tsjin it kessen oan en syn koartsich-skitterjende eagen foelen ticht . . .

Hy hat se net wer opdien.

De oare moarns wier de wyn folstein bidarre.

Yn 'e huzinge twisken Ljussens en Eanjum laei de lêste fen de Stelinga's ek folstein stil, al wier it libben der yette yn. Earst de middeis reizge er hijr wei.

Syn vrou hie hiderkearen bisocht om him noch to wizen op de frede, dy't alle forstân to boppen giet, frede troch it Krûs.

Eft er it ek forstien hat?

II.

DE WRAKE FEN HELBADA.

Dyselde moarns stie Joeke fen Helbada op syn hoarnleger, stoarre ris yn it roun en seach omhegens by syn hûs, syn skûrre en bygebouwen op.

It wier him noch mar ris bêst ôfgien. Neat gjin haverij ef sahwethinne. Jisterjoune wier der al in hoekje fen it tek opstoppele, mar syn beide jonges, Sjûk en Sake, wierne as katzen dêrby opklaud en hiene it spil yn in geswint wer fêst.

Det hie waeijen west! In âlderwetske stoarm!

Mar syn hûs wier sterk en goed ûnderhâlden, den kin it in stjitsje útstean. Wakkerse selsfoldien stapte er op it hiem om.

Hjirre, op dit sté, hie hy it to sizzen, hjir, yn dizze ôfgelegen hoeke fen East-Dongeradiel ûnder de klokslach fen Ingwirrum.

Hjir hie er neat to meitsjen mei dy hearsker fen in Worp fen Ropta, dy't alle doarpen en saten en staten fen East-Dongeradiel wol ûnder syn kommando hawwe woe.

Mar him, Joeke fen Helbada, krike er net ûnder 'e kwint. Dêr scoe Joeke wol in skoatteltsje foar strike. Bûtendet, mocht Worp in útsliepte gast wêze, hy, Joeke, doarst it wol weagje en set liepens foar liepens oer. Gjin twivel oan, hwa't it op it ein nochris woun oan dizze kant fen Djipt en Donge, al joech it bytiden in faei bisteau.

Yn elts gefal, foarearst fielde Joeke him aerlich feilich yn dizze oarde fen eilannen en sompen. Men moast hjir al bikend wêze om goed it paed to finen.

Fredich glimke it hoantsje fen 'e Ingwirrumer toer dêrjinsen yn 'e moarnssinne. It wier moai, sels Joeke fen Helbada hie der each for.

Mar dochs, hiderkearen wier er mei syn tinzen by dy Worp fen Ropta.

Op hokfor manear kin er dy lytsman meitsje?

It is him in doarn yn it each, det dy persoan al greater en greater wirdt en lân by lannen lûkt.

En dêrby, sa'n ynfloed! Moarre en Ljussens en Eanjum en Nijtsjerk en Nijewier, it dounset allegearre nei de pipen fen dy hege hear op it Roptaslot. Ja, in slot is it, dêr't er wennet, deftich en steatlik fen oansjen: is it wûnder, det de hûsman en de mindere ealman him graech foeget nei de winsken fen 'e greate man, dy't dêr it regeard hat? In stins, lyk as der yn hiele East-Dongeradiel gjin twadden to finen is! Né, dêr kin sels de sterke huizinge fen Joeke fen Helbada net by yn it skaed stean.

En ek syn ynfloed net.

Rikt dy wol folle fierder as dit unnoazele Ingwirrum en de helte fen Ie?

Oars moat it en oars scil it!

Op de iene ef oare wize moatte dy Ropta's der ûnder en Helbada scil bisikje det er boppe hjar komt. Hawwe de Helbada's net jimmer bitûfte en dappere keardels west fen âlde dagen ôf? Wol nou...

Bynammen de lêste jierren fielde er him sterker worden. Wierne syn soannen Sjûk en Sake gjin echte Friezen, keardels as beammen? Dych er net alle war om hjar de hate tsjin de Ropta's op 'e rjuchte wize yn to jitten?

Min sinnige it him, det Sjûk syn heite leksums net altiten opfolgje woe. Dy hie hwet fen it Yntemabloed fen memme kant yn him.

Dy Yntema's fen Eastrum en dy Jarla's fen Wetsens! Hwet wierne my det for keardels! Hjir hjar delsetten út Noarwein wei en nou't se hjir wennen, wierne my dy minsken krekt oarsom worden as hjar plonderjende foarfaers: in goedaerdich slach fen minsken, dy't mak en kalm hjar deljoegen mids hjar landerijen, dy't oer yngripen yn 'e dingen fen dit lytse steat-kindige wrâldtsje hjar net bikroaden en alles ljeafst by it âlde lieten. En dy't dochs ek wer bitûfte mannen wierne en yn frede en wolfeart hjar dagen trochbrochten.

Det Jarlabloed en dy Yntemabidêstens! Hy koe it net forneare. Hy woe Sjûk somstiden wol trochinoar skodze en rop him ta: wird wekker, jonge!

Wird wekker! Det sei er nou ek tsjin himsels. Wird wekker, stean hjur net to dreamen en gean it fjild yn, dêr is altyd wol wer de iene ef oare, dy't in oanfitering hawwe moat.

Hy helle syn trou âld guds út 'e finne, bikloppe en bipoetste it bist en siet foart dêrnei yn it seal. De moarns wier er by al syn folk en frjeonen lâns, praette loftich en flot, joech hjur in oanmoediginkje, dêr in torjuchtwizing, mar altiten sà, det der for him gjin skea yn sitte koe. Hy moast de minsken ûnder de bitipeling hâlde, det hy it sa goed, sa echt goed mei hjaren miende.

Dy middeis reizge er hoeden fierder.

O, hy koe al de paedtsjes twisken Ingwirrum en Ie en Eanjum en Ljussens, hja stiene allegear opskreaun yn syn fêst únt-hâld; dêrom koed er altiten sùnder al tofolle soarch him op in paed jaen, rjucht op syn doel oan.

It doel wier nou, lyk as al in reismennich earder: Worp fen Steltinga.

Net om dy Steltinga sels, dy wier him fierstento rounút, mar om't er him sa skoan brûke koe yn syn striid tsjin de hege Hear fen Ropta. Hy, Joeke, hy scoe syn slach slaen mei it skeel, det der bistie twisken de beide Worpen. Det skeel, sa hie er it bihindich útfikeleare, hy scoe dêr fierders selsumse moai syn doel mei birikke kinne. Noch altiten wier er bliid om 'e dei, dy't him det skeel oan it Ijocht brocht hie.

Hy hie nou yn gjin trije wike mei Steltinga redendield, it waerd ek ris heech tiid.

Do't er tichteroan by it hûs kaem, bisoude er der fen. Hwet laei it der allegearre forinnewearre hinne. En net ien, dy't in hân únstiek om de boel op to rêdden en de iepenwaeide skûrside wer ticht to meitsjen.

Alles sa geheimsinnich stil eft der gjin minske hûsmanne. Hy kloppe oan.

Sêft waerd de skoattel fen 'e doar stritsen en dêr stie vrou Tetta foar him, ynbleek en mei forwyldere eagen. Do't hja Joeke seach, dych hja in stap tobek. Dy man hjurre, en op dit stuit! Joeke mirk it wol allegearre, mar follein master oer himsels, frege er: „Tetta, ho is it? Kin ik efkes mei Worp prate?”

„Worp,” sei se dof, „Worp is forstoarn. Sa pas...”

Dêr biloek Joeke dochs fen.

Forstoarn! — en nêst trije wike miskearde der him noch neat.

„Det is hastich gien,” sei er, „hat er noch hwet lein?”

„In dei ef acht,” sei se, „hear Pastoar sei: as er de njugende dei mar hellet, mar it hat net sa wêze mocht,” en mei moeite koe se hjar bitwinge, lykwols, om dizze man woe se it safolle mooglik.

„It moeit my; it moeit my tige om jo, Tetta,” sei er. Der wier hwet waerms yn syn warden en it lêste miende er ek.

Tetta koe hjar net oan de ynfloed fen syn wize fen sizzen úntwine, mar dochs, ienfâldich wei sei se: „It is in tige slach.”

„Ik haw der mei to dwaen; ik hoopje jo ek net to forjitten,” sei Joeke, joech de widdou de hân en stiek ôf.

Hy hie miend hwet er sei, mar do't er in eintsje út 'e reek wier, skodde er alle neare tinzen oer it hastige forstjerren fen Worp fen Steltinga wer fen him ôf. Mar dit bleau him klear by: nou kin ik Steltinga net mear brûke om Ropta lyts to krijen.

Heal sùnder doel doarme er om. Ut 'e fierte wei biseach er de doarpkes en hûssteden, dêr't Ropta nou it biwâld oer hie. It wier allegearre like kreas yn oarder en it laei sa geryflik. Dy oarde like him folle oanloklicher ta as dy fen syn eigen kontreijen.

Do't er op 'e joune Ie wer yn 't sicht krike, seach er yn 'e fierte in persoan op in hynsder oankommen. Dy hâlding en dy guds, it wol him foarkomme, hy hat se wolris earder sjoen. As er hwet krekter tasjucht, wit er it opslach: it is Doait-

sen, de iennige soan fen Worp fen Ropta. Hy is allinne.

En ynien hat Joeke syn plan ré. Hy kin nou útfiere, dêr't er lang al op ombret hat.

Scil er him efter de beammen forskûlje, om sa syn slach to slaen?

Ut syn aerden scoed er der malle skoan ta komme kinne, mar syn ealman-wêzen komt der tsjin yn forset. Ja, der is sels in stimme yn syn binnenste dy't seit: lit dy jongkeardel gewirde. Is it net in golle jonge, fij fen alle skeelsiikjen en partijskip? Lit him in Ropta wêze, hai syn mem net in Yntema fen Jarla west, ien fen det sêftaerdige folk, dêr boppe Wetsens wei?

Efkies hâldden dizze tinzen him tobek, — do kaem mei nije faesje de âlde wraek wer boppe: „Doch dyn slach, it is nou de gelegenheit, nea krigest sa'n gaedlike kâns wer.”

Hy jaget syn hynder wyld op Doaitse fen Ropta yn.

Dy sjucht him oankommen.

Hwet wol dy gystene ruter?

Helbada! — Yn dy namme leit alle forkeardens for him bisletten.

De rounûte jongfeint hat in grote wjeraksel yn de glûperige hâlding fen de fijân fen syn hûs. Hy bigrypt it folsein, hwerom syn heit Joeke net lije mei. Ja en nou komt er dêr wyld oanjeinen, de man, dy't er oars noch net as ynfiemen sjoen hat. Dit is de wiere Helbada; de Helbada, dy't de minsken koene, wier mar in drôchbyld, tinkt er.

It scil dos nou wêze: der op ef der ûnder.

„Stean dou!” tongeret Joeke him tomiette.

„Hwet wolle jo fen my?” En hy taest út 'e gewoante wei nei syn side.

Om 'e nocht: hy is sônder wapens.

Yn 'e jounloft scoe er him hwet fortraepje, it wier sa'n freidige hjerstjoun, ho scoe er nou oer in forsteuring prakkesearje kinne?

Hy wist oars wol better. Rounom yn Fryslân wier it fjuchtsjen en kreauderij. Sels hied er it meimakke en heit hie der

him fen forteld. Mar heit sei der altiten by: yn Dongeradiel moat it frede wêze.

O, hy wist wol hwet heit dêr mei bidoelde. Frede, ja, mar den Worp fen Ropta de baes oer allegearre. Frede, sônder tsjinpartiders.

Allinne, dy glûpske Helbada! Dy hie him net deljown en det scoed er ek net dwaen.

En nou stie er hjir: lyk foar him oer, en hy seach de hate yn it fûnkelseach each.

„Stean, ast' in Fries biste!” balte Joeke.

„Ik bin in Fries sa goed as jo,” is nou it fêste antwird.

„Ast' in goed Fries biste, den doarst' ek mei my fjuchtsje.”

„As it wêze moat, den wol,” is it moedige biskeid.

„As it wêze moat! — Nou, lit it den daliks mar wêze!” En hy swaeit mei syn swird.

Doaitse sjucht ho't it tinken wirdt.

„Gemiene glûperd,” klinkt it mei forachting.

„Hwa is gemien, hwa is in glûperd?” stout Joeke op, wylst er ta slacht.

Doaitse ūntwykt de hou, swaeit syn hynder tobek en oer-side. Hy scil bisykje Joeke syn guds omfier to jeijen om den syn tsjinstanner it swird to ūntwringen.

Hy hat him mei syn sterke earm al by de pols, dêr, ynienen docht Doaitse syn hynder in misstap.

Nou is Joeke yn 'e foarkâns. Fûleindich swaeit er it glinsterjende swird troch de loft en slacht Doaitse de rjuchter-earm ôf, det in brede bloedstream him by de lea lâns gjalpet.

„Gemiene glûperd!” ropt Doaitse yetris. Hy siedt fen forwoedenens. Dochs, op itselde stuit, falt it him yn, hy moat sa dêrmei foar in Hegere Rjuchter forskine en mei it each nei boppen kermet er nou: „O, myn God!”

Nou tataeste, huilet it yn Helbada en hy stekt syn fijân yn it hert, det er rocheljend efteroer fen it hynder trûzelet.

Noch ienkear sjucht Doaitse mei brekkend each nei boppen en den is it foarby.

Forachtlik skopt Helbada it skeinde lyk by de wâl del yn 'e slinke.

It hynder lit er syn gong gean. Is er net in Fries? Scoed er him forrykje mei it eigendom fen syn fijân? Né, hy scil it op 'e dea, net op it goed fen syn tsjinpartij talizze. „Soks lit ik oan Worp fen Ropta oer,” tinkt er.

Lit it hynder oan de hege man op it slot mar de tyngé bringe fen it fallen fen syna Doaitsen. Den wirdt it boadskip yn elts gefal noch troch in fortroude boade brocht.

III.

DE SLACH, DY'T OANKAEM.

Yn 'e stillens fen 'e joun stie de machtige Hear fen Ropta op syn terp to mimerjen. Hy wier den nou kommen op 'e hichte, dy't er yn syn jeugddreamen him foarspegele hie. Wizer scoe er wêze as al syn maten en heger kliuwe as ien fen hjarren. Delslaen, dy't tsjin him stiene en oan him forbine, dy't him folgje woene, mar hy sels scoe op in distânsje bliuwe, heech, heech boppe de oaren út. Hy moast *allinne* wêze, hy moast allinne stean, den earst kin in minske hearskje. En hy *woe* hearskje, hearskje yn East-Dongeradiel.

Hy hie ommers alle kânsen op syn side. De Keizer fen Dûtsklân, dêr't dit lân oan tabihearde, wenne wittende fier ôf. Hwet hjir úthelle waerd, it bleau wol biditsen foar de eagen fen it Höf dêr omfierrens.

Dit East-Dongeradiel wier mar in úthoeke fen 'e wrâld, lyk as syn vrou faek sein hie. Mar dy sei it mei in kromke fen dy hege forachting, dy't in echt-aristokratyske natuer eigen wêze kin. Hwent o, yn dy sêftmoedige Jitta wenne sa'n hege en fynfielende geast en hja wist sa yn in inkeld wird hjar minachting to uterjen oer dingen, dy't for oaren, ek for him, Worp fen Ropta, bigearlik liken. Hy hie by hjar libben altiten sa field, det hja mei hjar tearder ynslach, safollesto wider

eachweid hie as hy, de man fen it wird en it swird.

En dochs, hy tochte der jimmer mei wémoed oan, det hy hjar misse moast, — nou al forskate jierren laei hja to Mitsuvelier yn 'e tsjerke bigroeven.

Mei staesje hie er hjar bigrave litten; it moast steatlik lykje: de vrouwe fen Ropta, fen hjarsels in Yntema fen Jarla, hie ek yn hjar dea noch rjucht op hwet greats.

Mar sûnt hy syn sêftmoedige, heechsteande help miste, wier hy aloan fierder op syn eigen dwylpaed foartwannele.

By him waerd alles oanlein op det iene, dêr't er alles by need by opsette woe: macht, macht yn 'e earste pleats for himsels, om dy den letter oergean to litten op Doaitsen, syn iennichste soan en stamhâlder. En as dy den ris in goed houlik die mei in Haringsma fen Holwert, ho heech scoe den syn hûs net yn oansjen stige!

Doaitsen! En dochs wier der hwet yn dy jonge, det him net sinnige. Hy wier to min in Ropta en tofolle in Yntema fen Jarla, syn tearbisnaerdens scoe him tobekhâlde op it stuit, det er tapakke moast. Den scoe hy syn kânsen foarbygean litte kinne.

Yn syn sêfte Jitta hie er soks op kinnen, dêrfor wier it in vrou, dêrfor wier 't ien út it yn syn each ûnevenwichtige Jarlaskei, en yn Riemke, syn dochter, misstie it ek net, mar mei Doaitsen moast it oars wêze.

Allinne, ien ljochtside wier der oan sa'n karakter. Hy scoe by it âlder worden net sa gau nei de leije gripe om dy út syn heite hanner wei to skoerren.

Lange, lange jierren scoe hy sels noch it biwâld yn hanner hâlde kinne, en op 't lêst, op 't lêst yn frede lizze by syn Jitta. Hwent hjar hie hy ljeaf hawn mei in wûndere ljeafde. Hja hie him sa nei stien.

En dochs, simstiden koe er der bliid om wêze, det se op middeishichte forstoarn wier. Hja, mei hjar sêft aerd en bigripende eagen, hja koe him en hja wier him oermânsk; hy hie freze, hy scoe it op 'en djûr net forneare kinne, det se

hjar tsjin de hearsksuchtigens fen hjar man stelde, om't, ja,
om't hy yn hjar eagen net in hearsker fen komôf wêze koe.

En den it oare wûndere yn det sêfte minske: ek sy hie mar
ien winsk, in hearskerswinsk, hjar fen 't bloed en hjar frou-
wêzen mijown: hja woe *him* bisitte, alhielandal hâlde for
hjarsels, ljeavje woe hja en ljeave wirde. Stil en bidêst woe
se it geniet hawwe fen it rëstige libben aan 'e side fen in man,
dér't sy by opsjen koe, mar dér't se fen winske, det er noch
ûnder hjar ynfloed omgroeije mocht ta in better en heger-
steand minske. Mûglik, mûglik det hy den yn hjar each bi-
kwaem wirde koe ta de taek, dy't hy him op in makliker
wize foarsteld hie, yn hannen to krijen.

Hy hie field, hjur scoe de botsing komme kinne en dêrom
hie er him, do't er oer de earste smerte fen it skieden hinne
wier, safoldesto makliker yn syn forlies skikke kinnen.
Hie it God sels net west, dy't syn Jitta by him weiroppen hie?
Wolnou, syn aerd hie er hâlden, en det scoe er nou bodjaen,
heech scoe er stean, heech — allinne!

Stil en yn folle frede laeijen de lannen en pleatsen om him
hinne. De lêste strielen fen 'e jounsinne boarten mei it hoantsje
fen 'e Moarster toer, det hja glinsterje lieten mei in readige
wjerskyn. Hwet in hearlichkeit, hwet in rêt! It makke him
for in lyts setsje dochs weak. O, det oangripende fen de
machtige natuer! . . .

Hommels sjucht er op. Hwet nou? Komt dêr de blês oan-
kreupelen, it hynder, dér't syn soan sa troch'en dei mei op
en út is?

It hynder blesseard en syn soan der net op?

Hy kriget it hynder, kloppet it op 'e hals, sjucht nei syn
kreupele poat, dér't in flôdze fel by delhinget en merkt, ho't
it hiele beest mei bloed bispat is.

Ho moat er dit toplak bringe?

In freeslik formoeden komt by him op. Scoe Doaitsen . . .
Daliks ropt er syn feinten.

„Gean mei, sykje rôd, folge de spoaren fen it bloed,” hea-
zich klinke de warden hjarren tomjitte. Yn in omsjuch steane
se mei hjar fjirtsjinnen ré om der op út to gean.

It paed wiist fensels. It binne oeral de bloeddrippen, dy't
hjar de wei oanjowe.

En einlings, dêrre, net fier fen Ie, yn dy âld slinke by de
rigele hagebeammen, dêr fine se him, Doaitsen, dea, ûnder
't bloed!

Mei in forskriklike skreau falt Worp by it lyk del, hy tinkt
om wetter noch weaze, hy tinkt mar om ién ding: Doaitsen,
Doaitsen!

En Doaitsen is dea!

Doaitsen syn lyk leit hjur, skeind, súnder rjuchterearm en
mei dy stek yn it jonge herte.

O, ho freeslik is dit!

Hja tille de deade út 'e sodzen wei en sette him by de
trouste tsjinder op it hynder. En sa giet de droevige staesje
yn 'e skimer fen 'e hjerstjoun op de Roptastins ta . . .

Riemke hie alris in pear kear útsjoen nei it weromkommen
fen 'e mânljue, dy't sa hommels foartrekke wierne, ek yn
hjar herte wier in eang foargefoel.

Mar do't se it lyk seach, it skeinde lyk en dy ôfhoude earm,
do foel se yn swym, en it dûrre üren, ear't hja wer bykaem.
Hjar broer, hjar greate broer, dér't se sa mâl mei wier, om't
er hjar sa boartlik pleagje koe, o! en nou sa!

Dyselde joune waerd it Worp noch oandroegen fen ien
fen syn heimlike frjeonen yn Ie, det dit it wirk west hie fen
Joeke fen Helbada.

Do wist Worp hielandal net mear ho't er him hâlde scoe.
Droevenis om de dea fen syn soan, mongen mei in gleone
haet tsjin syn fijân, toskoerden syn siele.

O, hy hie it dalik op it earste stuit wol tocht, dit scoe it
wirk fen Helbada wêze kinne, mar nou't er de wissichheit hie,
oermastere de grime him folstein.

En wylst er by it lyk stie yn 'e greate foarkeamer yn it

holle fen 'e nacht, dêr't syn vrou ek forstoarn wier, kaem it oer syn lippen, wylst er de fûst omheech stiek: „Dit scil dy opbrekke, ilindige moardner! Dou hast my yn it herte stitsen, mar myn wrape scil great wêze. Bloed for bloed! En dines scil ek ienkear stream, lyk astou myn soan sines forgotten haste!”

En do foel er wer del by it lyk en skokte en skriemde fen smerte.

En wylder stie er op en forwinske it skaai fen 'e Helbada's mei in freeslike flok . . .

Do dreau der in kâlde damp oer de ierde en de silveren moanne waerd wei efter in tsjustere wolkem . . .

IV.

DE WROK FEN 'E FISKERSJONGE.

It is likernôch in jier letter.

Op in hjerstjountyd sit de widdou fen Worp fen Steltinga allinne yn hjar wente.

Hja sit to mimerjen oer al de soargen en noeden, dêr't hja mei to wrakseljen hie yn it forroune jier. It lijnen wier fen alle kanten op hjar takommen en fen 'e minsken hie hja netolle stipe kriggen.

Ien fen 'e beide kij wier stoarn, de fruchten wier netolle fen tolânne kommen. Op in simmerjoun wier alles forwâdde en plattrape fen hynders en kriichsfolk, yn 'e neisimmer hie it tige droech en skrok west, it gewaeks brocht sa goed as neat op. En sa wier de feale earmoed hjar hinnetein, hjourre, nei de oarde, dêr't yn it foarige de machtige Steltinga's wenne hiene.

En dochs, by alle droevigens laei der oer hjar gesicht in fredige glim fen stille birêsting. It wier eat fen 'e himel, as de sinne ûndergien is en der sa'n poarperen glâns oer 'e stille huzen lizze kin. It wier eat, det nei heger hinnewiisde, it wier hwet fen de rêt yn God, dy't hja tsjinne, al mocht se dy God ek mar út 'e fierte kenne.

De doar waerd opdien en in jonge fen sa'n tweintich jier stapt de keamer yn. It is in moeikesizzer, dy't oars mei fiskjen en jeiken troch de tiid moat, mar by nou en by den in wike by hjar tahâldt om ta it swierste wirk to helpen.

Hy en ien fen syn maten hiene it ek west, dy't de tohavene skûrside wer ditsen en byholpen en de âld huzing wer hwet opknapt hiene.

It praet wier al ridlik gau op 'e partijskippen fen dy dagen kommen.

„Ik moat der neat fen hawwe,” en Jitse loek mei minachtinge de noas op, „it is in binde, de iene partij safolle as de oare.”

„Tink der om, hja binne hjur troch God steld, seit fader Easge,” lei it minske tsjin him yn.

„Fader Easge!” mei noch mear forachting kaem it der út, „moajje foargonger, hy libbet fen 'e ealljue en dy kinne it nea by him bidjerre. Fader Easge, hwet fielt dy for de earme húsljue, dy't by nacht en by dei to freezjen hawwe for de skurkestreken fen de ljue, dy't troch God oansteld hjitte om oer ús to regearjen? O, ik scoe sokken wol forgrieme kinne!”

„Den wierst' neat better!”

„Né, mar den hie ik oars noch net dien as it foarbyld folgje fen ús saneamde greate mannen, dy't alles by inoar stelle en rave. O, ik haetsje se, ik forwinskje se! Hwet kin it my skele eft hja Worp fen Ropta ef Joeke fen Helbada hjitte. For de húzman is it beide itselde. Wy moatte it gelach bitelje for hwet de hege Hearen útheevje.”

„Stil jonge, stil!”

„Moeike, it is hjur op 'e romte, nimmen kin ús biarkje, en ik moat my ris úptrate; it kroppet my tsjin de kiel oan; ik ha se raven sjoen, ik ha se stellen sjoen en moardzjen en baernen, ik haw deastitsene mânljue sjoen en jammerjende frouljue en berntsjes, en praet der my nea wer oer, it binne gjin minsken, dy't sa ûnhjirmlike wreed wêze kinne.”

„Mar, jonge, dou witst' it ek wol fen 'e moart op Doaitsen fen Ropta . . .”

„Ja, ik wit it wol fen dy moart, mar moatte dêr nou by tsienen en tweintigen fen uzes om formoarde wirde? En det nou, wylst it h jit, det wy allegearre Friezen binne! Ja, ja, Friezen! En ek noch broerren, broerren yn dy Jezus, dy't troch frjeme prysters ús h jir forkindige waerd, seit pake, en dy hat it wer fen syn pake, — dy hiele broerskip is oars neat as in sé fen hate en dea en leed en ilinde.

En den de famylje! Moeike wit it sels wol. Helpt Worp fen Ropta, dy rike skevel, moeike wol ien byt? En it is noch wol in neef fen moeike!”

„Stil jonge,” sei de widdou yetris en hja tocht oan hjar forstoarne man en hwet dy yn syn lêste ûre hjar noch oplein hie. Hja hearde syn warden noch yn hjar earen súzjen: „Yn gjin gefal ien woldied oannimme fen Worp fen Ropta!” Hja hie der gjin ja op sein, hwent hja hie hwet ûnreedliks yn syn eask field, mar dochs, hja hie der wol mei ompakt.

De jonge steurde him net oan moeike hjar formoannings. Hy scoe en hy woe joun syn hetsich moed ris bod jaen. „En Worp fen Sjoarda, dy geastlike Hear, dêr yn 'e Moarster passerije? Is dy wol ien hier better? Hat dy wol ea in hân nei moeike útstissen? En dochter er wol ien hantaest om de striid h jir ta in ein to bringen?

It h jit, det it Bliid Boatskip fen Jezus Christus frede bringt, is det wol wier? Hwerom preket Worp fen Sjoarda den de frede net op sa'n wize, det Helbada en Ropta hjarren formoedsoenje? O, as ik koe,” hy rôlle de fûsten op, „ik sloech se yn grûs, allegearrel!”

Moeike skrille der fen op. „En astou se deasloechst, den wier der wer in nije moart mear folbrocht, wer mear stof ta hate jown. Scoe det better wêze?

„Moeike,” en de jonge spriek mei greate oertsjûging, „de greaten h jirre, dy dogge it. De Helbada's, dy glûperds en Worp fen Ropta, dy heechmoedige. Dy moatte oan kant. O, ik

wit net, hwa't ik it measte haetsje! Dy greatske, noartske Ropta ef dy bihindige, glûperige Helbada. As ik moarns de eagen iepen doch, is it it earste en sjuchris eft h jir ef dêr ek wer in lyts spiltsje de loft yngiet. Den wit ik, det Helbada wer hwet útrjuchte hat. Den hat er wer ien fen 'e oanhang fen Ropta oerrompele. O, ja, ik gin it Ropta, ik scoe wolle, det er strak-aenstouns gjin inkeld folgeling mear oerhâldde, mar ik achtsje Helbada syn wize fen dwaen ek troch en troch gemien. Hja prate den somtiden oer Frieswêzen, mar is det nou rouw en earlik? Yn 'e nacht de ljue it hûs boppe de holle ôfbaerne, det de minsken faken mar kwalik de dea ûntrinne kinne? O, moeike, ik forspij sokken mei hiel myn herte!”

„Jonge,” sei moeike delbêdzend, „dou moatst sa net: lit oan len de wrake oer. It is dochs God, Dy't alles regearret?”

„In God, Dy't alles regearret!” sei de jonge spotsk, „ik leau ljeaver, der is in Wodan, dy't alles mei syn hammer delslacht. Dy hat h jir op ierde it bistjûr yn hanner jown fen mannen lyk as Worp fen Ropta!”

Yn alle bitterens hied er him útspritsen. De widdou wier allinne sa nou en den him tsjinfallen, det hy witte scoe, hja wier it net mei him iens. Mar op himsels scoe it goed wêze kinne, as sa'n jonge bluistrige natuer, dy't dochs ek wer nei rjuchtfeardigens stribbe, him ris útpraette.

En nou seach se nei de wite wolkemkes, dy't heech boppe Ljussens dreauwen en dy't yn 'e folle gloede fen 'e silveren moanne sa'n teare jountiidsglim oer de himel brochten.

Hwet pronke ek it tsjerkje op 'e terp dêr yn suvere frede. It wier in wjerglâns fen 'e frede, dy't dêr Sneins yn forkindige waerd. En sa wier it nou rounom fredich en ljeaflik en frij, der dreau sa'n hearlike geheimsinnigens oer de fjilden en de moanne skynde sa helder, det h jir strielen by tûzenen wjerkeatsten op 'e reagen, dy't iverige bistkes yn ien momint fen tiid dêr hinne tovere hiene.

„Hwet is it dochs hearlik yn Gods natuer,” sei se op 't lêst, „hwet binne der dochs noch tûzenen fen woldieden, as wy se

mar opmerke wolle. Der hawwe my dit lêste jier forskate tsjinrampen troffen, ús famylje hat net nei my omsjoen, mar God hat it dochs noch sà bistjûrd, det ik alle dagen iten en drinken krike haw; en dou wierst der ek noch, myn bêste jonge," sei se tsjin Jitse.

Och, hja wist it wol, hy koe wolris raer gûd opjaen oer „dy hearen”, mar it kaem foart út in herte, det wers wier fen ûnrjucht en hearsksuchtigens.

Mar de jonge kaem net ûnder de bikoaring fen hjar warden.

„Moeike,” sei er, „en hat dy Helbada moeike yn ien ding dit hiele jier bystien, lyk as er by it forstjerren fen omke ünthijitten hat? Hat er ynpleats dêrfen hjir de hiele boel net mei syn hynders totrape, do't er op 'e flucht sloech for Ropta syn feinten? Moaije helpen, sokken!” en hy lake bitter.

„En dochs, jonge, wol ik noch tankje. Hwent God hat trou for my soarge.”

De jonge bigriep der neat fen.

Fredigens, moaije natuer en sa — hja wirken net op him yn. Syn bigearde gyg út nei iten en drinken en om in goed soad fisk to fangen en det Moeike en alle earme minsken om him hinne goed hjar brea hawwe mochten. Dêrom moast elkenien, bynammen de hege Hearen, him mei frede litte yn syn hutsje, dêr't er, sùnt it forstjerren fen syn heit en mem, mei syn beide jongere sisters húsmanne.

Do't er ôfstitsen wier, tocht vrou Tetta noch lang nei. O, it wier allegearre wier, hja libbe hjir iensem en forlitten. Dy iensemens hie faek trystich op hjar ynwirke, mar hja hie ek leard to biresten yn de wille fen in Heit yn 'e himel.

En it hie hjar oant nou ta ek noch oan neat üntbritsen, mar o, as hja oan 'e winter tocht!

Sa twisken hope en freze yn, wylst de freze op 't lêst dochs tsjin de hope bilies jaen moast, socht se hjar earmtlik leger wer op. Moarn wier der ommers wer in dei fen skrippen en skoerren to wachtsjen en scoe se der ier by wêze kinne, den moast se hjar ek yntiids nei sliepen jaen.

V.

PLANNEN EN WINSKEN.

Mei grote stappen wannele de Pastoar fen Moarre syn keamer op en del. It wirk woe net flotsje, wolnou, hy hie ek al salang oan 'e bân sitten, hy scoe it mei it wirk for ien dei mar ris op in sêft sin sette.

Boppedet, der wier gjin minske dy't him jage; hy wier syn eigen hear en master, hy koe dwaen en litte hwet er woe: nimen dy't him op 'e fingers seach.

Hy wier oars in wirksum man.

Alle âlde skriuwers hie er neisneupt, hy moast witte ho't it Christendom him yn dizze kontreijen festige hie, de skiednis fen Moarre en fen it Moarster Kleaster woe er útfiskje. Ho't de forhâldingen wierne foar oare doarpes en prysters en kleasters oer. De abdis fen it Kleaster wier him ta frjeondinne, hwent hjar ynfloed scoe him tsjinje kinne om hegerop to kommen. Dêrom moast er alles witte, fen alles de triedden yn hannen hawwe, hwent den koe hy linkelytsen ta syn greate libbensdoel komme: in man útmeitsje op it plak, dêr't er him ta bijown hie.

As men him opnaem: hwet in krêftige baes wier it, mei rjucht in soan út it âlde Fryske laech. Dy earmen, dy hannen! Hy hie slaei en stridbile like maklik hantearje kinnen as de goezzegefear.

Ja, men scoe it oan syn uterlik him net neijaen, det er in ridder fen 'e pinne wier. Allinne oan syn brede foarholle en oan dy eagen, dy rêtstige mar ek skerp stoarjende eagen, wier it to merkbiten, det der hwet mear yn him omgyng as it libben fen al den dei.

Dochs hiene dy eagen hjoed hwet ûnrêstichs. By tiden namen se alle dingen tagelyk op, sims stoarren se allinnich op ien punt, wylst dochs syn geast mei det iene punt net ienris dwaende wier.

Hy hie al in deimannich safolle to forarbeidzjen hawn, nou, hjoed, kaem it allegearre yetris op him ta en hy hie der wol aan om it allegearre yn rjuchte folchoarder foar him to stellen.

En den tocht er wer aan de forroune tiid, aan syn jeugdjiernen. Hwet wierne dy moai ynset, mar hwet wier der letter in dûnker skaed oer fallen.

Hy seach himsels wer boartsjen op it Sjoardahiem, ho't er de flinters fong en mei de hounen boarte en ho't er bytiden sa digerje koe it Westen yn, nei it sté, dêr't de sinne sa folhearlik ûndergean koe yn 'e wintertiid. Do hie it Sjoardasté great west en heech yn oansjen yn 'e Nijtsjerkster kontreijen, en syn heit wier de earste ealman fen East-Dongeradiel. En syn âlders wierne grote spitsen mei de Wetsenser Jarla's, dêr wier hy wolris in deimannich hinne to útfenhûzen. Hwet koe er dêr den boartsje op it grote hiem, deun by Donge en Jarlagat, dêr't hja sa moai fiskje koene en poatsjebaeije en folle net genôch. En den dat famke, dy Jitta fen Jarla, hwet wier it in krûdich bern. Dy hie ek sa hwet aparts oer hjar, sa hwet heechs en tagelyk hwet stils en stoarjends, . . . wier, det scoe for him hwet wirde yn forfolch fen tiid.

Syn âldere sisters hiene it wol mirken, det er mei sa'n grote biwûndering by det fanke opseach, en den pleagen se him en seine: „Worp, jonge, ast' great bist, mei hwa scilst' den trouwe? Mei Jitta fen Jarla, is 't net sa?”

Ja, det hied er sels ek tocht.

O, hy wier yn syn jeugd sa faek mei syn tinken de tiid foarút, roun. Hy stelde it hin: allegearre sa hearlik foar: syn sisters scoene trouwe, de iene mei in Eminga fen Ealsum, de oare mei in Mokkema fen 'e Hantumer-Utbûrren en de trêdde mei in Oenema fen Wierum en hy scoe Hear en Master wirde op Sjoarda, en hjir scoe er lokkich wêze mei de sêfste Jitta fen Jarla, en de Nessumers en Nijewiersters en Nijtsjerksters, hja scoene allegearre fol biwûndering opsjen by de Hege Hear op Sjoardastins.

Mar och heden! Hwet wier it allegearre in stik oars útkommen! Tsjinstuit op tsjinstuit wierne kommen oer it Sjoardahûs; twa fen syn sisters wierne net trouw, de iene wier forstoarn en de oare wier, om it leed, det Tsjeard fen Mokkema hjar oandien hie, yn it kleaster gien dêr by Nijewier, en dy't mei Oenema trouw wier, nou, dy wier der noch fierwei it ûngelokichste oan ta by sa'n boal fen in keardel.

Mar, ho heech hy him it ierdske lok ek foarstelle koe, der wenne fen der jeugd ôf ek noch in oare Worp yn 'e siel fen Sjoarda. Ien, dy't ûntfanklik wier for geastlike yndrukken, dy't him oerjaen koe oan Godsbiskôging en sucht nei in rein en heilich himellibben. In libben, det flak oerstie foar it rûge libben, det er om him hinne merkbite koe.

Yn syn jongfeintetiden wierne dy langstmen yn stille joutiden mei wûndere krêft op him takommen. Sokke tiden fieldie er him oantritsen ta it libben as mûnts. It wier dêr sa fredich efter de kleastermûrren.

Mar den hie de oare Worp wer yn him spritsen, de Worp, dy't de wrâld ljeave, en nei greatens en macht longere, en den . . . dy bigearlikens fen 'e ljeafde ta in vrou fen fleis en bloed, ta Jitta.

Lang hied er yn bistân stien. Do, hommels, wier er ta it bislút kommen, det oan syn libben de geastlike rjuchting joech.

It wier, do't it jongfolk fen East-Dongeradiel in dei meinoar op en út wier en hy Jitta ta syn faem bigeard hie en do't dy sa ûnbarmhertich sein hie: „Né, Worp fen Sjoarda, daliks net, joun mar ris sjen.” En do wier se dy joune mei Worp fen Ropta gien!

O, det ûnneigeanbere fen 'e Jarla's, dy sêftmoedige, hege, evenredige en dochs somstiden sa dwers tsjin de tried yngeande Jarla's!

Wisse, hy hie wolris fornommen hwet de folksmûle oer de Jarla's grute, mar it wier nea net sterk yn him delgjen. De Jarla's, sa woe men biweare, stammen ôf fen 'e âlde Noar-

mannen, dêr't de skrik nou, in pear hûndert jier letter, noch djip fen by it folk der ynsiet. Dêrfendinne dy steatlike heechheit by de wûnderlikste wilewaelderigens fen gemoedslibben. Sadwaende ek det Jitta him earst oanhelle, om him letter sa ûnbarmhertich ôf to stegerjen.

Do't dêrby al de ierdske soargen en bislommernissen for him opkamen, om't it âlde Sjoardahûs syn foarfaderlike glâns net mear ophâlde koe, do hied er in koart bislút nommen: hy wier mûnts warden.

Det hie in freugde west for Worp fen Ropta, hy wist it De ynfloed fen it Sjoardahûs britsen — it woe for Worp fen Ropta safolle sizze as Hear en Master to wêzen yn East-Dongeradiel. Net üngeskikt: lit Worp fen Sjoarda mar mûnts wirde! Lit dy geastlike hearen mar hwet yn hjar parkeminten omsneupe, it dwaen en litten fen de ealljue op hjar stinzen scille hja net folle oer to sizzen ha. In tsjinstander, dy't himsels aan kant set, makliker kin it al net. Mar Worp fen Sjoarda wier gjin mûnts bleaun dêr earne by Hâllum, mar hy hie it ta pastoar brocht. En sa wier er to Moarre kommen.

Dochs fielden de beide mannen de sitwaesje en hja mijden inoar. As hja elkoarren alris moeten, seach elk foar oar mar ljeafst in eigen kant út.

Beide fornamen it skaed, beide wisten ho't hja elkoar haten. Ek de geastlike yn syn ôfsûndering koe de âlde minske net sa maklik kwyt wirde.

Al kamen se ek komselfen mei elkoarren yn oanreitsing, dochs bleauwen se hjarren safolle mooglik op 'e hichte mei elkoars gongen hâlden. Worp fen Sjoarda fielde út himsels wol, ho't de man fen Ropta sa goed as alles fen him yn syn pasterij wiste, en ho't it him moeide, det syn neef net in gewoane mûnts bleaun wier, mar det er it ta pastoar brocht hie.

Hja fielden it allebeide klear, ho't hja op inoar oanlein wierne om mekoarren ôfbreuk to dwaen.

Det wier de flok fen de Worpen.

Wier der net in âlde, oerâlde profesije, dy't foarsein hie, ho't der ienkear trije Worpen komme scoene, nei yn 'e famylje en great yn fijânskip tsjin elkoarren?

Sa wierne de jierren kommen en gien.

Hy hie him hwet langer hwet mear yn syn pasterij toplak field.

Mar dochs, by de dea fen Jitta hied er efkes ynlik forhûge west: mocht hy se net hawwe, ek Worp fen Ropta hie se nou net mear yn bisit.

Mar do't er hjar yn 'e kiste lizzen seach, om't him de eare fen 'e foargong oandien waerd, do wier de âlde ljeafde noch ienkear yn folle krêft wer boppekommen, en hie der hwet wûndertears yn him spritsen, in wird fen de ynlikste ljeafde, in fieling, dy't ienkear yn elts minskelibben komt, al sprekt it net altyd op gelegen tiden.

En it hie yn him neitrille, do't hja hjar bysetten, dêrre yn it famyljegrêf fen 'e Ropta's yn 'e Mitselwierster tsjerke.

Mar it teare wird wier wer weiworden út syn libben, en sels it geastlike wird gou net altiten yn syn hege krêft, der wier noch altiten yn him de stim fen 'e wrake, wraek oer dy Worp fen Ropta, dy't him syn gloarje en glâns sa bihindich foar de noas wei stritsen hie.

Yn 'e lêste dagen wier it noch mear oanboaze. Dy striid twisken Helbada en Ropta wier hjar in doarnangel for it folk. Ek de útlannen fen it kleaster hiene der ûnder to lijen. De abdis hie hjar der by Worp fen Sjoarda oer biklage. Dy ûnfrede fen 'e ealljue brocht de woltier yn 'e knipe.

Dêrom, en nou wier hy oan 'e ein fen syn oertinkings, dêrom moast dy Hear fen Ropta bistrraft wirde en sà, as geastlike bistraffer, scoe hy for ienkear dochs de meardere wêze fen syn hege neef.

Foun! Mei dit triomfantlike wird gyng er op 'e stoel foar it noardfinster sitten en eage de fjilden oer, de kant nei Ropta út...

De geastlike hie it fen de wrâldlike forlern.

VI.

DE BISTRAFFING.

De goudene moarnsinne seach helder en derten op 'e wetters fen 'e Eanjumer en Moarster kolken del, de weachjes huppelen en dounsen yn 'e mylde strielen en rounom oer it fjild laei in hjerstige stillens en myldens.

De lëste hjerstblommen yn 'e pasterijtún namen hjar trekken noch waer om mei blidens to pronkjen yn it stille Oktoberwaer, en sels oer de toarre strûken, dy't nêst in inkeld wike al forwaeid en forheistere wierne laei noch in glimke fen frede en wolbihaechlikens.

Nou wier it de tiid. Nou scoe Worp fen Sjoarda útfiere hwet er jister en earjister oertocht en oereide hie, nou, ienkear en den goed, scoe hy it winne, scoed er dy mânske Worp fen Ropta delslaen, det it him oan it gefoel kaem; scoe er krije, hwet him takae. O, hy scoe lyts wirde for him, de geastlike hear en forjiffenis scoed er om freegje. Ho swiet scoe dizze wrake wêze!

As dit slagje woe, den wierne de Ropta's britsen. Hwent Joeke fen Helbada scoe nea de striid oerjaen, det wist er. Den koe dy de njuet-makke Worp ek yetris nei it lichem delslaen en... wei wier de macht fen dit Mitselwierster hûs.

Hy oertocht by himsels, ho't er ek folstein yn 'e wei wier om to dwaen hwet er him foarnommen hie. Stie er net yn Gods tsjinst? Kaem er net mei Gods Wird? Hied er net it rjucht om, lyk as de profeten en tsjûgers by âlds, dizze god-leasling it oardiel oan to sizzen?

Mei dizze oertinkings kuijere hy op it Roptaslot yn. Hwet tichter hy by kaem, hwet wißer hy him fielde yn synroppen fen Godsgesant.

It trof: de Hear fen Ropta wier thús. It koe ek hast net oars: as Gods gesanten ruppen wirde om flok en segen oan to siz-

zen, den iepenet Hy ek de wei, en bringt de minsken der ta, det hja harkje moatte.

Folslein yn 'e foarmen iepene de Hear fen Ropta sels de doar for syn bisiker. Hy hie de bidoeling fen de pastoar wol sahwet yn 'e rekken, mar het him neat skine. Wenne er hijr hwet iensum en forlitten, as er for in kear ris bûten gat wier, naem er de minsken en de manearen goed op, en dêrom wist er, as er mei syn gelikens to dwaen hie, him op syn tiid yn to binen. De ûnbidimbre Fries koe as it moast ek swije en in oar oan it wird litte.

Mei frjeonlikens yn syn lûd noege er de pastoar: „Nim in sit, Hear-om!“ en do mei in lyts forhoalen glimke: „Jo binne der bytiid by, scoe 'k sizze.“

„It is sa hearlik yn Gods frije natuer, en sa'n stille hjerstmoarntiid hat bûtendet ek noch syn aparte ljeaflikheit.“

„Wis, men kin der somstiden stil fen wirde. Yn 'e frije fjilden roun to doarmjen is my tominsten net minder swiet en nolk as for in mûnts it sneupen yn 'e âlde parkeminten wêze kin,“ sei de Hear fen Ropta.

„Och, alles op syn tiid is hearlik.“

„'t Scil wol, mar de smaek moat der wol op oanlein wêze.“

„Ek de parkeminten hawwe ús hwet to sizzen. Hja lizze fêst, hwet der omgiet yn it minskehert. Hja kinne stjûr jaen oan ús dwaen en littien.“

„Ik scil it jo net ûntstride. Alhowol my jowt it libben fen al den dei syn stjûr. Elk foarfal, det ik bilibje, hat my hwet to sizzen fen ho to hanneljen. Sokke stimmen slaen ik jimmer acht.“

„En dochs kinne jo net ûntstride, det yn 'e boeken de wysheit forgeare is fen tiden en ieuwen. Dêr leit yn fêstlein hwet de meast ûntwikkele minsken yn hjar bêste mominten en yn it heechste fen hjar tinken field en foun hawwe.“

De hear fen Ropta knikte. It scoe sa wol wêze. Hy fielde, det hy de striid oan to binen hie mei in man, dy't de jierren brûkt hie om yn geastlik ynsjuch boppe him út to kommen.

Wol wier der yn him de greatske stimme, dy't sei: mar dou bist den dochs mar de man fen it wird en it swird, mar det oare liet him net los.

De pryster seach it en bigoun to fielen, it waerd nou tiid, om stadichoan ta syn doel to kommen. Hy sei: „It scoe sa goed wêze as de frede yn 'e natuer ek altiten in wjerspegeling foun yn de frede yn it minskehert.”

Worp fen Ropta boarte mei in útraffele plústerke fen it lange kleed op 'e tafel. It like eft er al syn stúdzje op de ôfhangjende franje fen det kleed sette woe. As ien, dy't net rjucht wit hwet er seit, kaem it der by him út: „It scoe sa wêze kinne.”

Sjoarda hie foet, fielder er, en dêrom sei er moai foars: „It moat sa wêze. Wy moatte frede stiftsje en dy út alle macht foarsteaan.”

„Ik haw der neat op tsjin,” sei Worp fen Ropta en seach hommels syn prater lyk oan.

„Dêr kin ek neat op tsjin wêze, Gods wird leart it ús, en de ynlikste fieling fen ús herte seit it ús; bûtendet, as wy dy hearlike natuer om ús hinne sjugge, ho forkindiget alles ús den det frede en Ijeaflikens it hearlikste diel op ierde binne.”

Yetris seach Ropta Sjoarda aan en sei: „Ik haw der neat op tsjin, der moat frede wêze.”

De Pryster bigriep it net. Gyng it sa maklik, ef wier it in hâlding fen Ropta? Scoe hy mei in praetsje ofskipe wirde? Den moast de Hear fen Ropta it dochs goochumer oanlizze!

„Frede, ja yn elk opsicht,” sei er twivelich.

„Frede yn elk opsicht,” andere Ropta.

En wer koe de geastlike der net by. Moast hy nou bigjinne mei to freegjen? Wier hy dêr nou for kommen. „Ho bidoele jo det?” sei er nei in skoft fen stiltme en mei noch mear twivel yn syn lûd as sa krekt.

Do kaem der in húnjend glimke op it antlit fen de Hear fen Ropta. „Ho't ik de frede bidoel? Sa lyk as dy wêze moat! Hat sa'n geleard man det net foar it forstân?”

Yetris moast de pryster oan 't freegjen. It stie him min oan, det er op dizze manear gjin kâns krigie om syn oerwicht útkomme toitten; dochs, hy scoe tiid dwaen, it koe net misse, sa dêrmei scoe hy syn slach slaen. „En ho moat de frede den wêze?”

Nou wier de Hear fen Ropta út 'e ried. „Sa, lyk dy yn 'e Skrift biskreaun stiet!”

De bisiker seach mei greate forwûndering syn gasthear oan. Wist dy, hwet der yn 'e Skrift stie? Mar det koe net en dêrby, as hy mei de Skrift bigoun, den scoe de pryster de baes bliuwe boppe de krychsman. En dochs moast er wer freegje: „en hwet seit de Skrift der den oars fen, as det wy de frede mei alle minsken to sykjen hawwe?”

Alhowol't Worp fen Ropta him op in gebiet bijown hie, dêr't de oare him fêst fier oer 'e fûst wier, hoechde er for dizze kear gjin krimp to jaen. Hy hie him yn dit stik fen saken sa goed op 'e hichte steld by de Pryster fen Mitselwier, dy't er alhiel op syn hân hie en dy't mar min ynnommen wier mei syn Moarster kolléga, dy't him yn geleardens fier de baes wier, det Worp fen Ropta wier nou klear for de slach.

„Ik hie fen jo hwet oars forwachte,” sei er. „Ik hie tocht det jo my fortelle scoene, ho't ik my to hâlden en to dragen haw yn dit East-Dongeradiel. Wierne jo dêr eigentlik net for kommen?” De lêste warden binammen sei er op foracht-like toan.

Nou achte de pryster det it tiid waerd om syn leksum út to dielen. En hy hong in slim tafriel op oer it skeel en de deiliskip fen de ealljue yn dizze oarden, en ho't Worp fen Ropta de frede sykje moast en syn fijân forjaen.

Wer hearde de Hear fen Ropta him gedildich oan, en boarfe hwet mei de tafelkleedplûsters. Do't de pryster útpraet wier, seach er him lykwols lyk oan en sei: „En witte jo nou wol, hwet ik mei de Skrift bidoelde? Ditte: wy moatte de frede sykje, mar der stiet ek det wy de wierheit Ijeaf ha moatte.

En ek det de mienskip hjar del to jaen hat ûnder de machten,
dy't wettich oer hjar steid binne."

Yetris forwûndere seach de geastlike him oan. Hwer hie de
man soks wei?

Nou wier it for Worp de tiid om syn slach to slaen. „Ik bin
hjir wettich de baes en in oar hat oer my neat to reklamearjen.
Hwet wolle de ljue? En hwet wol dy Joeke fen Helbada? Hwer-
om plonderet en stelt en raeft er hjir yn East-Dongeradiel? Is
it om't syn gewisse him oansprekt oer syn lefhertigens, det
er myn Doaitsen formoarde hat? Ik . . .” Mar hy bitocht him.
Hy scoe him net yn 'e kaert loere litte troch sa'n geastlik hear.

„Wy moatte dochs forjitte en forjaen,” sei Sjoarda en
brûkte nou al syn frjeonlikens om útkomme to litten ho goed
er it miende. „It is wier, Joeke hat jou soan op in wreedaer-
dige wize formoarde, en soks is nea goed to krijen, mar siet
it him net dêr yn, det jimme foartiid ek altiten al skeel hiene?
Jo hawwe yn it foarige ek sa tige op Helbada ôfjown, det hy
wraek nommen hat: ik siz it daliks mei jo, op in wrede en in
forskriklike wize, mar forjaen moatte jo. It ûntslacht jo net
fen jou plicht. Dy skelen moatte oersluchte wirde. Dy âlde
dingen moatte nou ekris út 'e tiid wêze. Hwet jowt sa'n ge-
wrok fen jierren her? En bûtendet: *God wol it!* God freget fen
ús, det wy ek ús fijânnen forjaen scille.”

„Krekt,” sei Worp, „ik scil myn fijân ek forjaen, sadré't er
it fen my freget.”

Yetris fieldde Sjoarda, det him de groun ûnder de foetten
weisonk, mar dochs, hy scoe en moast it winne. Hwer wier
er hjir oars for kommen? Dêrom sei er mei alle klam: „En
witte jo wol hwa't hjir foar jo stiet? Kom ik net yn 'e namme
fen ús Hear, om jo it oardiel oan to sizzen as jo jo net
bikeare en striid en oardoch hjir gjin ein nimme? Tink om
hwet jy dogge. Tink om it folk, det oan jou hoede tabitroud
is, tink om dit diel fen Fryslân. Stean net tsjin josels: it scoe
blike kinne, det josels jou eigen greateste tsjinstanner binne.

Jow forjiffenis en lit it frede wêze, hwent de wrike komt oan
ús Hear ta, Hy scil it siikje.”

Do liet Ropta útkomme, ho't er de pryster folsein troch-
seach en hy boldere: „Dou praetst fen forjiffenis jaen en det
de wrike oan 'e Heare takomt. Scil ik dy in rie jaen? Doch
det sels! Tinkst' miskien, det ik dyn praetsjes net bigryp?
Dou mienst, detst' my de wraek ûntsizze moatst, en hwet is
mei dyn kommen hjirre oars bidoeld as wrike en yetris
wrike?

Dou mienste, det ik dy de Sjoardastins ûntstellen haw, de
minskен sizze, det ik Steltinga de boel ûntfytmanne haw, mar
is der wol ien sprútsel fen wier?

Kin ik it helpe, det jimme efterút boerke binne? Haw ik de
boel forslampampe, ef hat jim' heit det dien? Is it myn skild,
det Steltinga syn jonges forstoarn binne? Ik wit wol, ho't it
sit: alles wirdt my oanwreaun, om't de famylje it net forneare
kin, det it my goed gien is yn 'e wrâld.”

„Hâld op,” sei de pryster, „tink der om, tsjin hwa't jo
sprekke.”

Mar de Hear fen Ropta, dy't wiste, ho't syn worden romte
for him makken, hâldde net op.

„It is by dy âld sear, kleasterbroer dyste biste. In moaije
kleasterbroer ek noch. Dou hast' dêr dyn taflecht nommen,
omdetst' de faem, dyst' ha woeste, net krije koeste. En dou
mienst, det ik hjar dy ûntmoffele haw, mar den liet se hjar
al maklik oan dy ûnttroaije. It lei him der oan det se my ljeaver
hie as dy, sa siet it, bigrypste?”

„Dy't yn it grêf leit . . .” bigoun de geastlike.

„Ja, dy't yn it grêf leit,” sei Ropta, „it hat myn vrou west,
en hja wier alhiel for my allinne, en ik scoe oer hjar net tsjin
dy bigoun wêze, astou hjir net, mei op sa'n falske wize my it
goede foar to hâlden, it op myn ûndergong bigrepene hieste.

Né, Jitta woe my ha en dy net, en dy kanjer fen in Steltinga
ek net. Kin ik it helpe? Is it myn skild? Hie ik yn myn jonge
tiid net like folle rjucht om myn eagen to slaen op de moaiste

faem fen it gea as eltse oarenien? Hie ik yn myn mannetiid net it vrij om op rjuchtlike wize it gebiet fen Ropta út to wreidzjen? En haw ik noch net it rjucht om ús goed, om East-Dongeradiel to biskermjen tsjin de lefhertige oanfallen fen dy Joeke fen Helbada?

En nou scilst' my mei in from praetsje oankomme, det ik Helbada forjaen moat, hwet hy my oandien hat, det hy myn soan delslein hat op sa'n leffe en lege wize."

De pryster siet ûnrêstich op syn stoel to wriggelen. Hy woe oerein gean, mar Worp sette him del.

„Dou bist' hjir nou, en nou scilst' alles oanhearre, en den kinst' dêr efter dyn pasterijemûrren ris oer neiprakkesearje, hwent dou moatst net tinke, det ik dyn streken net troch ha.

Sjuch, as it dy slagge wier en meitsje my in sêftmoedich skiep, den wier ik lamslein en koe Helbada hjir mar komme en ûntnaderje my alles. Den wier it frede! Ja, frede, om't Worp fen Ropta den de feint en foetfeech wêze scoe fen dy glûperd fen in Helbada.

Mar dou moatst lang wachtsje, earst' my safier krigeste.

Pryster, mûnts, sjuch, dou komst hjir mei in wird fen ús Hear en dou hast yn dyn hert in wird fen 'e divel. Dy hat dy dyn froede praetsjes ynjown.

Nou ha ik sein, hwet ik to sizzen ha en nou kinst' ek wol wer opkrasse ef ik scil dy . . ." en mei de fûst oprôle kaem er op Sjoarda ôf.

Mar de geastlike bleau uterlik folstein kalm, al sea er ynwindich. Hy seach syn plannen mislearjen. Hy hie him yn syn inûntselibben net forgees oefene om himsels to bihearskjen. Dochs, om't er syn eigen skild field, wier er ûnwis yn syn warden, do't er Ropta tsjinkaem: „Al scoe it wier wêze, hwet jo sizze, lykwols hawwe jo to harkjen. Ik bring ommers it wird fen God en dêr moatte jo for búge."

„Yn elts gefal búge ik net for dy," sei de Hear fen Ropta, wis fen syn oerwinning, „en scoe ik dy nou forsykje meije en

gean foart, myn tiid is fierders to biset, det ik mear nei dy harkje kin."

En tagelyk die er de doar op en liet, nou wer folstein yn 'e foarm, syn forbûke neef der út. Hwerom scoed er ek net fatsoenlik bliuwe? Hy hie it pleit ommers woun en for in forseleine fijân heart in snau en in grau net it lêste wird to wêzen.

Neat seach de pryster mear 'e fredige natuer, do't er de weromreis oannaem.

En do't er wer op syn keamer wier, stampte er it út fen forwoedens.

Mislearre, folstein mislearre, de hiele opset.

En yetris hie de geastlike it fen de wrâldlike forlern.

VII.

YN TWASTRIID.

Forslein! In pryster forslein! In man, dy't it hillige kleed draecht, forslein.

En det feitlik en yn wierheit súnder forwar fen syn kant.

Ho hied er it him sa sizze litte kinnen? Moast er der net tsjin opkommen hawwe? Moast er him net better fordigene ha en rom paed makke foar syn foetten, allyksa as de Hear fen Ropta it dien hie? En hie hy den net yn 'e foarkâns bleaun, om't er in tsjinstfeint fen God wier, dy't ek Gods Wird to bingien hie en Gods Wird sprekke litte koe?

Hy stampte it út fen spyt en woede.

Mar scoe hy de mislediging, him hjir mei oandien, net forjilde moatte?

O, dy Worp fen Ropta, dy't him fen syn feintetiden ôf al yn 'e tsjillen rideen hie! Dy moast der ûnder, it wier needsaek, hirde needsaek.

Mar ho?

En in tsjoede stimme lûstere it him yn: troch Joeke fen Helbada!

Is it him net slagge om Worp wjuklam to krijen; der is noch wol in kâns, om de swakke steden fen it Roptahûs oan Helbada bikend to meitsjen: hy scil de wegens fen Ropta neigean kinne en op it goede momint Helbada alle kâns jaen om de reade hoanne op 'e Mitselwierster stins kraeije to litten.

En as er op it ein fen syn oertinking is, stjûrt er in jonge op it hynder nei Ingwjirrum, mei it frjeonlik forsyk eft Helbada by him komme wol; hy hat bysûndere dingen mei him to forhandelen.

Joeke fen Helbada seach wol sa nij op, do't er tynge út 'e Moarster pasterije krike, eft hy ek op dy dei en ûre by Sjoarda komme woe. Hy joech boadskip mei werom, it kaem klear, mar hy tocht by himsels: dy geastlike hear moat glêd wêze as er my yn 'e fûke krike scil. Hy hie in tsjinaksel yn det soarte fen folk.

Do't er in deimennich letter den ek yn 'e keamer foar Worp fen Sjoarda oersiet, bleau er sa fier mooglik op 'e flakte. Hy liet Sjoarda prate, oan't er op 't lêst al syn plannen foar Helbada bleatlein hie. Sà en sà moast de stins oerfallen wirde, hwent dèn en dèn wier Worp fen Ropta nei syn goekinden yn Ferwerderadiel. Den scoe Riemke allinne thús wêze mei hwet feinten en fammen, inkelde boaden, dy't al by de âlderein kamen to reitsjen.

Al ho'n glûperd Helbada ek wier en ho graech er dy Ropta ek út it seal lichte woe, hy hie der dochs it mier oan om in wirktúch to wêzen yn 'e hân fen in geastlike. Reslút wier den ek syn biskie: „Sjoarda, ik doch it net!”

„Net?” sei Sjoarda, en hy seach hielandal biteutere syn gast oan, „en ik miende, det jo in ivige haet tsjin Ropta hiene.”

„Det ha ik ek, mar moat in geastlik hear, dy't frede preekje moat, my ta sokke leechsteande dieden oansette. It wearzget my om in hûs, dêr't gjin keardel ré wêze kin om it to fordingen, sa mar plat to baernen. Past soks in tsjinder fen God? Ik miende, det jimme it ús gâns oars foarhâlde moasten.”

De pryster biloek. Hy praette der noch wol hwet op om, mar hy wier glêd fen 'e tried rekke.

Yetris moast de geastlike it tsjin de wrâldlike forlieze.

It wier den ek mei in sucht fen forlichting, do't er syn bisker de doar út liet.

„Moai folk, dy geastliken,” grommele Joeke fen Helbada yn himsels, „sierlik moai folk! Mooglik det ik dy deis dêr de boel noch wol platbaern, mar det hoecht Worp fen Sjoarda net to witten. Ik bin noch to folle ealman om my foar it karke fen Hear-om spanne to litten.

Né, en dochs is it net únaerdich om to witten, det Worp fen Ropta den en den yn Ferwerderadiel wêze scil. Hy, Joeke, moast om dyselde tiid hinne dêr ek wêze. Wachtris, as er Worp dêr den trof, den koe hy wol mei de Hear fen Ropta ôfrekkenje, en hy scoe den fierders wol meitsje, det it Roptaslot mei al syn tabihearren goed en wol yn 'e famylje fen 'e Helbada's kaem. Hie hy der net sahwet fen mirken, ho't Sake, syn twadde soan, wolris oer dy Riemke fen Ropta prakkesearre? Hy hie faken tocht, det dy wei wolris lang, tige lang wirde koe, mar mooglik koc hy de wei nou hwet for syn soan bikoartsje.

Jonge ja, det moast wêze: hy moast Worp fen Ropta dêr yn Ferwerderadiel delslaen, den kraeide der gjin hoanne nei, Sake moast mei Riemke trouwe, hy yn Ingwjirrum en Ie noch fierder syn macht útwreidzje en sa scoe hiele East-Dongeradiel him deljaen ûnder it bistjûr fen de Helbada's.

Prachtich, det dy pryster him det allegearre sa moai oan 'e hân dien hie en hwet in gelok, det hy net mei Worp fen Sjoarda yn ien skipke stapt wier.

It moast yen dochs mar meiwierje! En mei in fleurich sin, sette Joeke fen Helbada wer op hûs yn.

Mei it goed sin fen Worp fen Sjoarda lykwols mocht it sa wol wêze.

For de twadde kear hie de geastlike it tsjin de wrâldlike ôflizze moatten, mar nou op in wize, dêr't de geastlike him djip,

djip for skamje moast. Hie Worp fen Ropta him trochsjoen, det wier noch oer to kommen, dy wier yn elts gefal noch in man mei hwet hegers yn syn karakter, mar det dy glûperd fen in Helbada him itselde oandie, en noch snijender him syn gemienens forwiten hie, det stiek him troch alles hinne. Dy loebes fen in Helbada hie him for in dogeneat útmakke!

Mar — wier it ek sa net?

Om't er safolle heger h jitte to stean, moast it den Helbada ek net talykje det de pryster oars neat wier as in greate skelm? Hie hy wol oars fortsjinne as mei de greateste forachting bihannele to warden?

En as hy dy minachting fortsjinne hie, wier hy den net djip sonken?

As de minskens sa oer him tochten, ho moast ús Ljeaven Hear den wol oer him oardielje.

God sels! As in baernend fjûr foel dit wird yn syn siele del.

God... sels!

Ja, God, Dy't alles sjucht, ek syn plannemakkerij, Dy't wit ho'n wreke der libbet yn it herte fen him, dy't forjiffenis preke, om him sels wreke to kinnen, Dy scil him straffe. Ja, Dy syn oardiel scil er net can úntkomme kinne.

Freeslik is it to fallen yn 'e hadden fen God.

Hy bigjint it yn to sjen, ho djip as er sonken is.

Dêr hat syn eigen herte him brocht.

Hwent hy is net yn it kleaster gien om't de tsjinst fen God him boppe alles gyng, mar mear, om't er him hinne sette woe oer it forlies fen Jitta fen Jarla; hy hie him yn it kleaster sa strang oan 'e rigels hâlden, net om't er him dêr sa goed by bifoun, mar om op 'e heechste trime to kommen. Hy hie Worp bistraft om dêrmei syn tsjinstanner for ienkear syn oermacht ris fieie to litten.

En hy falt yn 'e skild — djip.

En as er sa foar himsels skild bikend hat en him ek fornedere hat foar God, den fielt er ek de frede Gods yn syn herte kommen, in frede lyk as er noch nea earder så field hie.

Nou sjucht er ek yn, ho ûnbikwaem hy is om him for fredesstifter yn East-Dongeradiel út to jaen.

As ús Ljeaven Hear it net docht, Worp fen Sjoarda scil it net folbringe kinne.

Né, ynpleats dêrfen hat hy de saek safollesto mear efterút brocht.

Hied er oprjucht en earlik wei de frede bifoarderje wollen, mooglik hie God him yn syn dwaen segene. Nou scoe er it noch tiden oansjen moatte, ho't twaspjalt en skeel ta in bidjer wierne for de hûsman yn East-Dongeradiel.

Det wier de straffe op syn kwea, — al wier de sûnde sels ek útsoend.

VIII.

DE SLACH.

Det hie in reis west.

It wier net tafallen yn dizze tiid fen 't jier.

En hy wier ek noch net rjucht ta syn doel kommen. Alles hied er ôfgnûfd, it koe net misse, Worp fen Ropta moast ek yn dizze kontreijen tahâlde, hy wist sels, det er mar mei in pear man op 'en baen wêze koe, mar sjoen hied er fen syn fijân noch neat.

Hjir wierne se den by Hegebeintum.

Hwet in terp, hwet in terp! Hwet hiene dy âlde Friezen dochs hwet útrjuchte om it hjir feilich to meitsjen, mar hwet hellen hja sels al net in stikken út om it hjir ûnfeilich to krijen! Mar der wierne oars ek noch wol weitsers for de feilichheit, sei er yn himsels, en hy tocht mei in spottende laits oan 'e foarslach fen Worp fen Sjoarda. „In moai geastlik hear!” gnyske er by himsels.

O, graech scoe hy Worp ek delslaen wolle, lyk as hy ienris Doaitseen dien hie, mar sa gemien as dy Sjoarda it him foarslein hie, né, sà gemien woe hy net wêze.

Doaitsen! en by tiden moeide it him, det er dy feint sa ûnfoarsjoenswei formoarde hie.

Mar ja, it koe net oars, en den moat men net al to krekt freegje nei hwet mei en hwet net mei.

Ofmêd joegen Helbada en syn folk hjar yn 'e barm fen 'e dyk del, strûpten de hynders it helter út en lieten se weidzje. Nou sieten se dêr mei hjar toalven oan 'e dykskant: Joeke, syn soan Sjûk en tsien tsjinstfeinten.

„It is dochs forfelend, det erlike getsier,” sei Sjûk, do't er in setsje nei de blauwe himel dikere hie. Dêrboppe, dêr wier it sa fredich en hjir op ierde wier it neat oars as lijken en ilinde; it griep him oan. „Scoe der nou nea gjin ein oan komme kinne?”

„Ik scoe net witte fen ho,” andere him syn heit, „ef it moast wêze, det sa'n ien lyk as dy Worp oan kant to krien wier.”

„Mar heit, hwet hawwe wy dêr nou oan? Altiten moatte ús poarten sletten bliuwe en kinne wy mar op ús iepenst wêze for de fijân, hwent dy kin by nacht en by dei ús weromjaen, hwet wy tsjin him úthelle hawwe.”

„Dou praeft' as in greatjonge, en ik miende, det myn jonges keardels wierne,” sei Joeke om op syn eargefoel to wirkjen.

„Lit heit tinke hwet heit wol, mar ik hâld fen 'e frede.”

„Alles goed en wol, mar, den binne wy oan hadden en foetten boun, oerlevere oan 'e genede fen dy Worp fen Ropta. Dy scil wol witte, hwêr't hy de frede ta brûke kin.”

Mar Sjûk hâldde fol: „As ús poarten sa stiif ticht binne, wit heit wol, hwet der den ek net yn komme kin? De nocht en de tier en de sinneskyn. En dêr hâld ik it mei.”

„Jonge, dou witst net hwêrst' it mei hâldste, dou bisefst noch net heal hwet der yn 'e wrâld to rôdden is. Dou scoest dyn jonge dagen wol forboartsje wolle, en wilens koe in oar, dy't goochemer is as dou, mei de bút útstrike. Mar dêr scil jimm' heit, as it hwet kin, in skoatteltsje foar strike.”

Hy sei it mei in sterke oertsjûging yn syn stimme, mar Sjûk joech it net oer.

„Hwet koene wy oars in wille ha, en nou... wy kinne ús jonge dagen forgrieme, om't dêr âlders deilis binne. Om my mar frede mei Ropta, om my kin er it bistjûr wol fiere oer East-Dongeradiel, as er ús hûs en gerjuchtichheit ús mar hâlde lit... As wy him it canbod fen frede ris digen?”

„Dou bist in moaije soan fen dyn heit. Bigrypst' it den net? It is twisken ús in striid op libben en dea, ien fen: to wêzen ef net to wêzen. Hy kin ús it toarfaderlik sté net hâlde litte en ik him sines net; soks moatstou dochs ynsjen, jonge — en dou hast der, liket my ta, suver gjin bisef oer.”

„Moat it den sa? Kinne wy elkoar net gewirde litte? Kinne wy net, elk op eigen pôle, yn frede en frjeonskip libje? Hearom seit it ek: ús Hear freget it fen ús, en ik ha mem dêr ek wol oer heard.”

„Prysters en frouljue!” boarste Joeke út, „praet der my net fen, — prysters en frouljue: it scoene moaije riedsljue wêze yn it eintsje libben fen in Frysk ealman. Né, wy scille ús eigen gong wol gean mei dy Worp fen Ropta.”

As Joeke op det stuit witten hie, ho nei syn fijân him op 'e hakken wier, hy hie him dêr sa noflik net deljown yn 'e lijte fen 'e Hegebeintemer terp, hy hie de hynders net los rinne litten, hy hie it swird net fen 'e side gaspe.

Hwent Joeke hie goede ynformaesjes krige: Worp fen Ropta wier ek yn Ferwerderadiel, ja, hy wier op dit momint oan de iene kant fen 'e terp, dêr't oan 'e oare de heit lessen yn fijânskip oan syn soan útdielde.

Ropta, mei noch twa man by him, hawwe Fryslân yn west en scille nou wer op nei hûs ta.

Hommels skrillet Worp op út syn mimerjen. Sjuch, dêrre, oan 'e kant fen 'e wei rinne losse hynders. Det binne... de gudzen fen Helbada. Den is dy hjir ek flak by. „Nou is it dyn tiid!” jubelet it yn syn herte. Mar gjin tel forliest er syn hoeedenens.

Den — ien sprong, en syn guds stiet flak foar Helbada. In amerij sjugge de fijânnen elkoarren lyk yn 'e eagen, den unnderhellet de man fen Ropta syn breed swird en stekt it Joeke fen Helbada lyk yn 't herte.

„Det is for myn Doaitsen!” ropt Ropta en hy jowt him noch in feech, det de holle him fen 'e romp rôllet.

Op itselde stuit hawwe Worp syn feinten elkmis ien fen Joeke syn mannen tsjin 'e groun slein, dea.

Mar nou springe Sjûk er! syn acht oare maten oerein en binne ré for de striid. Sjûk jowt Worp in felle feech yn 'e side en scil yetris taslaen. Mar Worp en syn feinten jeije mei hjar hynders noch in pear man fen Helbada omfear en spylje den de wyk.

It wier Worp wol nei 't sin gien: syn fijân wier forslein, al hied er sels in pynlike woune yn 'e side krige. It scoe it bêste wêze en set nou ek mar ôf.

De Helbada's hiene to lang wirk mei hjar hynders op to fangen en yn it seal to springen om mei kâns fen slagjen Ropta efternei to setten. Dy jage mei gewelt de Flieterpen troch it Easten yn.

IX.

OP ROPTASTATE.

Dyselde joune kaem Worp wer op Ropta oan, biswit, wirch, deaôf fen bloedforlies en bibberjend fen 'e koartsen. Hy hie him to Dokkum sa goed mooglik forbine littin, mar do't er thûs wier, liet er him mei in smak op syn leger delfalle.

Tûzenen stjirkes skitteren him foar de eagen en syn tinzen tiisden wyld trochinoar. Mar det iene, det iene kaem hiderekaren wer boppe driuwen: „Joeke forslein. Joeke forslein! Ik haw wrape dien oer it formoardzjen fen myn Doaitsen!” —

en eat as in glimke spile oer syn wangen, sels by de heftichste lichemspine.

Al mar wrantele en draeide hy him op syn leger om en hjiitte koartsdreamen kamen op en forwylder syn tinzen.

Oandien en oerstjûr siet syn dochter by it bêd.

Freeslik, freeslik dy twaspjalt altiten, en nou ditte as gefolch...

Hja huvere fen safolle grousumens.

Hjar siele kaem der heftich tsjin yn opstân. Moast it sa yn dizze wrâld? Wier de minske dêrta op ierde?

Hja hearde hjar heit kreunen, al mar weroan kreunen.

Hja joech him to drinken, makke him de sliepen wiet, forlei syn holle, al neit' hja tochte, det it noflik for him wêze scoe.

Mar it joech sa'n byt. De koarts waerd heftiger. En as er den bûten wêsten wier, sloech er der alderhanne dwylpraet út. Hy rôlle de fûsten op en jubele it út: „Einlings, einlings, ha 'k dy foun, skarlûn dyste biste! Wrase ha ik nommen. Wrase, dy't my takae — wrase oer myn bloed — wrase oer myn Doaitsen — dystou formoarde haste! Krige haste, hwet dy al lang tatocht wier!”

Mar dit wier noch it slimste net. Do't er bykaem wier it fen it selde. Do flokte er de Helbada's út en winske, hy mocht hjarren allegearre treffe, lyk as er dy Joeke rekke hie.

It gyng Riemke troch alles hinne.

„Heit, hâld op! Heit moat sa net! Heit moat oppasse; heit moat him deljaen!”

„O, fanke, det kin ik net, det hoecht ek net: ik moat it út-jubelje fen wille!”

„Mar tink der om, heit; heit syn side!”

„Det bikomt wol wer. Gjin noed mei myn blieden. Ik haw oar bloed sjoen: it bloed fen myn erflike fijân,” en hy woe wer oereinkomme.

Mar dy ynspanning koe syn lichem net mear forneare, mei in plof foel er wer op it kessen del, wylst it lêste greintsje kleur him út 'e wangen loek.

„Heit moat ophâlde,” skriemde Riemke, en striek mei sêfte hân oer syn forwyldere hier, „heit moat bihâlden bliuwe, ek for my.”

Dy warden en ek syn eigen machtleazens brochten him heal-en-to-heal ta bisinning. Jawisse, hy moast bihâlden bliuwe, for himsels, for syn saek en syn wreak en ek for syn dochter, syn iennichst oerbleaun bern, nou syn iennichste oanspraak op ierde. Wis, hy scoe him deljaen, hy scoe rête en de dei fen moarn scoed er wer better wêze.

Mar hy wier de oare moarns net better, lang net. It boaze oan, al mar oan en de pryster út Moarre moast komme.

Riemke hie om him stjûrd en do't er op wei wier, makke se hoeden hjar heit op syn komste ré.

It wier for de Hear fen Ropta in hird gelach. Hy scoe him dos stelle moatte ûnder de bihanling fen dy forachtlike kleasterling. Mar Riemke joech gjin krimp en brocht him ûnder it each, der wier ûren yn it roun gjin kindiger hielmaster to bikennen as Worp fen Sjoarda, dy't sa faek syn doarpelingen holpen hie.

Sa krike Worp fen Sjoarda wer syn komste op 'e stins, de stins, dêr't hy nêst in wikemennich sa ûnbarmhartich weireage wier.

Mar hy hie yn dizze dagen in swiere striid striden en gâns hwet leard: hy kaem nou net yn syn prysterhearlikheit, mar hy gyng njonken Ropta sitten as minske foar minske oer, praette en die hiel gewoan, bleau bidêst by it wirk dêr't er forroppen wier en dielde gjin leksums mear út.

In frjeonlik wird, forsafier it foech joech en it mei oardiel en sêftens bihanneljen fen 'e woune, fierder gyng it net mei de pryster.

En it holp. De balsemsalve miste syn útwirking net, de frjeonlike en soargsume bihanling fen de geastlike, dêr't Riemke him wakker yn bystie, wier fen in tige ginstige ynfloed op lichem en geast beide.

Do, op in dei, det de sinne sa heech en hearlik oan 'e himel stie to flamjen, wylst Riemke mei it bistjûr fen hûs en hôf dwaende wier, brocht Sikko, de bistjûrsman, forslach út oer de tastân yn it gea. Sûnder der in bytsje mijen mei oan to kommen, meat er tige wiidweidich de grouwelstikken út, dy't Helbada syn soanen yn East-Dongeradiel úthellen. Rounom wier it moart en brân en skrik en dea, bynammen by nacht en ûntiid. It wier der allegearre op talein om Ropta syn ûnderhearrigen en meistanners dei ûnder to krijen, en ho't hy, Sikko him ek warde, hy koe nea ien fen 'e fijânnen binei komme.

Det joech in rare tobeksiach by Worp.

For dea foel er yn it kessen del en tiden en tiden wierne nedich, ear't er wer opsitte koe.

Wilens hiene de Helbada's frij bod. Alles jachten en strûnden se ôf en de hûsman hie it slim to fordûrjen.

Yn hjarren spriek nou de wylde ropstim om wrake, wrake oer de dea fen hjar heit, in selde stim as dêr't Worp fen Ropta ek nei harke hie. Sels Sjûk joech oan dy forkearde ynspraak ta. Mar Sake wier troch alles hinne, do't syn broer thûskaem mei it lyk fen syn heit. Det bloed moast mei bloed útsoend wirde.

Mear en slimmer as by Joeke syn libben gie nou it oarlochs-wé oer East-Dongeradiel. En de machtige Hear fen Ropta laei machtleas op syn bêd en koe hân noch foet forreppe. Sikko die hwet er koe om de plonderjende Helbada's to bitwingen, mar hy hie syn meuch der oan. Hy ûnderfoun mar al to faek, ho't er hîjir mei bitûfje en ynléine jongkeardels to dwaen hie.

En al wist Riemke it sa oan to lizzen, det Sikko net wer mei syn ûntrochtochte worden Ropta fen 'e streek brocht, hja koe it dochs net forhoedzje, det er it meastepart fen 'e grouwelstikken wol gewaer waerd. It makke him bitter en it stie syn genêzing yn 'e wei.

It dûrre den ek wiken en tiden ear't it mei Worp wer beterje woe.

ROPTA SYN DOCHTER.

De sinne stie great en gleon oan 'e himel.

It hie winter west, it wier maitiid wîrden, ljeaflik en lij, en nou hie de simmer syn yntocht dien mei feestlike steatlikheit.

Ljochte dagen en bihoedsume trouwe forsoarging hiene gearwirke om Worp fen Ropta wer op foetten to krijen. Hy wier de âlde noch net, mar hy koe him wer rôdde.

Riemke stie bûtendoar foar it kokensfinster en snûfde de forkwiklike simmergeuren yn. It kaem hjar noflik oan, det hjar taek as sikeforpleechster nou ôfroun wier.

Heit kuijere de slottûn op en del, net sa wis noch, mar dochs wier hy wer safolle mâns, hy koe him allinne rôdde.

En wylst se hjar heit dêr sa rinnen seach, gyng it oan hjar foarby, hwet der de lêste moannen bard wier.

Hwet hie se faek in fortretlike taek hawn. Hwet hie dy kriichshelt min yn bitwang to hâlden west.

O, dy opstân yn it heitehert.

O, det búgje moatten fen dy ûnbûgsome Fries.

En hied er him nou al fornedere?

Riemke scoe dêr gjin ja ef né op sizze kinne. Hja winske sa ynlik, der scoe hwet oer him komme fen de pryster út Moarre. Dy wier ek op in oar paed kommen, hja seach it oan hiel syn hâlden en dragen.

Lykwols, hy wier dochs wer gâns opfleure, en it dych hjar tige goed.

Hja koe wer oan hjar gewoane wirk. Det joech hjar sa'n noflik en frij gefoel.

Rom, frij! En efkes woe se nou nearne om tinke as oan de blide ûnthjittings fen 'e foarsimmertiid. Oan de pracht fen de natûr, dy't yn folle fleur stie, oan de bloeijende blommen, de tsjotterjende fûgels en it foldiene fé yn 'e finlannen.

O, mocht hjar jongminskewêzen ek sa fleurich bloeije!

Mar krekt dy winsk helle ynienen alle neare tinzen fen 'e forroune dagen wer nei boppen.

Hwet wier it yn it foarige den al in bulte oars.

En hja sjucht hjarsels wer as in lyts famke, mem by de hân. Ho't se de ierde do oansjen koe as ien great wirk fen hearlikheit. Ho't se frege, as men nou fier, hiel fier gyng, eft men den de blauwe loft ek mei de hantsjes pakke koe en men den ek komme koe by dy gleone reade sinne, dy't dêr oer Nijtsjerk hinne ûnder de groun sakke.

Nea hiene de antwirden fen mem hjar follein bifredige, mar dêrom net, hja hie o sa fen hjar mem hâlden. Dy wier sa sêft en sa goed, hie sa'n noed stien fen hjar beide berntsjes en wist heit sa hearlik to ëidimjen as hja ris hwet forkeards útheefd hiene.

Dy goede mem. Do't Riemke noch mar sechtsjin jier wier, kaem hja to forstjerren. Hwet hie it fanke skriemd, skriemd eft der nea wer in ein oan komme scoe. Hja hie winske, wier hja nou ek mar yn it tsjustere grêf, hwent den wier hja ommers deun by mem.

Mar hie de smert ek heftich west, it wier dochs wer forsêftige. Hja hie ommers Doaitsen noch, hjar greate, sterke en frjeonlike broer, dy't altiter mei hjar omhyndere en dy't ek sa pleagje koe, mar hjar dêrnei wer hoeden oanhelje koe. Altyd hie hja wille by him, ek al seach heit noch sa stûf en sûr. Ja, heit wier bytiden ek wol goed for hjar, sims, hiel inkeldris, wier hy tear en bigripend, mar yn 'e gewoane regel wier hy de fier boppe hjar steande Hear fen it Hûs.

Mar hjar broer! Dy wier hjar ideael. Sa'n man scoe se nochris hawwe wolle, sa'n echte, greate, hearlike boarter, dy't hjar wille en freugde wêze koe en dy't dochs ek sa soarchsum him oer hjar hinne búgje koe en hjar helpe scoe by alle lytse en greate fortrietlikheden en swierrichheden fen it libben.

Sa'n man! en hja glimke der noch om yn hjarsels, ja wis, ienkear, mar daliks noch net, wille woe hja hawwe en fleur en blide genietings.

En Doaitsen syn kammeraten!

Fen wech ende wear kamen se wei, brochten it âld Roptaslot fol jubel en laits en allegearre draeiden se om Riemke hinne en hja . . . hja hâldde fen hjarren allegearre, mar fen de feintsjes, dy't it it moaiste bitinke koene, it aldermeaste.

Hijirre hiene hja sitten, yn dizze finsterbank, hijirre hiene se dounse en wyldjage en tik-en-honk boarte efter de beammen lâns, en hja hiene it gêrs toflein, det de túnman sa prot seach as in Turk. En hja hiene deun by Riemke sitten en gekjeijende werden hiene klonken, heech en wyld. Hwet in fleur hie se sokke tiden bilibbe, mar der wier net ien, dy't hein nochtal nei oan hjar broer takae: hjar ideael wier der net by.

Alle froedfreegjende feintsjes liet se witte: hja woe frij bliuwe, frij as de Ijurkjes yn 'e loften boppe Mitselwier, vrij as de fiskjes yn 'e wetters fen 'e Eanjumer Kolken.

En as se hjar eigensels ris biseach yn 'e spegel boppe de hird, hwet hie se den mei wolgefallen stoarre op det fammebyld. Den seach se yn it glês in kopke mei roune reade wan-gen, moai dûnker kroldrich hier en blauwe eagen, blau as de moarntydshimmel boppe Moarre, blau as de blau-eachjes, dy't de Jarla's fen Birgum for hjar meinommen hiene út 'e Wâlden wei.

Sa hie hjar maitiid west, mar nou — der wier in tiid kommen, dy't alle swiete dreamen mei ien geweltige feech oan kant reage hie.

Doaitsen, hjar fleurige broer, dea! forslein fen dy Joeke fen Helbada, dêr't se noch nea gjin goeds fen heard hie, dy't yn fûle fijânskip libbe mei de Ropta's.

Hwêrom?

O, Riemke hate it mei al de krêft fen hjar siele, dy wrokkerij, det skeel, dy erflike striid fen âlder op âlder, fen laech op laech. As det ris út 'e wei wier, hwet scoe den dizze ierde ûneinich riker en moaijer wêze. Hja hie in wearze yn dy strideraesjes, dy't alle nocht en wille bûten de poarte kearden. Hwet hie in minske nou oan al dy ûnfrede en deilesskip?

Bytiden scoe hja al dy Helbada's it kwea wol forjaen wolle, as hja den mar frede makken.

Scoene dy der nou wier sa'n nocht yn ha, det it allegearre mei ien stik lijen ôfmakke wier? Hja hie fen Sjûk wolris hwet oars heard, in reismannich hie hja him út 'e fierte sjoen, it like wol in oannimlik jongkeardel: scoe dy nou ek fen herten sa fel yn haet en striid opgean kinne?

Wilens dounsen de michjes yn 'e blide sinneskyn en draeden de lamkes de finne op en del. By nou en by den sweefde in lyts wyt wolkje foar de greate sinne lâns en den glied der sa'n great swart skaed oer de ierde. Hwet in hearlichkeit!

Sjuch, en sa scoe hja it nou altiten op ierde hawwe wolle, ek yn 'e herten fen 'e minsken: simmerwille en ljocht en sinneskyn. Hwet scoene den de blommen ûneindich blider geurje en de fûgels folle hearliker tierelierzje . . .

Dêr kaem heit wer op hjar ta.

Hja hie der mei him oer bigjinne wollen, mar do't se him yn it stûfe antlit seach, bigriep se, it wier better en lit it nou mar.

XI.

DE GOEDDWAENDE.

Wer waerd it maitiid. De fûgels wierne sa iverich oan it nêst meitsjen yn 'e hege iperenbeammen, dy't sa steatlik om 'e slotgrêft stiene, de blêdden fen 'e abeeljes blonken silverich as de sigentsjes der mei boarten en oer de griene greiden laei de frissens ten it jong útsprutende libben.

Ho bloeide de pinksterblom, ho swaermen de wylde bijen, ho dounsen de michjes yn 'e maitydssinne.

Alle maitiden alweroan det nije, frisse, geurige — ho kin it de minske yn it sin bringe det hy net to treurjen hat oer de dea, mar det it libben it wînt, heech en hearskjend. En den groeit de nocht op út 'e groun en klinkt der in silveren klokje: de maitiid komt, de maitiid komt, — o minskebern,

wêz as dy maitiid, libben en fleurich en jow rounom de freugde frije tagong.

Ek yn Riemke hjar herte wjerklonk dy blide rop. Hja ek, hja woe libben en fleurich wêze en hja fielde it as hjar rop-ping fleur en tier to bringen yn herten, dy't yn it leed for-kommeren.

Dy feestlike maitydsdei kuijere it fanke de fjilden troch, Moarre en Ljussens foarby, nei it sté ta, dêr't de widdou fen Worp fen Steltinga hjar thús hie.

Wiken en tiden nei de dea fen Steltinga hie hja fen det for-stjerren fornomen; al wier it in neef fen hjar heit, de man hie it de moeite net wirdich achte, om der yn 'e hûs oer to praten.

It hie hjar pynlik oandien. Wier Worp fen Steltinga net heit syn folle neef, al wierd er forearme? Moast it den sa dwers tsjininoar yn 'e famylje?

Mar hja wist net, hwet hjar heit bikend wier, det de trije Worpen elkoarren trochgroune hiene oan't de boajem fen elkoarrens hert, det hja alle trije troch ien en deselde langstme-dreaun waerden: great to warden en to hearskjen; det hja alle trije yn hjar jeugd oer ien en itselde fanke dreamd hiene, det Worp fen Ropta yn elk opsicht slagge wier en det er him nou for de oaren, as syn fijânnen to wachtsjen hie. Hja wier ûn-kindich fen hwet hjar heit wiste, ho't Worp fen Steltinga de earste wier, dy't bilies jaen moatten hie, al wier yn syn herte in bittere woartel fen hate sitten bleaun. En det hjar heit it net forneare kinnen hie om trochsjoen to wêzen. Dêrom bleau er yn 'e hûs oer Steltinga altyd tige mijen.

Mar nou't Riemke fen dit forlies heard hie, woe en scoe hja de widdou yn hjar iensemheit opsykje. Sa stiek se for-dizze kear de kant nei Eanjum út.

De natuer wier ien sé fen wille en libben en de jongfaem, dy't hja for selskip meinommen hie, jage de bûnte flinters ef-ternei en dounse fen dertenens, det de kobbels swit hjar op 'e gleone foarholle stiene.

Riemke glimke derom. Hja woe ek wol wille ha en boart-lik as de flinters wêze en huppelje as hjar tsjinstfaem, hja scoe o sa graech it yetris útjubelje fen maitydswille, mar mocht hja al for in hiel inkeld kear de swiersettgens oan kant skouwe kinne, de wêdom kaem hiderkearen alweroan opset-ten. O, suchte se, hwerom wennet der yn it minskehert net in glim fen it hearlike himelblau, hwerom neat fen it mylde fen de goudene sinne? Hwerom ynpleats dêrfen det hjitfolgjen en elkoarren op it libben gean?

En heit — seach er it altiten wol goed yn? Hy hie hjar warskôge for Worp fen Sjoarda, mar hie dy it, goed bisjoen, net by it rjuchte ein? Hie dy it net oer hwet ús Hear fen ús freget: frede en ienriedichheit mei de broerren en det wy sels to lijen en to dildzjen hawwe? Foarfêst, God hie in mishagen oan dizze fijânskippen, dy't alle woltier yn 'e wei stiene.

Heit hie hjar warskôge: det fromme praet wier oars neat as bitüftens om op in liepe manear de tsjinstanner in loech ôf to sjen en sels de leije yn hadden to krijen.

Scoe it sa wêze? Hie de man it net oars bitoand? Hied er him net jown mei alle keardelskrêft en folle tawijing om heit wer better to meitsjen?

It toaniel op dy hjerstmoarntyd wier hjar net ûnbikend bleaun, do hie Sjoarda foargoed bilies jaen moatten en dochs wier er werkomen as hielmanster en frjeon.

It koe net wier wêze, det it allegearre gyng út selssucht en eigenbaet.

It is mei hjar ek gjin siikjen fen hjar sels det hja op dit paed is: mei men soks den wol fen in oar tinke?

It wirdt hjar waerm om it hert. Lokkich, det der op dizze ierde ek noch hwet oars bistiet as haet en striid, lokkich, det men noch goed dwaen kin. Dêrom wol hja komme, net allinne mei goede warden, mar ek mei in rynske hân.

As hja by de âld huzing oankomt, bisout se der fen. Hwet in forslauke spil. Hwet in únderskie: Ropta en Steltinga. Enden sa nei yn 'e famylje.

It âldminske skript hwet op it hiem om. Hja is gâns forsute, by sa't ik hjar yn it foarige kend haw, tinkt hja.

Frjeonlik stapt hja op 'e widdou ta om hjar kenber to meitsjen: „Ik bin Riemke fen Ropta en scoe graech efkes mei jo prate wolle.”

Hiel efkes glimket Tetta, den seit se dof: „Dus, de dochter fen Worp fen Ropta, wol 'k leauwe.” En hja skript fierder.

Mar Riemke lit it net sitte.

„Dy bin ik. It wier sok oannimlik waer, ik moast dizze kant út en ik woe jo ris opsyke.”

„Jo binne noch al in eintsje fen hûs. Is it feilich op 'en paed?”

„Hwa mei mids dizze maitydspracht de frede forsteure?” freget Riemke.

„De frede is al lang foart,” seit it âldminske op wémoe-dige toan, „ek as it frede liket, is it dêr fier fedinne.”

„En it moat frede wêze, woene jo sizze; ja, det scoe my ek tige oanstean.”

It minske nimt de jongfaem mei oandacht op: mient hja it? Ef is it in ljeagen, in optinksel fen 'e Ropta's, om slûchslim efter hjar earmoede to kommen en dêr den de spot mei to driuwen?

Mar hja sjucht op it iepene gesicht en yn it suvere, heldere each neat oars as klearebare sinneskyn; en den seit se: „Ja, frede, det moatte wy hawwe, yn it lân en for ús sels.”

En yetris seit de jongfaem: „It moat frede wêze, it scoe my sa oanstean, as wy det ris bilibje mochten.”

Hja koe der skoan ynkommie, hwerom't de widdou net op-s'ach flot en gemiensum tsjin hjar wêze koe. Der wier al safolle leid oer dit hûs kommen, hja hie safolle lijen trochwrak-sele, hja libben hjur fen 'e minsken forlitten — det hja de machtige hear fen Ropta syn dochter hwet skruten bihannelet. Riemke kin it hjar skoan yntinke.

En wylst Aeltsje, Riemke hjar tsjinstfaem, om hûs en hear flitteret, de blommen biwûnderet en de flinters efternei sit,

steane dizze twa in toarn by inoar, sùnder fierders in wird to sizzien.

It komt de widdou allegearre wer yn 't sin. Hja sjucht hjar man wer lizzen, dy lêste joune, do't it sa stoarme en hja heart wer syn warden, dy lêste, twingende, hoartend en stjittend der útbrocht: „Hwet dy oerkomme mei, nea in jefte oannimme fen dy greatske Hear fen Ropta!”

En scoe se den nou mei Worp syn dochter to dwaen ha kinne?

Mar Riemke hâldt oan: „Ik woe sa graech ris by jo sjen en mei jo kennismeitsje.”

It minske scoe sizze: dêr scilst' net folle oan hawwe, mar hja bitwong hjar. Hja seach wer yn it iepene gesicht en hja fielde it, det goedmienende each frege sa ynlik om hjar frjeonskip, det hja mocht net wegerje.

„Kom der yn,” sei se ienfâldich, „den kinne wy efkes prate.”

It hie in greate keamer west, dêr't de widdou hjar bisite yn brochte, mar hy wier nou mei in skut yn twaen dield. Jitse, de fiskersjonge, hie der twa fortrekjes fen makke. Yn it lytste part, det op it Suden útseach, wenne it minske sa troch 'en dei.

It dûrre net lang ef vrou Tetta fielde hjar al folstein op hjar gemak mei de Ropta-dochter. En do't hja ienmul fielde, det Riemke to bitrouwien wier, rekken de sieledoarren as fensels iepen. Och, hja hie yn gijn tiden troulike oanspraak hawn, nou't hja los rekke, moast hja fortelle, fortelle fen alles, dêr't hjar âld herte sa ûnder lit hie.

Riemke huvere der bytiden fen.

Hwet in heukerich en earmoedich en ientoanich bisteau hie it minske hjur yn dizze úthoeke. De Helbada's scoene hjar wol net útrûpelje, hjur wier dochs neat to heljen, tocht Riemke mei in forhoalen glimke.

„Hjirre,” sei Tetta, „hjirre, yn dizze hoeke is er forstoarn, yn inkelde dagen soun en wei, it wier in hirde slach.”

„Dêr kin ik ynkomme,” sei Riemke, „jo steane der nou allinne foar.”

„Ja, nou't wy de bern allegear forlern hawwe, komt it for my allinne op.”

Hja koe kwealik hjar skriemen bitwinge.

„Komt hjir wolris ien? Fen 'e famylje ef sa?”

„Komselden, allinne Jitse, myn moeikesizzer, as er it net to drok mei fiskjen hat, sjuch ik hjir wol gauris. Dêr haw ik noch it measte oanhâld fen.”

Fen Jitse hie Riemke alris heard: det moast net folle goeds wêze, in persoan, dy't yn jeugdige hjitholligens alle hege ljue forwinskje koe. Det wier ûnforstân en forset: moasten der gjin ealljue wêze om tó regearjen? Hja hie wol fornommen: hjir wierne hjar heit en de pastoar fen Moarre it folstelein meiïnoar oer iens, hofolle hjar elkoar oars ek ûntrounen.

Tetta mirk ho't hjar nicht biloek by it hearren fen dy namme. Hja bigriep hwet der yn Riemke omgyng. Hja woe der net tsjin ynlizze, mar sa ienfâldich wei sei hjia: „It is for my in hiele goede jonge.”

Riemke gyng der net fierder op yn. Dy Jitse wier yn elk gefal noch wol sa goed as forskate oaren, dy't nea nei moeike omseagen. Yn dit stik fen saken sels better as hjar heit. Miskien wier dy Jitse ek wol net sa'n oproerling as dêr't er for útskildere waerd. It hoechde yen neat gjin nij to dwaen det jonge minsken it erflike getsier fen de regearjende ealljue min daeje koene. De earmerein hie der it lijen mar mei.

De widdou prætte noch in hiel set oer lân en bidriuw, oer it wirk thûs en op it hiem, en liet útkomme, ho't hjia yn alles sterke waerd troch heger krêft. Riemke wier in tankbre taharkster, hjia liet it minske stil útprate en foun inkelde warden ta treast en bimoediging.

Einlings gyng hjia oerein. „It hat my tige noflik west. Ik miende, ik moast jo ris opsykje, om jo hwet moed yn to spreken, mar ik fiel, det myn warden just net folle sizze. Ynpleats dêrfen haw ik fen jo heard, ho't in minske him to hâlden en

to dragen hat yn tsjustere dagen. Lit my jo dêrfor tankje. En mei ik jo ek in lyts biwiis fen myn tankbrens oanbiede?” En hja helle to foarskyn, hwet hjia for moeike meinommen hie.

Der kaem it minske in heech rea op 'e wangen. Hja hie it hiderkearen wol tocht, det scoe der noch fen komme, mar mocht hjia it oannimme? Hwet hie hjar man sein dy lêste nachts?

Yn gjin gefal hwet oannimme fen Worp fen Ropta! O, it klonk hjar noch yn 'e earen.

„Wit jimm' heit it wol, detstou hjir biste?” sei se, dryster as hjia wend wier.

Dy fraech makke Riemke kjel. Mar hja bigriep de oarsaek fen dy útfal en sei: „Heit wit it net, mar hy bitrouw, det ik altiten op in goed paed bin en det bin ik nou ek.”

„Oannimme,” spriek der in stimme yn vrou Tetta, „dou hast dyn man neat ûnthjitten, dit komt net rjuchtstreeks fen Worp en bûtendet, it is oars net as in biwiis fen tankberens, lyk as Riemke nou yetris bifêstige. Hja mirk it ommers klear, hja hie yn Riemke in echte frjeondinne foun, ien dy't ynkommekoe yn it leed, dêr't hjia yn forkearde en dy't, frij fen alle bybidoelings, meifieldie yn hjar smerte.”

En hjia naem it oan.

Hwet naem Riemke mei in bulte oare tinzen de weromreis oan as hjia de hinnereis bigoun wier. Hja hie it leed sa nei ûnder 'e eagen sjoen, det hjia koe de tastân fen 'e widdou nou safollesto better oanfiele as fen tofoaren. Hjar ynsjuch wier der troch fordjippe. Op in manear, det it hjar it eigen leed safolleste makliker to dragen makke.

Hja liet Aeltsje den ek mar vrij tsjotterje en hinne en wer dounsjie, hjia hâldde hjar by hjar eigen tinzen.

It wier sa'n wûnderstil ljocht, det yn hjar siele bigoun to skinen. Hja hie goed dien, en det oan immen, dy't ek krûsdrage moast, folle, helte slimmer as hjasels en it hie hjar ta segen west.

Mei gâns oare eagen seach se nou de strieljende sinne en de blierblœijende blommen aan. Hark, hwet song it ljurkje dêr hearlik, heech yn 'e loft. Omheech! Graech scoe hja nou ek mei hjar herte omheech wolle! Hjurwei! De ierde en de soargen forlitte, dizze sündige, stridende ierde, dizze minsken, dy't tsjin elkoar opstiene en elkoar it libben sûr makken — omheech, dêr scoe se wêze wolle, om ek sjonge to kinnen. Dêrre, by hjar mem en by hjar broer! Wierne dy net nei Jezus tein?

Hja hie yn hjar jeuchlike jierren hjar der sasear gjin rekenskip fen jown, ho heech it himellibben boppe it ierdske to forkiezen is, it kaem nou lyk op hjar oan. Hja seach en fielde it nou as it fierwei meast bigearlike.

It waerd in hearlike simmer.

De partisucht wier yn it bilúnjen.

Worp stie noch net yn syn âlde krêft en it like, ek de Helbada's joegen hjar del.

Eft Worp dêrom gerêst wier? Yn gjin gefal! Syn tsjinstanners scoene wol mei nije, skarlunige plannen omrinne, op de iene ef oare wize scoene de Dongeradielen wôl wer yn opskoer reitsje.

Riemke tocht dêr net folle oer nei. It waerd feiliger, en soks wier hjar al noflik. Safollesto gerêster koe hja ommers nei hjar nije frjeondinne ta reizgje.

Mear en mear ûntlëstigen dy twa hjar fen elkoarrens soargen. As wier it hjar twadde mem, sa doarst Riemke by hjar âlde moeike hjar herte bleat to lizzen. Hja hâldde suver neat binefter en mei al hjar swierrichheden kaem hja earlik foar it Ijocht.

Hie yn it earstoan de widdou it meast de treast fenneden west, it gyng nou faken krekt oarsom. De widdou moast nou treastgje, forsêtsje it leed fen de jongfaem, dy't mids hjar rykdommen forkwynde yn ienlichkeit en hwet langer hwet mear fragen by hjar opkommen fielde, fragen oer libben en dea.

Al wier Tetta in minske út 'e ûnderste lagen fen it folk opkommen en nou ta in steat fen earmoede en ôfhinklikheit forfallen, dochs hie se fen hûs út in tear gefoel en in apart bigripen fen minsken en tastânnen meikrige. Boppedet wier hjar ynsjuch opklearre yn de tiid fen hjar troudwêzen mei in Stellinga, en ek de droevenis, dy't oer hjar kommen wier, hie hjar safollesto mear meifielend makke foar oarmans leed oer.

„Forklearje my nou ris, ho kinne jo altiten noch sa fordilich it lijen forneare, det jo ûndergean moatte?” frege Riemke ris op in kear.

„Fanke, ik leau it is, lyk as pastoar Easege it seit: it is ús Ijeaven Hear, Dy't ús helpt, Dy't ús it krûs op 'e skouders leit en meijens dé krêft jowt om it to dragen.”

Riemke stoarre in setsje foar hjar út. Hja hie it al tiden sa oanfield, mar hja koe de rjuchte wissichheit der net oer krije. God, de Heit yn 'e Himel, it bloed fen Jezus Christus en it ynwenjen fen 'e Hillige Geast, allegearre dingen, dy't hjar leard wierne, mar dy't hjar faken yn it libben sa fierôf liken, hja kamen hjar nou safollesto tichter oan it herte. Hja seach it heukerich bisteant fen dit minske dêrtroch forljochte, hja mirk de krêft fen de Godlike wierheden op yn dit swakke skepsel, en it wier ek for hjar eigen sielelibben ta segen.

„Né,” sei it minske dêr oerhinne, „it is net samar fensels kommen, de wei wier net maklik, mar hie ús Ijeaven Heare my net steande hâlden, ik hie mooglik mysels tokoart dien. Forline winter, mei dy kjeld, hwet haw ik hjir do hwet福德ürje moatten. Mar God hat my der trochholpen. Hy hat my Jitse stjûrd om my by to stean. En nou fen 'e simmer binne jo it, dy't my sa faek bimoedigje.”

Riemke glimke om de lêste wirden. „It bimoedigjende fen myn kant, mei sa wol wêze. Jo helpe my mear torjuchte as ik jo.”

De widdou woe oer de goede gaven bigjinne, dy't hja safolle fen Riemke krigie, mar dêr woe dy neat oer hearre. „Hwet men jowt moat men net wêze wolle, oars is it gjin jaen mear,

mar in oanbieden fen yensels, det in oar yen dêrfor nei de eagen sjen scil."

Sa gyngen de âldere en de jongere alhiel yn elkoarren op. En beide forbliden se hjar der yn, det se elkoarren ta treast en ta in segen wêze koene.

XII.

AS DE BLOEI BIGJINT.

Do't Riemke fen Ropta de earste kears by de widdou fen Worp fen Steltinga wier, hie se der langer as oardelûre yn 'e hûs sitten. It petear naem hjar sasear yn bislach, hja tocht hielendal net ienris om de jongfaem, dy't hja ta selskip meinommen hie. Lykwols, dy scoe hjarsels wol formeitsje.

En dy hie hjarsels rôdden.

Do't hja in setsje efter de flinterkes omjachte en hjar en dêr hwet blommen ôfplôke hie, krige se dêr hjar bikomst fen en gyng se om hjar wirge lea hwet rêt to jaen, yn 'e lijte fen 'e skûrside hwet yn it skaed sitten. Jonge, hwet wier it noflik om efkes út to pûsten, sa frij en sa fris. En hja wiske hjar mei de tippe fen hjar skelk de switdrippen fen 'e gleone foarholle ôf.

Och, hwet wier it hjar lekker koel en forkwiklik en hja speake hjar jonge lea en rôlle in slachmannich yn it gêrs om. En wylst hja dêr sa laei, seach se op nei de frjeonlike sinne oan 'e blauwe himel, en nei de wite wolkemkes, dy't dêr reizgen, hiel heech en fier en nei it blanke seal fen in skip, det nei Eanjum foer. Hwet wier de wrâld dochs op alle manear ljeaflik en hwet foel der op dizze sündige ierde noch in bulte to genietsjen. Bynammen as men jong is en fris en fleurich. Alles lake hjoed en hja woe ek jubelje en wille meitsje.

Do't se wer sitten gyng, bigoun se in sankje op to heljen, dêr't yn foarkaem fen moanneskyn en stille nacht en wûndere ljeafde.

Hja fornaem net, ho't der immen oansetten kaem. Ien, dy't efkes letter stil to stoarjen stie nei it kreaze famke dêr foar him. Ien, dy't in greate biwûndering by him opkommen fiede.

It wier Jitse, de fiskersonge.

Hy scoe syn moeike in moai briedsje bringe, hwent hy hie in goede fangst hawn. Nou foun er hjar immen, dy't syn eagen noch nea earder snoen hiene.

Hy kaem noch in pear stappen tichterby.

Do, hommels, fornaem it fanke him en midden yn in hege úthael bleau hja stykjen. Mei hjar ljochtblauwe eagen seach se de jonge lyk oan mei in gesicht fen: soa, woest' my biharkje?

Forlegen stie de jonge hjar oan to sjen, det it fanke koe it glimkjen net litte.

Det makke him noch simmeleftiger. Hy wist net eft er de weromreis oannimme scoe, ja efte né.

Mar hjar eagen liken him wol fêst to hâlden. En hjar hearlik kopke mei dy reade frisse wangen. Hy fiede, det er hwet sizze moast en dêrom bigoun er:

„Bistou hjar by ús moeike?”

„Ik by jimm' moeike?” en hjar gleone eagen seagen him narjend oan, „ik by jimm' moeike? Ik wit fen gjin moeike.”

„Fanke,” sei er, „bistou hjar sa frjemd, dets' net wits' det myn moeike hjar wennet yn dit hûs?”

„Oooo,” sei it fanke mei in lang gesicht, „det hiest' my noch nea earder forteld.”

It wier ek hwet moais! Hy hie hjar noch nea earder snoen, ho scoe hja it den fen him heard ha, det syn moeike dêr wenne?

Hy woe him hast omkeare, det bretale fanke wier hy dochs net tsjin opwoechsen, tocht him, mar dêr koed er ek net ta komme. Dy hearlike, frisse troanje!

Dêrom bleau er stean en sei ienfâldich: „Ja, myn moeike wennet hjar en ik help hjar op it lân en sa.”

„Den bistou in tige bêste jonge. Dochst' oars neat?”

„Ja, ik fiskje en wy forkeapje de fisk oan 'e rike ljeue. Mar moeike kriget ek wolris in briedsoadtsje. Wolst' ris sjen, ik haw hjir in soadtsje yn 'e pûde.”

Mar it fanke loek in fiis gesicht en sei, det se genôch fisken fen hjar libben snoen hie. As se yn it pantsje wierne, den gyng it wol, mar dy gliberige, skobbige fisken mei glêzige eagen, hy moast der hjar net oer prate. „Mar hwet ik sizze woe,” sei se dêroerhinne, „dou forginst se de rike ljeue dochs net, wol? My tocht, dou seiste it niis mei sa'n smeulsk gesicht.”

„Ik forgin gjinien hwet er fortsginnet,” sei er bitûft.

It fanke mirk, det er nou in snedich antwird joech en sei: „Moai sa, soks mei ik lije. Ik gin ek graech elk sines, mar mysels wol ik graech net it minste tapartsje, ho dou?”

„Der binne minsken, dy tinke tofolle om hjarsels en as hja it for it sizzen hiene, den koene de oaren om 'e strûken springe.”

De jonge rekke nou alhielendal op 'e tekst en oerwoun syn bleuens follein. Hy forgeat, det syn taharkster in jongfaem wier, dy't nei alle wierskyn nea earder sokke riddenaesjes fornommen hie, mar syn hert wier der fol fen en dêrom roun de mûle der him fen oer.

It fanke harke mei gleone eagen.

Dy jonge waerd yn hjar eagen nou in hiel oar persoan as dy fen niis-kreksa, do't er der sa ûnnoazel bystie. Mar dêrom joech se him yn hjar hert noch gjin gelyk. „Dou kinst prate hwetst' wolste,” sei se, „mar der binne ek genôch oaren Witst' wol, by hwa't ik tsjinje? By Riemke fen Ropta!”

„By de dochter fen dy greatske Worp?” sei er forachtklik.

„Ja, mar hja is in tige bêst minske, hja gint in oar ek wol hwet. Dou slachst troch, myn jonge, dou witst noch net heal, ho't de wrâld yninoar sit.”

„Nou, dy hege Hear fen Ropta is yn elk gefal in pronkje,” sei de jonge, „it is famylje fen ús moeike hirre, mar hy scil him der wol for wachtsje en set hjir de foetten op it hiem.”

„Syn dochter is yn elts gefal sa net, det wit ik wol better, en ast' dy dêr net stil oer hâldste, den wol ik net meer mei dy prate en siz ik oan myn vrouwe, detstou in oproerige en aeklike jonge biste.”

„Doch it mar,” sei de jonge, dy't nou alhielendal himsels wer wier, „siz it hjar mar, en fortel der by, det it oan det erflike skeel to tankjen is, det wy hjir sa'n lijnen en ilinde bilibje.” Hy wist wol, det hja it dochs net oerbringe scoe, hjar eagen wjersprieken hjar warden, en bûtendet, ho scoene twa, dy't op 'e ûnderste trime fen 'e trep stiene, inoar forklikke by de heger steanden? Soks wier gjin gewoante yn Fryslân.

Hja fiede it sels ek wol en sei: „Nou ja, fensels, in minske wit mear as er seit, en hy seit simstiden mear as er tinkt, mar ik woe dit mar sizze: dou meist Riemke yn gjin gefal tonei komme. Ik hâld fen hjar, om't hja in golle wolmienende vrou is.”

„Ik scil mar rekkenje, detstou gelyk haste, mar oars . . .” en hy hong wer in tafriel op oer de wandieden fen de ealljue. Syn jong, oprjucht gemoeid wier der fol fen.

Sa riddenearjende wei wier er ek kommen to sitten en it dûrre net lang, eft it like der op, det hja elkoarren al wit-holang kend hiene.

Wol in forstânnige jonge, tocht Aeltsje, do't er in set oan it wird west hie; en hwet in aerdich, kreas en bigripend fanke, gyng it Jitse troch de siele. Hjar earste kennismeitsjen wier wol hwet hommels gien, mar nou't hja in setsje mei elkoar praten en striden hiene, foelen hja elkoar in hiel ein ta.

It wier hearlik yn syn eagen.

Hy koe to Eanjum ek wol forskate fammen fen syn jierren, mar net ien fen allen hie ea sa'n yndruk op him makke.

Mar dit fanke! Al fen it earste stuit ôf waerd er bitipele fen hjar hearlik sjongen, hjar fris gesicht en hjar ljochte hierlokken. Dêrtroch hie er earst ek gjin fetsoenlik reden en biskeid jaen kinnen, mar nou, nou't er him útpreeft hie tsjin

hjar, nou't se nei him harke, nou wier der yn syn siele ek inselde lûd fen sjongen, as dêr't er hjar niiskreksa op bilûstere hie.

Né, hja stimde him lang yn alles net mei, mar det hoegde ek net, det hie er ek ljeaver fen net: efkes stride, efkes hijt mei de hollen tsjin inoar yn, det bringt just for in Fries it minskewêzen ta syn rjucht, en dêrom . . .

En hja . . . hja fielde ek hjar jonge libben oanlitsen fen dizze ienfâldige, djipfielende en hertstochtlik pleitsjende fiskersonge.

Do, einlings, wier de doar gien en Riemke hie nijs gjirrich om hjar hinne snoen, hwêr't Aeltsje bidarre wêze koe. En do't se de fiskersonge yn it riisier krike hie, frege se aan Tetta: „Is det koarts jou moeikesizzer?”

„Det is er,” sei it âld minske.

En do hiene der fjouwer minsken bliid west, mar de iene syn blydskip wier wer fen in hiel oar aerd as dy fen de oaren.

XIII.

MIMERIJEN EN PLANNEN.

Dyselde maitydsdei laei Sjûk fen Helbada hwet to sintsjen yn 'e smoutens fen de foarfaderlike huizinge. Hy hie lins nommen for in kear. Hy woe sa'n folle, lange, Ijochte maitydsdei ris for himsels hâlde. Hy woe genietsje fen de wünders fen 'e natuer. Dy koene him sa faek oermasterje: hy woe se nou ris folstein en klar ta syn siele sprekke litte. Hwent gewoanlikken mocht er dêr net al to folle aan tajaen: it wirk rôp him om ta to pakken, hy moast oarders jaen en neigean hwet feinten en tsjinstbren útrjuchten, der skeat faek en folle in bytsje tiid oer om him aan de dreamen fen syn mimerjend aerd oer to jaen.

En as er it al die, nou, den wisten syn jongere broerren him der wol út op to skrikken. Bynammen Sake, dy't op him folge.

Dy kaem altyd mei hwet nijs oandragen. Oer lân en bidriuw, oer jeijen en fiskjen, oer fjuchtsjen en slaen, oer de striid mei Worp fen Ropta bynammen.

It stie Sjûk wolris tsjin, mar hy moast reden en biskeid jaen, oars scoe it lykke, eft it him, de âldere, net tabitroud wêze scoe de leije yn hannen to hawwen.

Mar nou woed er det allegearre wol fen him ôfskodzje om to dreamen oer de sinne en oer de sé, dy grote wide, mei de polskjende weagen, dêr't de gleone sinnestrielen sa derten oer hinne dounsjie koene. En ho forkeljend it wêze koe to baeijen en to swimmen yn it hearlike, koele wetter.

En den fierders woed er dreame oer de takomst, ien fen Ijocht en frede, en hy woe him sels sjen yn in florisante huizinge, mei in gnap frommiske en soune bern. Striid en skeel, hy scoe it mijne safolle as er bymachte wier.

Hwent dy erflike striid! Det gehjitfolch altiten! Hy wier it sêd, mear as sêd!

It koe nou ek sa wol: syn heit hie Doaitse forslein en Worp hie syn heit it libben binommen, en dy hie dêr noch in flinke feech for krike, — om him, om Sjûk fen Helbada, koe it nou wol út wêze.

Dochs siet er der sims noch mei yn 'e ties, as it bloed by him bigoun to sprekkien.

Wier dy Hear fen Ropta net *de erffijân*?

Dy hie it ommers net útstean kinnen, det it de Helbada's goed gyng, det hjar heit lieper en hwetmear ploaiberwier asdy rûge en rouwe Worp. Hie hjar heit gjin gelyk hawn, wier er der net tûzen kear ta terge wirden, det er dy Doaitse út 'e wei brocht hie? Hie hjar heit wol ea pynlicher dy Ropta's treffe kinnen as just mei dy deastek?

En dochs, hy koe it langer net goedkrije. Dêr moast in een oan komme. It skeel moast sa stadichoan mar deabliede, alles moast him delbêdzje, en den moast de ynfloed fen 'e Helbada's op in fredige wize útwreide wirde. Sa wier Sjûk syn bitinken.

Mar Sake, syn broer, dy tocht der gâns oars oer.

Dy hie mar ien doel foar eagen: de dea fen Worp fen Ropta.

Hwent dy beide slachten koene net nêst inoar bisteant yn East-Dongeradiel. Ien fen beiden moast forgean. Wolnou, den scoe Ropta der oan! Der wier mar ien Ropta mear, in sterkenien, wis, mar dochs ien op jierren, en hja wierne jong en liep en sterk! Hja, de Helbada's moasten it winne. Dy moasten bistjûrders werde yn East-Dongeradiel. Hja koene de baentsjes gaedlik ûnder elkoar forpartsje.

Heger rjucht?

Der bistie ommers gjin heger for hjarren.

It Fryske forbân hie neat to bitsjutten en de Keizer ... dy wenne fierôf. De lippen kamen yn minachtsjende fâlden as hja it oer de Keizer hiene. Dy hie it fierstento drok mei greate dingen, det er him om dit lytse East-Dongeradiel bikroadzje scoe.

En dêrom moasten de Helbada's hjir Hear en Master werde, en mocht de ynfloed fen Ropta great wêze, safoldesto moaijer slach as hja dy hiele ynfloed forneatigje koene.

Sjûk koe dit allegearre sa mar net goed krije, Sake seach der gjin bien yn. Dy stie net ûnder ynfloed fen Hear Pastoar, lyk as syn âldere broer.

Wylst Sjûk oer al dizze dingen siet to prakkesearjen, kaem Sake der oan. Hy hie ek mar ris frij nommen, mar it meast om syn kriichsplan útwirkje to kinnen.

„It giet goed,” bigoun er tsjin Sjûk, „ik haw dy sufferts sen Holdinga's al op myn hân. Hja scille Eanjum wôl tsjin Worp oanhysje. En de Eysinga's, och, dy dêr yn hjar earmle gelege lannen hawwe net folle to bitsjutten, mar brûke kin ik se dêrom wol. De Eminga's fen Ealsum fiele ek net folle mear for Ropta. Dy rûchrouwe Worp hat hjarren tofolle yn akte krike, it stiet hjar mar min oan, det hjar gloarje der troch forminderesearre is. Sels de Yntema's fen Eastrum hawwe hjar bikommen fen de oermânske Ropta. Dêr komt by, dy feech fen Hegebeintum is him noch lang net út 'e lea. Det syn per-

soanlik oerwicht mei op dit stuit ek wol sa wêze. Rounom ha ik it fjûrke oan it baernen, noch in lyts wynpûstke en de knetterjende lôge slacht oer 'e lannen, det Ropta der yn toskroeit. Ja, en witst' wol, hwet elk foar oar nou tinkt fen myn eale frjeonen? Det hja sôls den Hear fen East-Dongeradiel wirde scille. Mar dêr moatte wy in skoatteltsje foar strike! Is it ienkear sa fier, den moatte wy ús slach slaen.”

„Hosa, wolst' sizze?” frege Sjûk twivelich.

„Bigrypst' it net? Ropta moat uzes wirde; den wenje wy mids dizze kontreijen en wy scille det folkje om ús hinne wol lyts hâlde. Nou, ho liket it dy ta? Bist' der net bliid mei?”

Sake sei it yn biwûndering. Hy wist wol, det Sjûk lang net altyd yn syn plannen meiging, mar nou't alles den sa goed yninoar set wier, moast syn wirk dochs wier tajubele werde, miende er.

Mar Sjûk jubele net.

„Ik wit it hast net; altyd alweroan dy strideraesjes!” Hommels kaem it der út.

„Strideraesjes?! Dêr moatte wy fen bisteant. Stride, ik woe altyd wol fjuchtsje, mar den moatte wy fensels de slach winne, de fijân yn 'e falle lokje, en him lytsman meitsje.”

„It stiet my dochs net oan.”

„Wirdst' bang?” spotte Sake.

Sjûk kaem oerein, gyng rjucht foar Sake stean, seach him lyk oan en sei: „Hast' det ea oan my fornommen?”

De bitûfte Sake fieldie, det er him ynbine moast en hy die it ek oplach.

Syn doel laei fierder, folle fierder! Hy hie det sa pas al sein: fen de striid om de striid, mar hy forbirch it efter det oare: striid, om't der gûnt wierne, dy't heger stiene as hy. Hy socht nou de striid om letter safoldesto better hearskje to kinnen. Mar soks koe hy nou noch net sizze. Hwa wit, moast hy Sjûk den ek nochris dellizze, en dêr scoe it nou yn gjin gefal de tiid ta wêze.

Om Sjûk kaem der nea gjin striid wer. Net om't er bang

wier, hy doarst de fijân wol oan, en as er stjerre moast yn 'e kriich, wolnou, hy scoe der net fen tobekskrilje. Wier it mei syn heit safolle oars gien? Mar dit wier de frage: is de minske hjir den inkeld en allinne op ierde steld om yn haet en niid to libjen mei syn evenminskens? Né, de pastoar hie it him oars foarhâlden en yn syn eigen herte wier in stimme, dy't dêr in krêftich jawis! op sei.

En dochs kaem der dy simmers neat fen de plannen tolânnne. It wier eft alles hwet stûke. Sjûk hie der net hijt op west en Sake sette net rjucht troch.

Om't er net earlik doarste?

Yn gjin gefal. Mar hy hie hwet snoen, det syn tinken in oare rjuchting útdreau.

It wier op in lette neimiddel. Sake fen Helbada hie in pear boadskippen to Dokkum en sjaggele sahwet sânder doel de strijitten lâns. En hy tocht, hwet is it hjir in stik oars as by uzes efter Ingwjjirrum. Hjir de binyptens fen streken huzen, dêr de frije natuer, hjir it gerûzemoes fen minsken en karren en weinen, dêrre de stiltme en de harmonije fen de fûgelsang yn 'e hearlike loftsen. Hjir wierne ek minsken mei altiten wille en tier, dêrre koe it somstiden sa binearjende stil en iensem wêze. Hy scoe dêr dochs yet wolris wei wolle om mear yn it minskeformidden to wenjen. En hy bigoun wer nei to tinken oer syn plannen om Ropta to oerrompeljen. Ropta moast sines wirde, en ljeafst ridlik gau.

Dêr seach er hommels in keppeltsje fammen de Heechstritte del kommen. Hy koe se: it wierne Joukje fen Jarla fen Wetsens, Sybrich fen Yntema fen Eastrum, Grytsje en Fetsje fen Eminga fen Ealsum, en noch in oaren, dy't er sa út 'e fierte net rjucht to plak bringe koe, mar dy't by neijer tasjen nimmen oars wêze koe as... Riemke fen Ropta.

Riemke fen Ropta! Nêst in jier ef fjouwer hied er hjar ek alris snoen: do noch in great opsloepen fanke, wier it nou in feardich jongfaem wîrden, kreas en ûntieid.

En do't er hjar praten hearde en laitsjen seach, do wier der hwet wûnders oer him kommen, hwet ljeafliks en hwet stils, en der wier yn syn siele in bigearde woechsen om hjar to bisitten, for altyd, for syn hiele libben.

Do't Sake dy joune thûskaem en prakkesearjendewei troch de singel om 'e pleats hinne kujere, rekke er hwet langer hwet mear mei himsels yn twaatriid. Alle hertstochten stiene by him op en wrakselen op elkoar yn.

Hy seach wer dy dochter fen Ropta, it hearlike fanke, mei dy ljochtblauwe eagen, dy blanke hals, it mûtel gesichtsje; hy seach, ho't op de sounens fen hjar troanje in apart stampel fen wémoedigens set wier; hy hearde hjar laits, sa suver as it lûd fen 'e ljerk yn 'e moarntiidsloften, helder en dochs net útlittend en wyld, mar dimmen, lyk as fen in echte Frieszinne. En heftiger kaem de bigearde om hjar to bisitten yn him op.

Mar den, hommels, stie de wrake tsjin Worp fen Ropta wer foar him en dy frege om dieden, om it topletterjen fen alles hwet Ropta hiet.

Scoe hy ea de man, dy't syn heit de deastek joech, as syn skoanheit bigroetsje kinne?

„Gjin tinken oan!” spriek de hate yn syn herte. Dy Worp scoe út 'e wei, det wier hy oan syn heite neitins forplichte.

En in Fries foroaret net.

Dêrby: it wier nou sa stadichoan allegearre ré. In lyts teikentsje en Ropta hie der west.

„En den?” kaem der in twivelige stimme, „en den?” Scoe de dochter fen Ropta ea trouwe wolle mei de man, dy't hjar heit yn it grêf holpen hie?

Ho mear hy der op ommimere, ho tsjusterder it him talike.

Wiken oanien hie Sake it mei dizze twaatriid to krijen. Dêr kaem it fendinne, det der neat tsjin Worp útrjuchte waerd. De mannen, dy't ûnder ynfloed fen Sake hjarren oerhelje litten hiene, om it tsjin de Hear fen Ropta yn 'e kant to setten, rekken ûnder de bitipeling wei, en gyngen elk syn eigen paedtsje.

Dêrfendinne ek de frede, de skynfrede, dêr't elk fen fielde,
ho maklik dy wer yn wrede plonder- en moardpartijen oer-
gean koe.

Einlings seach Sake de wei, dy't nei syn bitinken, him
gaedlik wêze koe, klear foar him lizzen. Worp moast om-
brocht wirde, net iepentlik ljeafst, mar tomûk, yn it fjild ef sa,
en him tocht, de jongste fen de Yntema's scoe de persoan
dêrta wêze, en forrjuchtsje dit stik.

En wier de heit oan kant, den scoe Sake it wol klearspylje
mei de dochter. Den waerd hy fensels Hear fen Ropta, hwent
Riemke naem, as iennichste erfgenamte, alles mei. Dy wei
wier dochs wûndere maklik.

Nimmen hoegde to sizzen, det hy Riemke nimme scoe om
hjar bisit, hwent hy fielde oprjuchte ljeafde for hjar yn syn
binnenste, alteast det makke er himsels wiis. En hjar bisit-
tings, ja, dy scoene him meïrens bringe op it plak, det hy yn it
gearlibjen mei de oare Friezen winske yn to nimmen.

Sa makke Sake syn plannen ré.

Wier hy net in echte Helbada? Wier hy net klear for moarn
en oaremoarn?

XIV.

LANGSTMEN.

Wer kaem de maitiid oer Fryslân. In unljige winter fen
stoarm en ûnwaer wier fortein en mei nije moed boarde it
jonge libben ta de âlde groun út. De fjilden om Ropta hinne
stiene der sa fris en fleurich foar. Yn 'e beammen om it slot
bouden de fûgels hjar nêsten en de loften wierne fol fen lûden
fen libben en ljeafde.

Graech scoe Riemke ek dy reine freugde priuwe wolle, dy't
der weilein wêze kin for in minske, dy't yn ljeafde him wit
to jaen oan syn evenminske. For hjar wier wol de libbens-
maityd kommen, mar de maitydsljeafde like net komme to

wollen yn dizze oarden, om't de maitydssinne fen frede net
opkomme woe út 'e dampen en rampen fen de rûzige tiden
wei.

Sa wier de blidens weiworden yn 'e Mitselwierster stins,
jonge minsken kamen dêr komselen oer de flier, de Hear fen
Ropta, foar it each deselde as yn it foarige, hie mei in fûl for-
triet yn syn binnenste to krijen, det him by tiden noartsk en
ûnhannelber makke, oare tiden wer ûnwis en wifkjend yn it
jaen fen syn bifelen.

It tsjininstfolk bigriep net hwet se oan him hiene, syn dochter
allinne hie der yn 'e fierte formoedens fen. Somstiden tocht
hja: as heit nooris wier-wier syn hert útsprekke koe, den scoe
hy like fûl as ik al dy strideraesjes forwinskje.

Mar de Hear fen Ropta spriek syn herte net út, det giet net
sa maklik yn East-Dongeradiel.

Hwet in gelok, det Riemke hwet langer hwet meer oanhâld
hie oan de widdou fen hjar heite neef Worp. Hwet ek in wille,
as hja dêr goeddwaen koe. Dizze unljige winter hie hja oan
it heukerige libben fen Tetta in waermer en fleuriger oansjen
jown. En tankber, mei triennen yn 'e eagen, hie it âld-minske
de jongfaem yn 'e hannen knypt.

Al in jier hie de frjeonskip dûrre en beide fielden hja, ho't
se nou net meer sûnder elkoarren libje koene.

En dochs, nou't Riemke op in moaije foarjiersdei wer op
reis is nei hjar âlde frjeondinne, stiet hjar each mistreastiger
en drôver as yn lange tiden it gefal wier.

Wier it in wûnder? In pear wike forlyn wier Joukje fen
Jarla út Wetsens op Ropta kommen. Joukje, oars sa'n stil en
bidêst fanke, wier nou suver út 'e skroeven fen opteinens.

„Fanke, ho ha 'k it mei dy?” hie Riemke tsjin hjar sein.

„Stil,” hie Joukje andere, „joun scil ik it dy fortelle.”

En dy joune hie se it forteld. It wier op in momint, do't it sa
selsumse stil oer de fjilden worden wier en de sinne efter Nije-
wier toraende yn bloeijend poarper en efter Eanjum út wei
de moanne opkaem mei syn fol gesicht en de dauweweagens

ien kleed fen silveren tridden weefden en Kolken en Kleaster ta in hearlik skilderij omskepen wierne. Joukje hjar forhael hie alhielendal past by de wünders fen dizze maitydsjoun.

Hja hie forhelle it âlde forhael, det in nij ljocht falle littin hie op it paed fen de jongfaem, dy't Joukje fen Jarla neamd waerd. Ho't Jelke Hania faken de komste by hjar heit-en-dy's hie, en det hja al ridlik gau mirken hie, it wier net sasear om de heit as wol om de dochter to rēdden. Hwet koed er hjar gutich mei syn kwinkslaggen en útfynsels op 'e side komme en hwet wist er it redsum oan to lizzen om mei hjar allinne to wêzen en den, sa ûnfortochts... En Joukje fortelde fen dy joune, do't er hjar oer it mat kaem oan 'e skûrside, — it wier, do't de stjerren sa flikkeren — en ho't er hjar do nei him talitsen hie en det sy hjar kopke do sa ljeaf tsjin syn skouder oanlein hie, o sa deun en sa lokkich en hearlik... En det er do sein hie: „En scille wy der nou mar ris mei jimme heit oer prate?” en det hja dêr graech yn meistimde en det heit ek neat gjin biswieren yn 'e wei lein hie.

Jelke Hania! Riemke koe de Hania's; it wier libben folk, glimkjend en meigeande, mar net de forkearde kant oer, Joukje scoe fêst lokkich mei Jelke wêze; al mochten hja elkoar in ein ûntrinne yn aerd en wêzen, hja scoene elkoar ek oanfolje en it libben ta in loksteat meitsje: hja bimirk, det Joukje nou al hwet oernommen hie fen de golle blierens fen de Hania's. Mocht de stamme fen de Hania's lang net tsjin dy fen de fen Jarla's útkinne, de persoan fen Jelke woech dêr ryklik tsjin op.

„Tige, tige lokwinske,” hie hja sein, en miend hie hja it ek, al wier der yn hjar herte sa'n wûnderen langstme opkommen, det hja Joukje it lok hast forginde.

„En ho is it nou mei dy?” frege Joukje pleagjenderwize. „Hwennear kin ik dy ris to Wetsens forwachtsje mei de feint?”

„Frij, fanke, vrij, det scil for my de wei wol wêze moatte.”

„Och ja, det haw ik ek wol faek tocht, mar nou't ik ditte krike haw, scil ik nea wer om de vrijheit freegje.”

„Hwet goed is for dy, kin dêrom for my noch wol fier dêr fendlinne wêze.”

„Fanke, dou scilst wol net folle oars fen sielsbistean wêze as ikke. Ik miende faken: ik scoe oerbliuwe wolle ef non wirde ef sokssahwet, mar as *hy* komt, dy't yens hiele libben yn bislach nimme kin, den meije wy net oars as ré wêze ta in reine oerjefte.

En Riemke hie hjar gelyk jown, mar der oan tafoege, det it ljeafdelok yn elts gefal for de iene earder kaem as for de oare, en det der hjar foarfêst wol tûzen dingen yn 'e wei stean scoene.

En nou't se op reis wier troch de maitydslannen moast se noch hiderkearen tinke oan Joukje en hjar great lok. Hja hie der de hiele nacht net fen sliepe kinnen.

En hja hie hjarsels alles wer to binnen brocht fen yn it foarige, do't it noch frede wier en ho't Doaitsen hjar kaem mei syn kammeraten; en det se den sa'n wille hiene en mei elkoar gekjagen en mâlfarren, tikkeboarten en elkoar om hûs en hear efternei sieten, boatsjefearen op 'e slotgrêft en elkoaren mei wetter bipoezzen. O, dy ûnbisoarge, hearlike, boartlike tiid, ho koe hja der wer nei forlangje mei al de langstmen fen hjar jong en brûzjend herte!

Hja wier dochs ek in frommis, jawis, en hja scoe ek wol for ien libje wolle, dy jaen wolle hiel de frissens en feardigens, de geur en fleur fen hjar bisteant, ien, dêr't hja yn lok en yn lijen mei prate koe en dy't hjar bigripe scoe en hja him, ien, dêr't hja ien mei wêze koe.

Scoe der sa'nien wol for hjar bisteant?

Hja wier nou twa en tweintich en al hwet hjar siele opmirken hie, wier, det nimmen fen de feinten fen hjar jierren, for-safier hja noch mei Ropta gemienskip hiene, op hjar dy yn-floed útoefenje koe, dy't hja fen hjar ideael freegje moast. En kaem hy net, de feint, lyk as dy libbe yn it djipst fen hjar

Dream en Ideael, wolnou, heit mocht sizze, det hja hwet fen 'e Jarla's hie, hja scoe yn dit stik fen saken toane, det der Roptabloed yn hjar ieren polske.

Mar non wirde, lyk as der gûnt ûnder hjar goekinde wîerne, dy't hjar deljoegen yn Kleaster Sion by Nijewier, né, dêr scoe se net ré for wêze, foart en daliks noch net tominsten. Us Hear to tsjinjen wier goed, hja seach, ho't vrou Tetta dêr rêt en steun yn foun en by tiden koe hja ek fornimmē, ho nei de Heit yn 'e himel hjar wier, mar in libben, lyk as de nonnen hiene, dy't de wet fen it libben, dy't God yn 'e minsken biskepen hat, net opfolgje koene, *det* wier hjar lêste forkiezing.

Yn soksoartige gepeinzen kuijere se nei hjar âlde moeike. En oer hjar siele kaem in greate ûnwennigens.

Dêr, hommels, in ruter stiet foar hjar eagen. Hja skrillet der fen op. Det is, it kin net misse, Sjûk fen Helbada. Folle hat se him noch net sjoen, fen tichteby noch nea, mar hja wit opslach hwa't de foarse feint is, dy't sa wis it brune hynder wit to bistjûren.

Hja bilûkt der fen: dit is de deadsfijân, dy't mei hwa wit hokfor plannen hjar kommen is. Scoe se hjar stjerre moatte, lyk as hjar broer foel troch it swird fen Sjûk syn heit? O, en fordigenje kin se hjar net, oars . . .

Hiel efkes stiet Helbada yn bistân, den springt er fen it hynder ôf, en bigripend hwet der yn it fanke omgiet, seit er kalm en frjeonlik: „Dou hoechst gjin noed to hawwen. Ik scil dy net oankomme. Hawwe wy skeel, in Helbada stiet to heech om in frommis to nei to kommen.” En syn kleare eagen bifestigje syn warden.

Hja sjucht nei him op, oprjucht en wolmienend is syn troanje, en hjar lippen uterje warden fen tank.

„Gjin tank,” seit Sjûk, „gjin tank, scoe ik dyn bloed nimme? Ik scoe gjin rêtige ure wer yn myn libben hawwe. Nea scil ik stean tsjin in frommis, tsjin in persoan, dy't hjar net fordigende kin. Dou scilst wol in bulte kwea fen de Helbada's

heard hawwe, mar sok dwaen, ik hoopje my der wol for to wachtsjen.”

Nou sjucht Riemke mei hjar moaije blauwe eagen him lyk oan en hja seit, greatsk as in Friezinne: „Ik haw ek net sein, det ik in Helbada dêrfor oanseach.”

„Sa mei ik it hearre! En nou, ik wit wol, hwêrom ast' hjar komst” — wer seagen de blauwe eagen Sjûk binijd oan — mar glimkjend gyng er fierder: „Ja, ja, in Helbada wit suver alles! Dou komst hjar by vrou Tetta en dy dochste goed. For in inkelde kear haw ik hjar west, om't de forstoarne Steltinga in goekinde fen ús heit wier . . .”

Wer skrillet Riemke tobek. Steltinga wier do ek al mei de Helbada's yn it boun, hwa wit, scoe Tetta . . . mar né, sokke tinzen woe se fier fen hjar smite. Tetta scoe net for forriedster spylje om op in fynynleine wize út Riemke hjar mûle earst efter de geheimen fen 'e Ropta's to kommen en dy den oan Sjûk fen Helbada oer to bringen. Né, det koe net, soks mocht se fen it fromme minske net tinke.

Sjûk sjucht, ho't de jongfaem der wer mei oan is; den seit er bimoedigjend: „Al to skandlik haw ik de widdou oan hjar lot oerlitten, ik hoopje, it mei ús jown wirde om hjar de âlderdom noch in bytsje to forlichtsjen.” En wilens sjugge syn manlike eagen hjar lyk oan. Né, net yn dryste oermoed, mar mei de dimmene réëns fen ien, dy't it oprjucht mient.

Riemke sjucht it: né, sokke eagen kinne de mûle net wjersprekke en yetris wol hja warden fen tank uterje, mar wer hâlden syn warden hjar tsjin. „Wy wolle hjar goedwaen, wy, allebeide, en scoe de iene dêr den de oare yn forhinderje?”

Hwet klinke dy warden hjar manlik en great yn 'e earen. Goeddwaen ta ien en it selde doel, in Ropta en in Helbada togearre — hwa hie soks ea tinke kinnen? Warden binne der net to finen for sa'n swiden ommekear.

En wylst er hiel hjar byld yn him opnimit, seit er: „Kom dou hjar sa faek ast' wolste. Help it minske en stean hjar by: ik fen myn kant scil hjar ek stipelearje. Den kin de earme

widdou fen Worp fen Steltinga op hjar âlde dei ûnbisoarge libje. Us heit wier hjar ta forplichte, it scil my in eare wêze, dizze skild ôf to dwaen."

Nou glimket Riemke: „Wy hawwe in moaije taek,” seit se ienfäldich.

Hielendal ûnder de bikoaring fen hjar ljeaflikens sa't dy dêr glimkjend en bloeijend foar him stiet, seit er nou: „Jawisse, in Ropta en in Helbada nimme togearre in moaije taek op hjarren, it is om goed to dwaen yn dit gea.” Hy fielt, det er him to fier gean litten hat, en hommels foegter er der oan ta: „Dos, it is ôfpраet, dou komst hjar sa faek as it dy útkomt en ik stean der for yn, det nimmen fen uzes in hân oan dy slaen scil. Ik hie wol faker fen dy heard, en — dou kinst' der mar op oan — det ik yn it fijânsbern de deugd wit to priizjen.”

„Ik hoopje, ús dwaen mei ta segen wêze,” jowt Riemke ta biskie.

„Ik doch hwet ear en plicht fen eltse ealman freegje moatte, mear neat,” seit Helbada, en yetris sjucht er de faem oan dêr lyk foar him. Hja like him noch in hearlicher forskining as niis-krektsa: de blekens fen hjar wangen wier forwiksele mei in tear en oanfallich rea, en der laei mear fleur oer hjar hiele wêzen. En it herte kloppe him sa wûnder.

Hja makke it dy deis net lang by de widdou. Hjar reden en biskeid, oars sa helder en neffens de mjitte, wier nou hwet ûnwiss en yn 'e ties.

Mar dy joune, yn 'e moanneskyn, do't hja op hjar keamer stie en der mar net ta komme koe om hjar út to klaejen, — do koe se hjar tinzen gean litte nei wolgefallen. En do seach se alles yn syn folle hearlichkeit. It wier sa nuvère moai, hja scoe der om laitsje en skrieme kinne tagelyk. It wier ek sa oerstjelpend. Hiderkearen moast hja tinke oan dy foarse feint, dêr't hja oerdei dy warden mei wiksele hie. En hja wist it, dizze Sjûk fen Helbada, it wier de helt en de winsk fen hjar

dreamen. Sa mar ynienen wist se it, hy scoe komme en hjar freegje en hja scoe him net ôfwize kinne.

Hja tocht wer oan Joukje en hjar lok, ho'lttien it bidêste fanke wést hie; ho't se rounút forteld hie fen it oanheljen fen Jelke Hania. O, sa ek yetris to libjen by de feint, dêr't hja by opsjen koe, dy't yn hege manlikens hjar drage en liede scoe de rûzige tiden lâns oan't de lette dea ta . . .

Hwet skynde de moanne silverich by hjar ta de ruten yn, det der in sêfje ljochtsstriel fen oer 'e flier foel. En den dêr bûten, yn it stille fjild. Tûzenen twinkeljende ljochtsjes skitteren fredich en fleurich yn 'e blauwe hichte en oer Ljussens hinne hiene in stikmannich wite wolkens hjar dellegere, as wierne it kleden fen suvere snie.

It wier sa stil, sa deastil dêr bûten. It like in hillich swijen, in siken-ynhâlden fen de natuer, om't Godsels hjar bywêzich wier.

Op sa'n joune yn 'e fjilden om to doarmjen mei ien, dy't hjar forstie, mei ien, dy't hjar man, mar ek hjar helt wêze koe, dêr't se by opseach, en dy't se heech hâlde koe by alle fortret-likheden fen it lytse libben op dizze wrâld, o, it scoe de heechste ierdske hearlichkeit wêze!

En wer kaem it byld hjar foar eagen fen de feint, dy't hja hjoed spritsen hie, fen Sjûk fen Helbada. Yn hjar sels joect se hjar der efkes oan oer en wier se alhiel for him allinne. Hja hearde de clang fen syn stim, en seach de gloede fen syn eagen, de manlikens fen syn troanje en hâlding, en mei ho'n swink hy fen it hynder ôfsprong en letter by it foartriden hie er hjar noch mei de hân it ôfskied tawfuwd.

Mar do, do kaem ek de twivel wer yn hjar herte. Scoe it wier wêze, det fisioen fen sa pas: scoe hy komme en hjar ta him nimme?

Och, it koe ommers net. Hja moast wer ta de werklichkeit komme. En dy nochteren werklichkeit wier ommers dizze: det hja in Ropta en hy in Helbada wier. En dy warden bitsjutten ommers itselde as — fijânskip! In Helbada priizget yn in

fijânsbern de deugd, hied er sein, wolnou, by al dy lof op hjar deugd bliuwt Riemke den dochs fijânsbern.

Det bringt hjar yn in felle twastriid, dêr't se sa mar net útkomme kin.

Einlings giet se dochs mar op bêd, mar hja kriget gjin wink yn 'e eagen. Hiderkearen moat se tinke oan in lok, det deun by hjar lâns giet, mar dêr't se dochs de hinnen net nei útstekke mei. It wirdt hjar allegearre nou sa ûnwis. Sjûk scoe hjar ideael wêze, det stiet for hjar fêst, mar dêr kin ommers dochs nea hwet fen komme? Scoene sokke sterke mûrren to sljuchtsjen wêze?

Hjar ûnrêstigens dûrret dagen lang.

Hie se nou mar ris ien, dêr't se hjar tsjin útprate koe, mar hja hie gjin mem mear, en Joukje fen Jarla doar se der net mei oan to kommen, dy mocht hja yn hjar jonge lok yn gjin gefal steure.

Mar âlde Tetta . . . ? Ja, Tetta . . . !

XV.

DE FORKLEARING.

Hja koe it net langer litte, hja joech hjar wer ôf, it gewoane paedtsje lâns. Mooglik det hja Tetta ris neijer funderstean koe oer dy Sjûk fen Helbada. Yn 'e lêste dagen wier hja hwet mear mei forstân oer him bigoun to tinken, hja scoe der mei in oar ek forstanniger oer prate kinne.

Mar do't hja op 'en paed wier, kloppe hjar it herte hwet langer hwet lûder. Dêrsa wier it, dêrre hiene hja elkoarren oantroffen en byinoar stien to praten. Scoe hy hjoed ek wer sa hommels foar hjar komme to stean?

Hja hope it, en . . . hja mocht it dochs net hoopje. Hwent hjar heit . . .

Mar do't se by de âlde pleats fen de Steltinga's kaem, seach se aan de skûrside in hynder stean, oan in beam fêstboun. It

wier syn hynder, hja seach it daliks. En in eintsje fierder, ja, wier . . . dêr stie er to praten mei Jitse, de fiskersonge. Hy joech de jonge noch in fortrouwlik tikje op it skouder en sei laitsjendewe: „Nou, dou haste it goed bigrep, dou bringst ús to Ingwirrum in flink soad fisk, dyn lean scil goed wêze; fierders soargest' det de boel hjer gnap yn oarder bliuwt; hûs en hear moat mear soarch oan bistege wîrde as oan dizz' tiid ta: dou moatst hjer better oanpakke, ik scil dy leanje en helpe hwer't ik mar kin.”

Riemke bigriep, det dit de útkomst wier fen dy twa hjar riddenaesjes. It laei dos yn Sjûk syn bidoeling om hjer oarder op saken to stellen. By hjarsels priizge se him om syn hoe-dene wize fen helpen.

De fiskersonge stiek ôf en Helbada kaem op Riemke ta: „Dou hjer ek ris wer? Aerdich, det ik it krekt treffe mei.”

Riemke fielde hwet waerms oer hjar wangen gean. It joech hjar in hearlike kleur, dy feint syn eagen waerden der suver oars fen, en syn herte trille.

„Ja,” sei se bidêst, „it is my in nocht, det ik hjer fortrestgje kin, — en ik wol graech yn frjeonskip omgean mei alle min-sken, dy't it goed miene.”

„Riemke,” sei er en seach hjar lyk oan, „wy h jitte fyânnen, mar lit it twisken dy en my persoanlik sa net wêze, lit ús heger stean.”

„Dêr kin ik neat op tsjin ha,” andere hja, „my tinct, der is al hate en wrok genôch yn dizze omkriten.”

„Dou hast gelyk!” sei er, „mar om my wier al dy haet en deilisskip mar út 'e tiid. Der is sa'n poarsje freedsum wirk to dwaen yn dizze wrâld, dêr't hielendal gjin striid by to pas komt, dêr kinne wy ús libben wol fol mei krije, — en hwet scoe it in ein better wêze, for alles en for allegearre.”

Riemke seach him oan: ja, hy miende it en hja wier der bliid mei. Wis, in man moast, as it der ta kaem, in helt út-meitsje, mar dêrom hoegde it net lyk as it nou de lêste tiden gien wier.

„Yn elts gefal,” sei er dêr oerhinne, „wy togearre hawwe persoanlik gjin wrok tsjin inoar, mar wol leit foar ús in mien-skiplike taek; det is yn it earste plak goed to dwaen oan it for-earme minske hirre. Den kinne wy ek mei inoar prate. Ik haw sa pas — ja, dou wolste wol efkes nei my harkje, nou?”

Riemke knikte.

„Ik haw sa pas it bistjûr oer it spil hirre regele. Gâns is der op to knappen, mar wy scille by it bigjin bigjinne. Dy fiskersonge kin wol hwet oars as omdideldeintsje en sa nou en den ris mei in soadtsje fisk thús komme. Krekt in spiltsje om yen alderhânnе fizefazen yn 'e holle to heljen. En dêr is in jonge mei sa'n oanliz my dochs fierstento goed ta. Dêr komt by, dit spil fen Steltinga is noch wol hwet fen to meitsjen. Mar den moat it neisjoen wirde. Ik stel him hirre as setmeijer oan, sjuch op him ta en stipelearje him fierders nei formogen. Den bin ik der wis fen, hirre komt noch wol hwet fen torjuchte. Mar dêrom hoechst' net to tinken, det dêrmei dyn taek hirre ôfdien is. It âld minske scil graech hirre oanspraek hâlde wolle.”

Riemke seach him tankber oan. Hirre waerd op 'e rjuchte wize oanpakt, safolle bigryp hie se wol oer de skikkings fen Helbada.

„It liket my skoan ta hwetstou fen doel biste,” sei se, „it is in wirk fen 'e frede.”

„Ja, de frede!” sei Helbada, „dy scoe in bulte goeds oan-bringe kinne.”

It klonk de jongfaem allegearre sa noflik yn 'e earen. Oan kant al dy skelen en deilisskippen!

Hja prætten lang en hwet mear beide hirre hert deroer út-sprieken, hwet dûdliker it foar hjarren kaem to stean, ho't hja, elk for syn part, der ta meihelpe koene om dy frede to bifor-derjen.

As Riemke op 't lêst him de hân ta ófskie tastekt, fiele hja ho't der twisken hirre beiden in ynlike bân fen frjeonskip, fen in elkoarren bigripen en weardearjen bistiet.

En as Helbada dy jouns thûskomt, stiet it by himsels al fêst, hwe~~l~~ er noch ienris freegje scil.

It dûrre net sa lang ef hja wisten fen inoar honear't hja de widdou opsochten en stêfêst stiene hja den in setsje by inoar om de algemiene tastân en ek de bilangen fen de wid-dou to bipraten. It wierne for beide hearlike skoftsjes.

Lykwols as Riemke thûskaem en hja liet mar in wirdtsje falle oer it yn-forkearde fen hate en wrape, den stoude Worp al op, en sei: hy woe hjar gongen net neigean, mar hy woe dochs hoopje, hja scoe net op iene ef oare manear de fijân yn 'e kaert spylje.

By dizze warden hie Riemke forsllein nei de groun sjoen en net it rjuchte wird fine kinnen. Yn hjar hert stried hja de striid twisken de earbied for hjar heit en de ljeafde for de feint, dy't dochs it rjuchte foar hie; de striid twisken hwet berneplicht ferge en it op hjar nimmen fen in taek, dy't dochs as in goede oan to merken wier.

Do kaem ûnforwachts de bislissing.

Hja wier hwet let fen hûs ôf rekke.

Hy hie al in setsje oan 'e skûrsite stien to wachtsjen. En hwet mear't er útseach, hwet heftiger syn longerjen waerd. Einlings, dêr kaem se oan.

Der laei greate langstme yn syn wird, do't er sei: „Ik ha al gâns in set wachte.”

„Wachtestou op my?” sei se ienfâldich en dochs mei ynderlike blidens, „hast' sa hwet bysûnders.”

„Bysûnders? By dy to wêzen is ommers altiten hwet bysûnders.”

Hja sloech de eagen del.

„Ja, bigrypst' my net? Ik wol nou net alderearst prate oer hwet ús forienige *hat*, mar oer hwet ús forienige *kin*.”

Hy spriek mei tige clam. Hja fielde it, nou scoe er it sizze, en hja fielde hirre al o sa lokkich. Hirre wangen kleuren en hirre eagen skitteren, do't hja him oanseach.

Do koed er him hielendal net mear ynbine.

„Fanke,” sei er, en hy sloech syn earm om hjar hinne, „myn fanke, is it net sa?”

Hja liet him gewirde, hwent hja hiene elkoar ommers ljeaf!

Do gyngen se op 'e bank oan 'e skûrside sitten en joegen se hjarren oer oan it rike geniet fen hjar jonge en hearlike ljeafde.

Hwet hiene se elkoar hwet to fortellen! Fen alles, hwet hjar herten biweegd hie, dizze wiken. De wiken, det se beide twisken hope, langstme en freze hinne-en-wer slingere en slain waerden.

En nou wier it ien great lok.

Einlings makke se hjar los. „Wy scoene al forjritte, hwer't wy hjur om kommen binne,” sei se fyntsjes glimkjend, „it boadskip by vrou Tetta scoe der hast by ynsjitte.”

Hy grapke hwet oer it meardere en it mindere, loek hjar noch ienkear nei him ta, seach djip, hiel djip yn 'e sielespeigel fen hjar eagen, moast noch efkes syn lippen oan hjarres bringe en sei: „Ja, it wirdt heech tiid, sels ik bigryp it wol.”

Do gyngen se oerein.

Ho'n wündere foroaring hie nou de wrâld ûndergien. Hwet in glâns hie de sinne ynienen krije, ho'n waerme gloede laeder oer de fredige wolkemkes yn it fiere Westen, hwet in lofsangen rûsden yn 'e beammen en nûnderen yn 'e reiden hwet in jubel wier der yn 'e loften!

En yn hjar herten? Yn hjar herten wier it wündere, waerme fielen fen in ûneinige ljeafde.

It scoe frede wêze en God scoe hjar segenje, dêr bitrouden hja op.

Do brochten se de widdou mei hjar geheim op 'e hichte.

Hwet wier dy simmer heech en hearlik.

It bloeide en it geure en tûzenen fen frisse kleuren wikseljen elkoarren ôf yn 'e kriten twisken Ljussens en Eanjum.

Op tofoaren ôfspritsen tiden teagen Sjûk en Riemke nei Stelingasté om hjar dêr oan elkoar en oan hjar djippe, reine

ljeafde oer to jaen, dêrre, yn 'e lijte fen 'e skûrside, it plak, dêr't hja for de earste kear togearre it heechste yn it ierdske libben foun hiene. It ynlikste lok wier it diel fen dizze twa minskebern warden. Dizze twa bern fen in pear op it fûlst elkoarren haetsjende âlden, hiene sletten in boun fen de heechste ienheit en frede.

Bytiden gyng Riemke net allinne. Den hie se Aeltsje mei to wyldejeijen. Hja koe de fleur fen det fanke nou safollest beter bigripe. It libben bringt ommers ek noch hwet oars as hate en wrok, it bringt yen ek by hjarren, dy't it sa tige mei yen miene.

Der wier ek ien, dy't it mei Aeltsje earlik miende. It wier ... Jitse. As er de beide fammen oankommen seach, wist er wol, det Riemke mei gauwens yn 'e hûs gean scoe, en den koe hy, sûnder forsteurd to warden, in setsje by Aeltsje wêze, op it selde sté, dêr't hy ienkear in fanke sjongen heard hie it lietsje fen moanneskyn en ljeafde.

Sokke tiden gyng Sjûk stêfêst mei yn 'e hûs en hja beiden bipraetten mei de widdou de saken oangeande lân en fé en de foarderingen, dy't Jitse yn syn njîj bidriuw makke.

Hwet like de takomst for de widdou nou ljocht en goed.

Jitse wier troch 'en dei by hjar op 'e pleats en praeitte nou oer oare dingen as yn it foarige. En as de twa jonge minsken kamen, wierne it blide hichtepunten yn hjar oars sa heukerich bisteant. Sa waerd hjar libben wûnder forrike en fieldie se mar komselden hjar iensemheit mear.

Hwet in hearlike simmer for dy fiif sa mar oan inoar forboune minsken. Wier it in ûnthjit fen it lok, dêr't hja alle-gearre nei longeren, elk op eigen wize: de segen fen de frede?

XVI.

YN IT ÚNWISSE.

„Hwet Sjûk dochs hiderkearen úthellet,” sei Sake op in jountyd tsjin Wybren, de âlde trouwe feint fen de Helbada's, „ik bigryp it net.”

Wybren helle de skouders op. Hy hie sa syn eigen mienings, mar hy spriek dy gewoanwei net foart en daliks for eltsenien út. „Der scil yn 'e omkriten altyd wol hwet to dwaen wêze,” sei er froedwei.

Sake fornaem wol, det Wybren de slach úntwike woe, mar hy stevene lyk op syn doel yn. „It is krekt eft der dingen barre, dy't sahwt bûten my omgean moatte.”

Wybren tocht by himsels: det scoe sa slim noch net wêze, Sjûk kin syn eigen paed wol skjin meitsje, en hy sei: „Ja, as de minskēn greater wirde, hawwe se mekoar net altyd mear by it hantsje beet.”

„Ik bigryp soks eigentlik net rjucht fen Sjûk.” Sake hâldde foet by stik en liet him net op in dwaelwei bringe. „Hy is oars as oars, hy moat wit-ho-faek foart, komt yn 'e skimer-joun wer thús, fluitet in deuntsje, laket hwet, mar as ik him freegje nei it ho en sa, den krij ik in antwird, dêr't ik suver neat mei kin.”

„Past er net goed op 'e saken?” sei Wybren, dy't as âlde bitroude hjir ek it wird oer opnimme mochte, „set er net in elk en alles goed to plak?”

„Bêst,” sei Sake, mar wilens tocht er by him sels: as er dy saek twisken Ropta en ús hwet better biertige, den scoene wij fierder mei ús plannen wêze kinne. En hy forfette: „Ja, bêst, mar sels is er om in hirtsje foart, det er yn gjin fjilden noch wegen to bikennen is, en yn it praet is er somstiden sa frjemd, men kin der gjin hichte fen krije. Witte jo der faeks ek mear fen?” frege Sake ta bislút fen syn riddenaesje. Hy gyng lyk foar Wybren stean om to sjen, hokfor útwirking syn fraech ha scoe.

Mar Wybren bleau ûnforsteurber. „Ho scoe ik dêr mear fen witte? Deis ha ik myn wirk en jouns wol ik my graech by myn wifke deljaen. Bûtendet, it scoe my net sa moai stean en gean de wegen nei fen de minskēn, dy't oer my steld binne.”

Dit wier yn Sake syn eagen in wierheit, dêr't neat tsjin yn to bringen foel en hy seach, ho't it lân him úntskeat.

„Dus, jo hawwe ek gjin fortinkings?”

„Ik mei gjin kwea-bitinken hawwe,” sei Wybren reslút wei. „As ik him fortocht fen it ien-ef-oar en letter kaem it krekt oarsom út, hwet hawwe jo dêr oan? Kwealaster is der al ge-nôch yn 'e wrâld.”

Yetris seach Sake de âlde feint oan. Woe Wybren him faeks op in dwylpaed bringe? Ef wist er wier fen neat? Mar gjin spier yn de âlde syn gesicht, dy't syn warden wjerspriek.

De man scoe wol krekt miene hwet er ta antwird joech. Hy seach den ek mar ôf fen in fierder úndersyk en sei allinne noch: „Nou, Wybren, it is my net to dwaen om in oar for for-klikker spylje to littin, mar men scoe wolris hwet mear witte wolle fen dingen, dy't sa tomûk gean moatte.”

En Wybren koe syn swé gean.

„Nou, nou,” grommele de âld baes yn himsels, „nou bin ik al to âld for sok soarte saken, en dochs fetsje ik it wol, wylst sa'n jong keardel lyk as Sake it net yn 'e noas hat... it is bjusterbaerlik. Wel, in fanke sit der efter, neat oars. Myn âlde eagen binne noch goed. En as Sake soks net yn 'e loer hat, lit him den yn syn únkinde bisoarje. Hy woe my efkes hifkje, mar as er soks witte wol, den moat er earder fen 't bêd ôf komme. Lit him soks út himsels mar útfikelearje. Sa'n grote kinst is det net. Tink mar efkes nei, en eltsenien kin it fiele en taeste. Fêst midden op 'e dei, altiten deselde úre en tiid, sa is it mei it útgean en weromkommen fen Sjûk, ôfspritsen spil, det kin dochs eltsenien wol rûke.”

Do't Jitse, dy Eanjumer fiskerjonge dêr den ek ris in foech wîrdtsje oer falle littin hie, wier it oare him allegearre daliks

dúdlik en klear. Mar hy scoe der wol for oppasse en fortel Sake syn fynsten net.

It like him oars dochs hearlik ta: in Helbada mei in Ropta. Nimen koe sizze, det it gjin goed partuer is. En it scoe sa goed wêze for detjing, dêr't er al lang nei útsjoen hie: de frede. O, syn âlde eagen koene der sa nei digerje.

Moast it den altiten mei fûleindige deilisskippen ôfmakke wirde? Hie de pastoar dêr ek net syn formoanjend wird fen sein? Mar de pastoar wier it hiem ôfjage; hja scoene sels wol witte, hwet hjarren to dwaen stie: wierne hja gjin frije Friezen? Hiene hja de iene ef oare nei de eagen to sjen? Drige Hear Pastoar mei de ban fen 'e tsjerke — wel, hja laken der om. As hja gjin heil mear by it gelove fen 'e pastoar hawwe mochten, den scoene se it wol wer fine by det fen de foarfaers.

Ja, det gelove fen dy foarfaers! Wybren wist sels somstiden net, hwer't er stean moaste yn dizze saek. Wierne net fen âlder op âlder ta him kommen dy teltsjes oer spoeken en foartsjirmerije en hie hy sels net sjoen, ho't de wearwolven troch de loft strûsden? Wier der den neat fen oan, bistie der den neat fen dy geasten, dêr't men neffens de lear fen 'e tsjerke net oan leauwe mochte?

It Christlik gelove ef it Heidenske fen 'e foartiden, hy wier der net sa wis fen, fen beide net.

Hawar, hy scoe syn eigen wei mar gean, mûglik krike hy dêr letter mear klearrichheit oer. Yn elts gefal, hy wier bliid, det er Sake sa wiis bliuwe littien hie as er wier. Dy't hwet witte wol, moat op 't lêst syn eigen eagen mar iepen dwaen.

Sake siet ek yn neimimerijen. Wybren syn antwirden foldiene him net en hy koe net oars sizze, as de âld baes hie him net botte reslút to reden stien. Hy scoe Sjûk syn wegen wolris neigean moatte, howol, det kaem net mei syn aerd oerien. Hy winske sels ek net graech altyd op hakken en teannen neiriden to worden, sa moast men ek oer in oar tinke. Mar oars, ja, ho scoe er?

It wierre him dochs eigentlik allegearre danich tsjin.

It forboun fen 'e ealljue, det hy sa stiltsjeswei gearbakt hie, wier ek stadichoan wer losweakke; hy hie it measte moed der net mear op. En de jonge Yntema, scoe hy dêr noch op fortrouwé kinne? Der moast mear faesje yn it spil komme, en oars sakke alles ôf.

En Sjûk, ja, ho scoe dy der ûnder stean? Hy gyng gewoanliken de Eanjumer kant út, mûglik reizge er wolris in kear nei de widdou fen dy Steltinga, in âld frjeon fen syn heit. Nou, dêr scoe hy neat oan de goede saek bidjerre kinne.

Mar hysels, hokfor kant moast hy út?

Syn doel stie fêst, mar de wei waerd him hwet langer hwet ûnklearder.

Sa stie de twivel yn him op en kaem er ûnder de klam fen it binearjende gefoel, det er mei syn ûnwissens de wissichheit fen de oerwinning forlieze scoe.

XVII.

DE STRIID.

„En dochs kin it net!” Wyld en hertstochtlik kaem it der út.

Riemke hie hjar útpraet, follein. O, hwet in gelok, det Joukje hjar opsocht hie, nou koe hja for ién kear hjar hiele herte ris iepenlizze.

Hja hie suver neat binefter hâlden, om't hja wist, ien foar to hawwen, dy't alhiel meifiele koe yn hjar great lok. Ho great en djip en echt hja it mekoarren mienden. Mar bynammen, ho greatsk hja wier op hjar Sjûk, syn machtich stal, syn sterke earm, syn manlik lûd en den net to forjitten syn helder glânzgjend each en syn trou Frieznehert.

En do, tsjin Joukje oan, bigoun hja to skriemen, lang en snokkerjend.

„Mar fanke, hwet miskeart dy dochs!” sei Joukje forwûndere.

„Bigrypst' it den net?”

„Ast' fen him hâldst, moatst' dêr den om skrieme?”

„Ja, jawis!”

„En ik, ik haw it ommers útjubele, do't it mei Jelke en my der troch wier!”

„Ja, dou! mar ikke... bigrypst' der den wier neat fen?”

„Né, hwet is der dochs... siz it my!”

„Wel, dy rûzje...”

„Om dy rûzje?” frege Joukje, dy't mar for in part it slimme der fen ynseach.

„Ja, oars neat as om dy rûzje! Tinkstou det heit ea fen syn libbensdagen tastimming jaen scil? Hy sette my ljeaver yn 'e tsjusterste hoale fen ús stins op wetter en brea, as my dit ta to stean.”

„Wit er it den net?”

„Det is it krekt, hy wit der noch neat fen, hy hat nearne noch erch yn — mar o, as er it oan 'e weet komt... Al den dei libje ik yn eangst for de úntdekking. Yn 't earstoan sinde ik dêr sa net op: ik wier sa lokkich, sa ynlokkich det ik oer heit netolle prakkesearre en oer it skeel twisken de famyljes sa swier net tilde, mar it komt nou eltse dei slimmer op my oan: it komt forkeard, it rint fêst, leau my mar. En den wit ik my gjin rie!!...”

Joukje wist der netolle op to sizzen. Hwet hearlik, det it mei my en Jelke in oare forhâlding is, tocht se.

„O,” en Riemke snokkere it út, „it is freeslik, mar somstiden tink ik der oer om it mar út to meitsjen, en dêr kin ik samar net ta komme. As ik by him bin, en ik sjuch syn each en ik fiel syn azem, as er my optilt mei syn sterke earmen, o, den bin ik neat, den moat ik my ta him keare mei it djipste fen myn wêzen en bisteant. Mar as ik den wer thús bin, den skamje ik my oer mysels, det ik gjin wjerstân biede kin, det ik it him net sizze doar, det wy der mei ophâlde moatte, om ússels en om alles.”

Joukje huvere der fen. Hwet scoe se fierders sizze? En dochs, hja miende, ljeafde moast it sterkste wêze.

„Dou moatst it net mei him útmeitsje, as er dy sa nei oan it herte leit.”

„Mar heit den?”

„Mei jim' heit sa wol?”

„Heit hat de macht. Hy kin it keare, hy kin alles opkeare. O, as er it gewaer wirdt, der is gjin rie ta.”

„En dochs mei er jim' ljeafde net tsjinsteant. Ik scoe ek nea tajaen as heit-en-dy op Jelke tsjin wierne,” sei Joukje stellich.

„Dêr scoe jim' folk ek gjin reden ta ha, mar ús heit hat al reden, hiel oare reden tominsten as by jimmes tsjin Jelke ynbrocht wirde kin.”

„Jim' heit syn biweechredenen binne forkeard.” De bidêste Joukje helle al hjar oardiel by elkoar om Riemke gelyk to jaen yn hjar ljeafde. „Hwet jim' heit biweecht, komt yn elts gefal net oerien mei hwet de tsjerke ús leart. De pastoars hâlde it ús hiel oars foar.”

„Mar heit harket nei gjin geastlike. Hy hat der alris in kampsbach oer hawn mei Worp út Moarre, mar dy wier net tsjin him opwoechsen en rekke foart, sùnder det er ien stap foardere wier.”

„Dy Worp fen Sjoarda stean ik net,” sei Joukje rounút, „dy sjucht my fierstento glûpsk: ik wol bêst leauwe det jim' heit him fen sa'nien net forslaen lit.”

„Mar mei det al, salang't heit libbet, kommt der nea hwet fen. It moat út, den bin ik fen alle oanstriid ôf. As heit it gewaer wirdt, kommt it der dôchs fen. Den mar hwet gauwer, hwet better. Den hâld ik Sjûk ek net langer op 'e tok. Mei ik wol mei him oanhâlde, as ik wit, hjir kin dochs nea hwet fen komme?”

„Mar hwet seit Sjûk der sels fen? Hast' it der mei him alris oer hawn? Oer dy deilisskippen, bidoel ik.”

„Och, ik wit net, it lit him kåld, wol ik leauwe. As ik dêr

oer bigjin, den seit er: „Dy skelen, dy moatte allegearre út 'e wei en sa gau mooglik ek. Dêr moat fen beide kanten oan meiwirke wirde, den komt it wol klear.”

„Hy hat great gelyk,” Joukje seach it as in útrêddend wîrd, „sà moat it komme.”

„Mar it komt sa net. Dêr ken ik heit fierstento-goed for. Dy wol der út noch yn net fen witte!”

„Ek net, nou't er salang al omtoarke hat?”

„Noch safolleston minder. Hy hatet de Helbada's mei in yngrevene haet.”

„It liket my dochs ta, det er sa helder en sterk net mear is as yn it foarige.”

„Syn lichem hat in tige knoei hawn, mar syn geast is suver deselde bleaun. Ik scoe hast wol sizze, hy wrokket by de dei lâns mear.”

Joukje bigoun nou ek yn to sjen ho slim it gefal derfoar stie. Sjûk en Riemke, der scoe bêst neat fen trouwen komme kinne mei dy beide. Ef de dea moast in ein oan omke syn libben meitsje en in oar syn dea, dêr mocht men net nei útsjen. It koe miskien noch wol it bêste for allebeide wêze, det it mar útrekke. Den waerd omke der neat fen gewaer, en hie Riemke fen hjar heit neat to fordürjen. Ja, bêst mûglik det it geheim oars nearne ta liede scoe as ta forgreating fen it lijen fen hjar nicht.

„It moat, ik moat it sizze, en strak, o ik kin it wol birekenje, den kin ik it net,” snokkere Riemke. Do, ynienen wer opfearjend, sei se: „En dochs, it scil, it scil, om't it moat.” En hja gyng rjucht oerein stean, krekt as in echte Ropta-dochter. Hwa fen 'e Ropta's hie ea bang west om de wei fen de plicht to gean, as dy fen it forlangst for him ôfsletten is?

Joukje wist net mear ho to rieden. Ljeafde, plicht, heiterjucht en heite úngerjuchtichheit, it wierne saken, dy't tsjin elkoar opstienen en tsjin elkoar oanbotsten yn dizze teare fammesiele. En hja ginde hjar frjeondinne oars sa graech it lok, det hja sels sa ryklik smeitsje mocht.

Einlings sei se: „Miskien is it it bêste en meitsje it mar út, hwa wit, mooglik komt der letter better tiid, ef... detstou Sjûk forjite,” en hja tocht oan it setsje, det hja yn it foarige omgong mei de jonge Eminga hawn hie. Hja hie dêr do ek al wakker fen út 'e liken west, en foart dêrni wier dy ljeafde dea. It scoe Riemke ek bêst sa gean kinne.

„Sjûk forjite? Ikke? Gjin tinken oan. Ja, miskien det der ien útwei for wier, yn it kleaster to gean!”

„Dêr libje de minsken net mear!” sei Joukje.

„For God dochs?”

„Leau ik net. Ik haw nea oan it nonnelibben leaud en nou't ik Jelke sines bin noch safolleston minder.”

„Hwet for dy nêt kin, scoe for my in hiel goed ding wêze kinne?”

„For gjin minske,” brocht Joukje yn. „Binne wy dêrfor op ierde? Hat God ús dêrta skepen?”

„Der binne gûnt...”

„Dy't hjar dêr libben bigrave, ja wisse! Mar frede yn hjar bisteant fine...? Och kom!”

„Hja libje deun by God en by it hillige; mûglik hawwe sokken it yn 'e macht om fen de bigeartens fen it ierdske libben lykmoedich ôfstân to dwaen.”

„Fanke, praet der my net mear oer. Ik leau, it is noch beter detst' it mei Sjûk útmakkeste, en libje den allinne for dysels, as detst' yn it kleaster dyn heil siikje scoeste. Det is gjin libben. Ik sjuch it om my hinne, ik fiel it oan mysels.”

Hja seach ta it finster út en wist it, de hiele natuer bifêstige hjar warden. De lamkes huppelen yn 'e sinneskyn, de bûnte flinters fladderen oer 'e lânsdouwen, in flecht fûgels saeide op it boulân del; it wier allegearre libben en tier en úntjowing en hjasels, hja gyng de maitiid yn oan Jelke syn hân — né, it kleasterlibben mocht Riemke hjar net oan oerjaen.

„As heit der net wier!” sei Riemke oan it ein fen hjar oer-tinkings.

„Den koest' Helbada krije,” sei Joukje. Hja moast glimkje om hjar eigen útfal.

„Ja, né, sa bidoel ik it net. As de omstannicheden net så wierne, det heit allinne oerbliuwt, den gyng ik fêst yn it kleaster. Dêr kin men ús Hear tsjinje en breid fen 'Christus wêze.'

„God tsjinje kinst' wol bûten it kleaster en it sechje fen Breid fen Christus to wêzen, liket my altiten tige ûnnatuerlik, sa net ûnmooglik ta.”

„Né, ik ha it dy al sein, it moat oergean.”

Dit wier by Riemke it einbislút fen in lang en djip neitin-ken, Joukje fieldie it. Heit, dy't dochs hjar heit wier, koe hjar help en steun, hjar hûsbistjûr net misse. Dêrby, den scoe der nimmen meer wêze, dy't mei sêfte wirden syn slimste wrok delbêdzje koe.

Ek hirre de striid: hjar heit, dy't dwêrs tsjin hjar ierdske ljeafde oer stean scoe, dy wier ek de stan-yn-'e-wei op it paed nei de himelske ljeafde.

En snokkerjend en skriemend boarstte se út: „Ik sjuch gjin útwei, nearne, nearne . . .”

Joukje, bigien mei hjar frjeondinne, skriemde mei. Hja seach it klear foar eagen: gyng it så troch mei Sjûk en Riem, den scoe de wrake fen hjar omke forskriklik wêze; makke Riemke it út, it scoe Sjûk ta wanhope bringe; gyng Riemke yn it kleaster, it scoe de Roptastins folstein forienlikje; scoe se hir blieuwe, wylst it út wier mei Sjûk en hjar, hja scoe forkwine fen langstme nei ljeafde, itsij nei ierdske, itsij nei himelske, ef miskien nei allebeide.

Oandien gyng se oerein, sloech de earmen Riemke om 'e hals, snikte en skriemde: „Ik wit it ek net, ik wit it wier net!”

Mar ikke wol, tocht Riemke de oare moarns, nei't se in nacht fen in bytsje sliep en forskate neare dreamen trochbrocht hie: mar ikke wol; út scil it!

XVIII.

SKIEDING?

Der hinge in tsjokke dize oer it fjild, do't Riemke dy deis nei de wente fen de widdou ta sette. It herte bûnze it fanke tsjin 'e kiel oan: hja scoe it sizze en hja moast it sizze; it moast ophâlde.

Mar op itselde stuit kaem hjar wer det manlik stal foar de geast, fen do, dy earste kear, det hja elkoar mei kleare eagen oansjoen hiene; de ûnforjitleke stoune, do't se elkoarren hjar ljeafde forklearren, en fen al dy kearen, det hja op dit hiem en ûnder dit gastfrije dak yn hearlikheit by inoar forkeare mochten.

Scoe se it wol dwaen kinne, hwet se hjar sa sterk foarnommen hie?

En dochs: it moast!

Hja wier let. Hy wachte al. De ôfspritsen tiid fen 'e dei wier al lang foarby. Scoe se noch wol komme, hied er him al in pear kearen offrege.

It âldminske wier nei de fierste hoeke fen hjar tún reizge, dêr wier noch hwet yn 'e beantsjes to birêdden.

Mar krekt do't er de hope al hast opjown hie, dêr wier se. Ho fleurich wier syn útrop: „Kom, dêr wiers' al! Ik haw al efkes yn 'e pine sitten.”

Hja wier bysûndere bleek, hy mirk it dalik op.

„Siz fanke, bist' net goed?”

„Och, ja wol.” It kaem der ôfwêzich by hjar út, wylst hja in oare kant útseach.

„Nou, hwet miskearet der den oan?”

„Och, neat.”

„Nou, den hast hwet op it hert.”

„Ja, det ha ik ek.”

Do kamen der dûnkere formoedens by him op. Hwer't er him al lang mei alle macht tsjin forset hie, det scoe him nou

de tobeksetter bisoargje. De âlde fen Ropta wier der efter kommen, grif, en dy scoe him de omgong mei syn dochter bilette.

„Hwet is it? Hat jimme heit...?”

„Ja, it is om ús heit!”

„Wol dy it net lije?”

„Det wit ik net... ef, ja, ik wit wol fêst fen net!”

„Mar fanke, sprek op: ik bigryp dy net.”

„Ik bigryp my sels ek net,” en hja hie der oan, det se hjar bidimje koe.

„Mar hwet wolste... hwet wolst' sizze...? ik bigryp it net... Dou bist' net goed, ik sjuch it wol; o, hwet wirdstou aeklike bleek!”

Hy kaem op hjar ta om hjar op to heinen, ear't hja der hinnefalle scoe.

It like ek binaud: de tosken klapperen hjar der oer; as hie hja swier de koarts, sa gyngen hjar de kleuren op en ôf.

Yetris sei se: „Ik bin goed, der miskearet my neat.”

„Den hinderet dy it ien ef oar: to, siz op, ik scil en ik wol dy helpe,” en hy helle hjar nei him ta.

Hja liet hjar holle tsjin syn boarst oan leune en skriemde, skriemde...

„Ja, gûl mar ris, det scil dy goed dwaen,” hy aeide hjar oer de bilitse wangen.

Do ynienen forheftich, sei se: „Né, Sjûk, lit it, lit it! It kin net, it mei net mear!”

„Om jimm' heit net, mienste?” frege Helbada.

Hy hie op dit stuit Worp fen Ropta wol tsjin de ierde slaen wollen, det er nea wer opstean koe, krekt lyk as Worp it syn heit dien hie.

„Ja, om heit net,” sei se dof.

„Hat jim heit den... wit er...?”

„Heit wit neat...?”

„O, den is der ek neat to rêdden!” Hy jubele it út. „Dén wit ik wol hwet ús to dwaen stiet. Harkje...”

„Né, jonge, né, ik harkje net. It mei net!”

„Dou meist wol! Hwet ha wy mei inoar ôfpraten?”

„O, neat, neat! Dêr mei ik net mear om tinke.”

„Mar ho haw ik it nou?” Hy seach forbjustere. „Neat? En hawwe wy it inoarren den net sein, ho't wy fen inoar hâldden, en det wy mekoarren trou bliuwe scoene, altyd, ús hiele libben? En det wy elkoar opsykje scoene hjir op dit sté, sa faek de gelegenheit him oan 'e hân die: neamstou det nou neat meiinoar ôfpraten? Ho ha ik it nou my dy, fanke?”

„Ja, mar ik bidoel...”

„Dou kinst neat oars bidoeld hawwe as hwetst' sein haste. Dou bist dochs in Friezinne, net? Kin de Ropta's neijowne wirde, det hja oars diene, as hja ûnthaljitten hiene?”

„Mar ik haw dy neat ûnthaljitten. Neat for it libben net tominsten.”

Sjûk bigriep. Né, for it libben net. Syn ljeafde hie it der fen makke, en det hja fen him hâldde mei al de ynlikens fen hjar froulike siele, det wist er; en dêr hie hy nou fen makke, hwet ûnder oare omstannichheden for eltsenien ta it heechste op ierde laette: ta de ivige trou. Ja, nou koe hy it him noch tobinnen bringe, nou fette er al dy dûbelsinnige worden fen syn faem, sa faek er it hawn hie oer det wûnder-hege: mei in froulik-liepe slach hie se hjar der ôfmaakke.

Sjuch, det krige er nou ynienen allegearre foar it forstân, nou kaem er ta it bisef, det hja al tiden mei dy twastriid yn hjar siel to wrakseljen hawn hie. Hy fielde it, hy wier dêr yn syn manlike hope to maklik oer hinne wjukkele, mar hjar as frommis, as dochter fen in hearsksuchtige heit, hie it as in berch yn 'e wei stien.

Mar it dêrom oerjaen, hy woe it net.

„Litte wy der ris forstannich oer prate,” sei er mei grote kalmte en in selsbihearsking, dy't for hjar op in forliezen fen de striid útrinne moast, miende er. Hja fielde it oankommen, hjar herte wier ynlik oan him oerjown, mar mei hjar forstân

wapene se hjar op syn oanfal. It bigjin wier der: hja moast it fierder sizze.

„Ja, lit ús der forstannich oer prate,” sei er yetris. „Dou hast my neat ûnthjitten, goed. Mar, der is al hwet foarfallen. Hjir hawwe wy elkoar foun, hjir by dit hûs, hjir hawwe wy ûren bilibbe, dy't ik net, mar dystou allikemin nea forjritte kinste. Wier it dy gjin feest en ien great lok? Siz it ris earlik!”

Hja andere net.

„Siz ik mar frijút,” trune er.

„En dochs scil it út wêze,” jammere se.

„Ijeave,” sei er, „myn Ijeave fanke, ho meist' it ha?” En syn lûd sakke ta in smekend lústerjen. O, it kaem fier wei, hiel djip wei, hwent hwa Fries scil sizze fen Ijeave, as hy net âlles jowt, hwet yn syn ynderlikst wêzen biskûle leit?

Hjir koe hja net tsjin op, hja skriemde en yetris sloech er syn sterke earmen om hjar hinne. „Myn fanke, myn fanke,” lústere hy, „dou bliuwst' mines, is 't net sa?”

Mar yetris skodde de Ropta-dochter fen né. Stiiffest hâldde se hjar oan it bislút, dêr't hja nei nachten en dagen fen striid ta kommen wier: it moast út mei him, al scoe hja der sels ek by ûndergean.

„To Riem, harkje nou ris: der is noch neat fen útkommen; dyn heit wit it net iens, nimmen wit it, bihalven dy beide jonge minsken en det âlde wyfke, mar dy scille it net fierder bringe,” en hy lei al syn oerredingskrêft yn syn wirden.

„It komt ier ef let dochs wol út. En den seit heit fen né, en it is oer. It moat dochs ienkear út wêze, dêrom mar better hjoed as moarn. Heit hat alles oer my to sizzen en ik bin syn iennichst-oerbleaun bern, né, dêr is ûnmooglik hwet oan to foroarjen.”

„Jim heit mei ús Ijeafde net keare. En bûtendet, bin ik net in frije Fries? Heart ús folk net by det fen 'e âldsten yn ús lân? Hwet wol er yn 'e goedichheit dôchs?”

„Hy scil oer dyn komôf gjin oanmerkings meitsje, mar dou

witste, like goed as ik, hwet ús skaet: de erflike fijânskip twisken de nammen Ropta en Helbada.”

„Sels de fijânskip kin him deljaen. Jimme heit is dochs ek in Christen?”

„Ja, in Christen. Mar yn dizze saek jowt er neat ta, net in wreid. Dou kenst him net. Net heal. Nea lit er syn plannen en bitinkings slûpe. Altyd is er deselde yn wei en doel, fen der jeugd oan, hat mem my wol forteld.”

„Mar jimm' heit is dochs in Christen; mei den in Christen sa wol hannelje? Mei dy de ûmgong opkeare fen twa, dy't it fen herten meïnoar miene, dy't, as hja oaninoar forboun binne, folstein lokkich wêze scille?”

„Dou scilst heit mei gjin mooglikheit sà fier krije kinne, det er soks leauwe scil.”

„Moat ik nei him tagean en bring it him ris oan syn forstân?”

„O, né, né, yn gjin gefal,” rôp hja mei greate skrik. „Bisiikje it net! Den bist' forlern . . .”

„Ik scoe wol doare,” sei er helthaftich.

„Mar hy dage dy ta fjuchtsjen út; en nei praet oer Christenplichten en sa scoe er net harkje, alderminst fen dy; noch helte slimmer as mei Worp fen Sjoarda scoe it mei dy ôfrinne.”

„Ik scoe it dochs dy kant út sykje wolle,” hâlde er oan, „is de Christus, Dy't wy bilide, net kommen om frede to bringen op ierde?”

„Ja, as it Christendom rounom sa forstien waerd, den scoe it kinne . . .”

Helbada bigriep it: hy ek wier út in skaei, det fen âlder op âlder stiiffol siet fen wrok en hate en hearsksucht. Hy fielder yn dy wirden in toplaksetten fen himsels, mar hy woe it net oerjaen. Hy koe hjar net loslitte, tominsten sa net. Hy bisochf it oer in oare boech to smiten.

„Nou, harkje den noch ris. Der is nimmen, dy't it rjuchte

fen ús forhálding wit. Dus, wy werde op ús wegen noch net neigien. Nou hie ik dit bitocht . . .”

Riemke hie hjar hiele oandacht der by: scoe der noch in útwei wêze? Hja seach gjin, mar . . . „Hwet wolste?” frege se nijsgjirrich.

„Ik scil it dy sizze: dit lân is ien stik ûnfrede, dêr moatte wy fen bifrijd wirde, ëf wy moatte der útrinne, it iene kin net, lit ús den it oare dwaen. Boppe yn Fryslân, oan 'e oare kant fen 'e Lauwers, lizze noch hiele lapen groun ûnbiwenne, en dochs fen in goed soarte, ik ha it hear dêr alris oersjoen: lit ús dêrhinne flechtsje. De Ingwjirrumer pastoar wol ús earst wol trouwe, det is in goede âlde siel; den binne wy frij en wy kinne ús dêr râstich deljaen.”

Stil en drôf harke Riemke nei dizze nije foarslach. Hjar herte rôp al lûd: ja, doch det, den bist' hwerst' wêze wolste, hwent it rjuchte biskeid dêr tsjinyn koe hjar forstân op dit stuit net bitinke, hja socht in útwei, en dochs koe hja der net ta komme om it mei to stimmen.

„Is it nou noch net foar elkoar?” frege er, nou ek hwet forlein om hjar ôfwêzigens.

Hja brigriep, det hja hwet sizze moast en dêrom sei se in dom ding: „En hwêr bliuwt ús stân den?”

„Us stân, fanke, dêr freegje wy yn it earste plak net nei; ljeafde en by inoar wêze, ús hiele fierder libben lang, det is it, dêr't wy beide nei forlangje, nou? Wy kinne, as ús ljeaven Hear it wol, mei skrippen en bodzjen dêr bêst hwet bidije en bûtendet: yn in hutsje wol ik wol wenje, as ik dy mar by my haw, it nederichste wirk scoe ik wol dwaen wolle, as wy elkoar mar ta stipe binne. Ljeafste, siz nou fen ja, den meitsje ik it wol foarinoar, mei in pear wike binne wy toplak; in fooge wente wit ik dêr wol, ik haw it spil dêr goed opnommen. To, dou moatst' ja sizze: binne ús sielen net op inoar oanlein en forsteane wy elkoarren net yn alle dingen?”

Der laei in geweltige twang yn syn worden, mar hja joech hjar tsjinakselen net oer: it mocht net, it koe net, by nacht

en úntiid út it âlderlike hûs wei knipe, tomûk yn it Ingwjirrumer tsjerkje trouwe, it koe net, wier net; hiel hjar hege adeldom kaem dêr tsjin op.

En do't se dêr sa tsjin ynlei, bigoun it plan ek de útfynder sels hwet wif en faei foar to kommen. Sa waerd de swakste hjer de sterkste yn 'e striid.

„Wy scille nou mar skiede,” sei se, „ho't God it fierders mei ús meitsje wol, det is yn Syn rie bisletten, mar nou, op dit stuit, kinne wy net oars.”

En de sterke Sjûk fen Helbada, dy't mei sokke goede foarnimmens fen hûs gien wier en sokke fornuftige plannen op it aljemint brocht hie, fielde, ho't alles by him ynfoel en hy koe oars net mear as de holle bûge by dizze forpleterjende slaggen.

Noch ienkear fearre er op en mei wylde hertstocht helle er hjar oan, omklamme hjar hiele wêzen, treau syn lippen stiif op hjarres, en bisocht mei syn eagen it ynderlikste fen hjar siele to bidjipjen.

Do liet er hjar los, mar hy trille der fen.

Riemke skriemde hijtte triennen . . . om him!

Do joegen se elkoarren de hân ta ôfskie . . .

XIX.

DE OERROMPELING.

Do't Worp fen Ropta der efter kaem, det syn dochter de widdou fen Stelinga gauris opsocht en hjar bystân die, hie er dêr to'n earsten yn himsels al hwet oer prottele, mar do't er him goed bitocht hie, kaem er ta it eintsjebislút, hy koe der net safolle op tsjin hawwe. Der siet ek noch wol in goede kant oan. Frou Tetta mocht net folle goekinde hawwe, dochs, as de minsken fornamen, Ropta's Riemke hat dêr de komste, en docht dêr goed, it scoe for syn oansjen gjin kwea kinne. It joech in goed each, dit forkear mei yens forearme famylje yn

in frjeonskiplike forhalding. Mocht Tetta de widdou fen in fijân wêze, it wier dêr oan ta, de deade koe him dochs net mear yn 'e tsjillen ride.

Lykwols, hjoed bigjint er ûnrêstich to warden. Midden op 'e dei is Riemke al ôfstitsen, it wirdt letter en der is tael noch teiken fen hjar to bimerken.

For de wissichheit scil er dy kant mar ris út. En sa springt er op it hynder en siker it sté op, dêr't syn forstoarne neef syn lêste dagen sliten hat yn leed en ilinde. Hy wirdt der dochs in bytsje oars fen. Hie it sa moatten? freget in stimme yn him en it komt sa ûngemirkenwei by him op, hy hie vrou Tetta de soen dochs ek wolris oanbiede kunnen, it scoe yn gjin inkeld opsight skea for him west ha.

Sjuch, dêr stiet hja, op 'e fierste hoeke fen hjar tún, in krûm âld minske, mar... der is gjin Riemke by hjar. Ho kin det nou?

En sjuch, oan 'e skûrside, in hynder!

In hynder? Mar dy guds ken er: it is it hynder fen Sjûk fen Helbada.

By alle hilligen! Nou bigrypt er it al, dy njirre fen in Tetta hat Riemke hjir yn 'e fâlle lokke, oan ien fen 'e Helbada's plak en kâns jown om syn dochter hjir op it dearlikst to skeinen, om sa op fyn ynleine manear hjar wreke oan Ropta to koeljen.

Hy smyt der in freeslike flok út, stout fen it hynder ôf, smyt de doar iepen en hâldt it swird ré. Is syn twadde bern fallen troch de wraeksucht fen de Helbada's, hy scil det bern wreke en... opslach.

Mar hwet sjucht er?

Bitroot er syn eigen eagen wol?

Sitte se dêr by inoar, deun neist inoar, hân oan hân?

It giet him troch alles hinne. Dit is tûzenkear slimmer as hwet de Helbada's syn dochter oandwaen koene. *Syn* dochter, *syn* bern hat gemienskip mei dy forskoppeling fen in Helbada! Wier hy den gjin heit mear oer hjar? Moasten heit en

dochter net ien en itselde paed kieze yn ljeafde sawol as yn haet!

Yn in wink stiet Sjûk fen Helbada rjucht oerein. It frije Fryske bloed polsket yn syn ieren, hy scil stean as in man foar de Hear fen Ropta oer. Mar... earst it wird en den it swird. En yn folle steatlichkeit komt it fen syn lippen: „Worp, ho stiet it, striid ef frede?”

Neat heart en neat sjucht de machtige Hear fen Ropta as dit ûnforwachte: hjir stiet ien fen syn deadsfijânnen, in ûnrestbringer yn syn gebiet, ien út it forachtlike skaei fen de Helbada's foar him. Wyld bolderet er: „Ik haw dy nou foun, smycht dystou biste; stjerre scilst, scoestou myn dochter forliede? Wrake, wreke oer hjar en oer myn soan!”

En syn breed swird flikkeret...

XX.

DE BISLISSING.

Einlings wier it Sake dûdlik warden, der moast hwet efter stykje mei Sjûk. In frommis ef sa — hwa wit? Nou noch útkloarkje fen hwa. Hy hie neat út Wybren krije kunnen, ef dy it nou earlikwier net wiste ef him mar sa ûnnoazel hâlden hie, dêr woe hy ôf wêze, mar hichte hied er der net fen krigie.

Do hied er Jitse ris útfiske, dy wist ek fen neat, allinne, dy hie him ûntfalle litten, de widdou fen Stelinga kriege wol ris bisite fen de dochter fen Ropta, dy diich hjar goed, wylst hjar frjeonen fen alearen net folle nei hjar omseagen.

Hy hie de stek wol field, mar liet der him neat fen skine, to bliid mei de meidieling, det de dochter fen Ropta bytiden to Eanjum kaem. Dêr scoe er hjar mooglik treffe kinne. En yn manlike oermoed rekkene er him al wis fen syn saek. Tsjin syn persoen en syn bitûftens scoe sa'n fanke dochs net bistant wêze.

Do wier der in binearjend formoeden by him opkommen:

scoe Sjûk him foar wêze kinne by Riemke? Det scoe forskriklik wêze.

Do't Sjûk dy middeis der op út wier, bigoun it Sake ek to forfelen. Wacht, hy scoe de Eanjumer kant mar ris út. Misken — hwa wit — sit Riemke nou by de widdou en hat er kâns hjar yn 'e weromreis mei in inkeld wîrdtsje bynei to kommen.

Ljeafde en hertstocht, mar ek heechmoed en hearsksucht en wrake wenje yn syn herte, steane tsjininoar op en smite him midden yn 'e striid, in striid mei en tsjin himsels. Mar as it moat, den doar er de striid oan, de kamp tsjin dy allegearre en hy wol der boppe útkomme, en bisykje, mei it him slagje Riemke to bimasterjen, dy wier-wier as syn wiif heech to hâlden en as in dierbre skat it libben troch to dragen, sà, det elk foar car meistimme moat, det der in echte Fryske hûsfrou wennet op 'e Roptastins by Mitselwier.

Ja, hy wol rjuchtfeardich hearskje yn Dongeradiel. Rjuchtfeardich, as earst de fijân mar dellein is . . .

Under sokke prakkesaesjes falt de reis him tige koart en sjucht er de huzing fen 'e Steltinga's op it lytse terpke al lizzen, ear't er der rjucht erch yn hat. Mar hwet is det? Hy sjucht it hynder fen syn broer dêr fredich weidzjen op it kampke oan 'e hússide; en dêr, sjuch, in ruter, as wier it Worp fen Ropta sels, komt der oan draven, springt fen syn guds en stout de doar yn.

Nou' jaget hy syn hynder ek oan en is yn in wink by de huzing fen vrou Tetta, hjir moat er mear fen witte.

Yn it ôfskette diel fen 'e keamer bliuwt er stean en sjucht it toaniel oan: Worp mei it swird yn 'e hichte:

„Ik scil dy!” mar den flucht de jonkfrou oerein, skoert him oan 'e earm en raest: „Heit, heit! Net dwaen! Net dwaen!”

„Fankel!” Mar syn earm falt dochs del.

„Heit, heit! Bikom nou! Doch it net! Byn jo yn!”

„Fanke . . . hwet miskearret dy . . . hat dy fint dy alhiel bitipele?”

Op dit stuit is Riemke alles forgotten, hwet se fen nacht sa sterk foar hjar nommen en nêst in skoft noch sa krêftich útspritsen hie, hja hat mar ien doel: it bihâld fen Sjûk, fen hjar Sjûk.

„Heit, ik haw him ljeaf, hy is myn alles!”

En hja snikt yn heftige oerstjûrens.

Hwet scil Worp dwaen? Mei ien swirdfeech syn fijân tsjin de groun slaen? Wrake dwaen, hearlike, bislissende wrake?

Hy stiet yn bistân, ien tel, in amerij, det to sizzen ha scil oer jierren en tiden. It is in momint fen felle inerlike striid, mar, dy't sà striidt moat forlieze, al scil it himsels en oaren ta segen wêze.

Hy kriget wer omtinken. Hy sjucht de triennen fen syn dochter. Dy meitsje him weak. En . . . hy wifket.

Riemke skept moed: „Heit, heit! Is der al gjin lijen genôch? O, siikje forsoening, biliz it yn frede, libje yn frjeonskip, det is de wei . . .”

Sjûk stiet it swijend oan to sjen, mar hy is ynlokkich: hy hat Riemke wer op syn hân, hja is for him wer folsein deselde. En mei in stim, triljend fen oandienens, smeekt er: „Hear fen Ropta, lit it frede wêze.”

Worp stiet noch yn twaatriid, mar dochs is hy al heal woun. Lykwols hy moat for himsels noch rôdde hwet der to rôdden is, sa gau kin in Ropta gjin bilies gean. En hy anderet: „Goed, gean hinne, en meitsje, detst' nea wer ûnder myn eagen komste!”

„Heit, né, sà net!” smeekt Riemke. Al de ljeafde for hjar feint bringt se yn dy warden ta utering en hja ropt dêrmei om de echte forsoening, dy't fen de fijân in frjeon makket.

Yetris jowt Ropta ta as Helbada op him ôfkomt, mei de warden: „Ja, ik bin it mei Riemke iens, litte wy as frjeonen libje! Hjir, Worp fen Ropta, myn hân der op,” en hy stekt him de hân ta.

Al slacht Worp de hân net ôf, oannimme kin er him ek noch net. Mar Sjûk jowt gjin krimp. Hy sjucht ho't in ynwindige

striid him ôfteikenet op it antlit fen syn tsjinstânnner en dêrom trunet hy yetris oan: „Worp fen Ropta, hjir is myn hân. Lit it frede wêze. Little wy as frjeonen libje.”

En nou grypt Worp fen Ropta dochs ta en knypt der yn, hwet stoef, mar dochs stevich. „Dêr den!” seit er „ús skeel en deilisskip is út 'e tiid!”

Op dit stuit giet de doar op en dêr stiet Sake, bleek en út 'e liken. Hy hie him bidimme, lyk as in Helbada him bidimje kin, as er by himsels om it rjuchte paed siket. It hie in swier stik for him west, hwent hy seach hjar dêr sitten, de faem, dy't hy himsels tatocht hie, en dy naem it nou op for syn broer, det woe safolle sizze: hy, Sake, wier op ien nei earst.

Hiderkearen stie er noch yn bistân: scil ik beide partijen tsjin 'e groun slaen, den is de faem for my, mar syn bitûftens sei him, det er den hjar hert for altyd forspile hie, en hy winske ienkear noch in wiif to bisitten, dy't like heech by him opsjen scoe as de earmste hûsman fen East-Dongeradiel. It wier hjir in ôfdiene saek, syn soun forstân sei him, det dy ek wol gjin kear nimme scoe; yn elts gefal mei gewelt scoe er nou neat winne kinne. It wier it bêste en liz him mar by de saken del sa't dy nou rinne woene, mooglik wier dêr noch ienris foardiel út to heljen, al wier it him noch net rjucht dûdlik op hokker manear.

En nou stiet er by de trije, dy't niis kreksa yn 'e heftichste striid de hearlikste oerwinning bihellen.

„Sake! dou hjir?” It is Sjûk, dy't it earst wer warden fynt.

„Ikke?” seit Sake, „bin ik dyn neiste broer net? Hwerom hast alles for my forhoalen hâlden!”

„Jonge, dou bigrypst sels wol ho slim as ik der foarsiet.”

„Nou, den scil ik it dy forjaen, en lit my den mar de earste wêze, dy't jimme lok winsket.”

Yetris docht Ropta in stap tobek: „Mar sà haw ik it net bidoeld,” seit er.

Ynienen komt Sjûk op him ta en seit: „Worp fen Ropta, ik freege om de hân fen jou dochter.”

En for it lêst bihellet Ropta in oerwinning op himsels en golhertich jowt er ta: „Dy is for dy!”

It is it segel op de folsleine forsoening.

Nou wirdt de widdou der by roppen en dy forblidet hjar ek mei in grote blydskip oer dit heuchlik nijs.

„God yn 'e himel,” seit se, „oan Jo de tank for dizze sa wûnderlike omkearing.”

Mar allegearre fiele hja it: hjir is klear in heger Hân yn to ûnderkennen. Sels Sake kin der net oan ûntkomme om stil de holle to bûgen.

Mar as dy strak nei hûs ta giet, fielt er, ho't alles, hwet syn forbylding him foartsjoend hat, forlern is, en det er nea krije scil hwet er sa heechst bigearlik achte: de folsleine hearskippij yn dizze kontreijen.

Hat er goed dien? Hied er der net op yn heiye moatten?

Né, sei him syn forstân, it hie neat jown en ik mocht net oars as búigje for de macht fen de ljeafde en for de forsoening, dy't hjir sa echt en oprjucht ta stân kommen is. It scoe it bêste wêze en meitsje nou fierders de state fen de Helbada's sa sterk en stevich mooglik en sjuch om in oare faem: der wier yn Kollumerlân ek yette wol ien, dêr't er foet by krije scoe, den koe hy syn gebiet ek dy kant út wol forgreatsje.

Dy joune wier it hiel stil yn 'e natuer. Heech en steatlik stieken de toerren fen de machtige Roptastins de strieljende jounloft yn. It himelforwulf mei syn silveren moanne, syn twinkeljende stjirren en de lêste wjerskyn fen it goudene sinnejocht.

Yn 'e leane, dy't twisken de bûten- en de binnengrêft fen it Roptaslot leit, kuijerje twa ynlokkige minskebern. Hwet in dei, hwet in skoandere dei hie it west for dizze twa. It scoe ien wirde fen skieding, beide hiene se hjar der hast al by dellein en nou waerd it ien fen de greatste foriening.

„Foriene for it libben, fanke, for altyd,” lústeret Sjûk.
En hja, it holtsje deun tsjin him oan, anderet: „Myn ljeave,
myn iennichste!”

„Hwet in lok, en det foart op dyn warden, det it mar út
wêze moast,” sei er, efkes hjar pleagjende.

„Wy hawwe it oan ús heit to tankjen,” seit sy yn neitinken.
„Wier dy net kommen, ik hie my nea sa oppenearje kinnen.
Do’t hy tsjin dy bigoun, do spriek myn herte. Ik bigriep, dit
wier noch in kâns, de iennichste kâns, en — hwet hat dy in
wunder-hearlike útkomst brocht.”

„Ja, hearlik,” sei er, en helle hjar wer nei him ta, en hja for-
lustigen hjar oan elkoar.

Sa kuijeren se fierder en yn it silveren moanneljocht waer-
den plannen for in bliere takomst makke.

En hja tanken Him, Dy’t dizze gouden ûre for hjarren wei-
lein hie.

Dyselde joune brocht ek in oare bislissing.

Worp fen Ropta wier yn felle wraksel mei himsels. Hie hy
goed dien? Hie er him fen syn gefoel bilêze litten, tsjin for-
stân en natuer yn? Wierne de omstânnichheden him oermânsk
warden? Hie hy net trochtaeste moatten, do’t er einlings de
kâns kriege om mei Sjûk fen Helbada ôf to rekkenjen?

Mar den seach er syn dochter wer foar him. Ho’t yn hjar
hâlding en yn hjar wird itselde wûndere laei, det himsels ien-
ris ta syn Jitta brocht hie.

Den seach er Sjûk yn syn manlike heechheit. En heechheit,
dêr hied er altyd biwûndering for hawn.

En den dy warden: Frede, frjeonskip — hie dêr net it oar-
diel yn lein oer syn hâlding fen jierren her. En wier it net in
rjuchtfeardich fonnis?

Rjuchtfeardich? — hie hy, Worp, den it rjucht tsjinne?
Hie hy gjin wrape dwaen moatten?

Né, klonk wer de stim yn him, gjin wrape. Dyn neef fen
Sjoarda hat dy it goede foarhâlden, al kamen syn warden ek

út in falsk herte. Gjin wrape mear, in Hegerenien komt de
forjilding ta.

Yn stille jounen, as er mei himsels allinne wier, hie dy
stimme ek wol yn him spritsen, mar hy hie it sa faek for-
smoard. Lykwols, do’t hy foar Sjûk oer stien hie, do hie dochs
dy stimme syn earm tobekhâlden fen de freeslike slach. It
wier de stim fen God.

Yetris kaem it yn him op: moast er net taslein hawwe? Mar
det wier de stim fen de kweade, dy’t him al to lang yn syn
macht hawn hie.

In grote ûnrêst bineare him, nou al gâns in skoft; in felle
striid hied er trochwrakselje moatten, mar jimmer sterker
en klearder spriek der in stimme yn syn âlde hert: „Dit is de
wei, wannelje dêryen en dou scilst frede fine.”

Hwent krekt de ûnrêst en de ûnfrede, dy knoeiden him yn
licheim en geast, al woed er it for himsels net witte.

Mar nou bigoun it ljocht troch to brekken en it waerd him
rûmer om it herte. Hy ûnderfoun nou al de wierheit fen hwet
de tsjerke en de pastoars it folk altiten foar hâldden: „Sillich,
dy’t frede meitsje, hja scille bern fen God neamd wirde.”

Ho noflik, det de ûnrêst him stadichoan deljoech, ho goed
wier it him, det er nou sûnder wrok yn it herte tinke koe oan
hwa’t er alear as syn bitterste fijânnen biskôge hie.

Mei in pear dagen fortelde er ek oan Riemke, ho’n foroaring
to’n goede der by him kommen wier. De jongfaem hearde neat
net nij op, al makke it hjar ek tige bliid.

En yn hjar herte wier in stille bea, det de Heare heit sterkje
mocht om syn lêste libbensdagen yn frede en goeddwaen
troch to bringen.

Hjar libben lang hat hja dizze dei fen dûbelde bislissing yn
tankber oantinken hâlden.

DE DEI FEN IT FEEST.

Noch ienkear bringt it forhael ús nei de Ropta-stins.

Hwet in drokte, hwet in fortier! It tsjinstfolk rint oanienwei út en yn. De fammen bynammen hawwe hjar draei. Hja drave mar hinne-en-wer en de bliere troanjes sprekke fen al it hearlike, det hjarren wankt. Gjin wûnder, it is hjoed feest, it is de troudei fen Sjûk en Riemke en den sjit der for elts fen it folk wol hwet oer.

Mar likegoed hearsket der in feestlike stimming yn hûs en herte.

Net allinne det twa jonge minsken it meiïnoar tige iens warden binne, ek de famyljes fen wearskanten hawwe, nei in lange rite fen haet en wrok, inoarren foun. En elts forblidet him dêr yn.

Aeltsje is wol it meast op 't snjit. Hja hat ommers alles ten tichteby meimakke. Hja hat der nea folle oer útlitten, mar elts koe wol neigean, det hja mear ôfwist fen dizze histoarje as hwa oars ek. Sadwaende fielt se hjar op dizze feestdei fen de jongeljue in persoan fen bilang, dy't rjuchten hat as gjinien oars.

Mar der is mear. Hja hat him niis noch taknikt: Jitse, de setmeijer op Steltinga. Hy hat it fiskjen alhiel oerjown, der is nou oars genôch for him to dwaen. En hja is der tige wiis mei, det Sjûk en Riemke beide sa tofreden binne oer syn wirk by de âld-frou. It leit yn 'e reden, det ek Jitse ta de brilloft útnoege is. Hawwe hja togearre der net alle war for dien, det alles op Steltinga smûk om-en-ta gean koe, det de jongeljue net bistrûnd ef steurd waerden en det fierders ek gjin minske gewaer warden is hwet der eigentlik omgyng?

Hja forgappet der hjar nou al op, det se mei Jitse joun, as de greateste drokte hwet oan kant is, in slach om dwaen kin, de singel troch. Hwent ek hja miene it elkoarren tige en

Aeltsje is great op hjar Jitse. Hwet in handige fint is er warden. Ien, dy't ek tige syn wird dwaen kin, net, lyk as froeger, yr it mâlle, oerdwealsk en bot, mar forstannich en wis. Hy hat dêr op Steltinga hwet leard en det hawwe hja to tankjen oan Sjûk alderearst. Dêrom kinne se hjarren togeare ek sa forbliddzje yn it lok fen de twa ealmans-bern.

Lykwols it is nou gjin tiid om alderhanne prakkesaesjes yn 'e holle to heljen. Der is noch frijhewet to birêdden en mei in healûre kinne de jongeljue hir al wêze. Oanpakke, fanke, moediget se hjarsels oan.

Tsjin twaen bigjint de iene nei de oare alris út to sjen, ef der al hwet oankomt. „It wirdt tiid,” seit Aeltsje tsjin de kokenfaem.

Efkess letter, dêr komt ien fen de jonges oanstouwen en ropt: „Dêr komme se oan! Ik haw se al sjoen.”

Gjinien, dy't yn 'e hûs ef by syn wirk bliuwe kin. Ja, dêr komt it oan. Hwet in staesje! Hwet in lange rige!

Foarop de jongeljue, kreas yn in donker habyt, de breed mei in blomke yn it hier. Mar de stoet fen ealljue dêrefter . . . de iene hat him al deftiger útrist as de oare. Hwent de klaeijing fen de sluchtwei-man mocht ienfâldich en effen wêze, de ealljue koene mei hjar wapens en kleuren tige pronkje en it wier der faken om to dwaen, hwa't de oaren it meast de eagen útstrike koe. Op in feest lyk as ditte hie men dêr in skoane kâns ta.

Der leit feestlikens en fleur op 'e troanjes. Bynammen it bliere wêzen fen de breed en de manlike hâlding fen de breugeman komme tige út. Mar ek de oaren jowe yn stap en steat klear blikken fen meilibjen yn it lok fen dizze jongeljue. Is it ek net in wûnder, great en unbigriflik, det men hir hjoed byinoar hat in hiele sleep fen ealljue út dizze omkriten: de Yntema's en de Jarla's, de Eminga's en de Mokkema's, de Jûkema's en de Haringsma's. Slachten, dy't alearen mekoaren net sjen ef luchtsje koene en dy't men hir nou as greate spitsen neistinoar rinnen sjucht . . .

Sa binne hja kommen by de hege poarte oan 'e Moarster kant fen de stins, dy't mei syn stevige mûrren út it grêts-wetter opriist. De binnepleats oer giet it nei de greate seale ta, de feestseal, dy't de boaden ryk forsierd en optoaid hawwe. De âldste fen it slotpersoneel wiist elk syn sit aan en elts hat hjoed frede mei it plak, det him taskikt wirdt.

As alles to stoel en to bank is, den bigjint de wille. Ite en drinken, spylje en sjonge, elts wit syn slydtsje der wol by to skouwen. Mijend hoecht men hjoed net to wêzen, op in bril-loft kin it altiten hwet lije!

It jongfolk hat hwet in apart plak krige en dy witte hjar daliks al danich to formeitsjen mei gekjeijen en mâlfarjen, mei spiltsjes en grappen.

De âlderein nimt de dingen fensels hwet earnstiger op, hja moatte ek in bytsje mear tinke om stân en fatsoen. Mar elts hat der syn niget oan; ho ienriedich men meielkoar oan 'e feestdis sit. Wrok en fijânskip lykje alhielandal bidobbe to wêzen. Frij en flot forrinne de petearen, it is allegearre wille en tier.

Bûten de jongeljue, hwaens feest it is, hat ek de âlde Ropta it tige nei it sin. Wis, it is him oan to sjen, det er minder warden is. Hwet er de lêste tiden trochmakke hat is him net yn 'e klean sitten bleaun. Mar det nimt net wei, der leit hjoed in glâns fen frede en rêt op syn troanje. Stil en sûnder him folle yn to litten mei de drokte om him hinne, sit er dêr yn in maklike stoel neist syn dochter. It is yn wierheit ek in feestdei for him.

En den is der noch ien yn it formidden, dy't men hjir net daliks forwachtsje scoe. It is de âlde vrou Steltinga.

It hie Worp fen Ropta gâns hwet warden koste om hjar hjir to krijen. Sels wier er der hinne tein, om't er fieldie: ik haw hwet goed to meitsjen oan dit minske.

Frjeonlik, mar dochs wol in bytsje oeral, hie hja him ûntfongan. Do't er mei de útnoeging kommen wier, hie se him

forheard oansjoen en frege: „Ikke op 'e brilloft op Roptastins? Dêr pas ik net.”

Hy hie hjar do dûdlik makke, det hja der net by mist werde koe. It feest wier dochs for in part ek mei oan hjar to tankjen. Hjar oer to slaen scoe ûntankber en net fatsoenlik wêze.

„Hwet haw ik der den oan ta dien?” frege hja. „Jo fortinke my der dochs net fen, det ik út eigenbilang de jongeljue byinoar brocht ha?”

„Gjin hier op myn holle, dy Jo dêr fen biskildigje wol,” hie fen Ropta sein. „It oaninoar keppeljen fen in pear jongeljue is faken in ûntankber en ek noedlik wirk, dêr achtsje ik in froed minske lyk as Jo net ta yn steat. Mar yn dit gefal scoe it Jo net ta ûneare west hawwe, al hiene Jo der handêdich oan west. By einsluten binne wy der allegearre tige mei yn-nommen. Jo fêst ek, net?”

En echt mienend hie hja útroppen: „Jawisse, ik ek. Ik bin der o sa bliid mei!”

Ropta forfette: „Wolnou, den hearre Jo der ek by. Net allinne det Jo it altiten goed miend hawwe mei Riemke, Jo binne feitlik ek noch fen de famylje troch jou man, dy't forstoarn is. Ik scoe der den ek mar net mear tsjin ynlizze. Ik fen myn kant scil it opfetsje as in biwiis, det it twisken ús wer goed is, as Jo ek komme.”

„Ja, as Jo it sa bisjutte, den kin ik min wegerje,” hie se dêrop sein. „Hwent as ik op myn âlde dei noch eat dwaen kin om frede en frjeonskip to bifoarderjen, den scil ik det net neilitte.”

Sadwaende is hja nou ek yn it formidden. En al merkt men net folle fen hjar bywêzigen, de noct stiet dûdlik to lêzen op hjar frjeonlik antlit.

Noch ien yn 'e feestseale waerd yn it earstoan mei forhearde eagen oansjoen: de pastoar fen Moarre. Hy sit rjucht foar it breidspear oer. De hear fen Ropta hie der ek by him sterk op oanstean moatten om to kommen. Op 't lêst hie Worp

fen Sjoarda syn biswieren aan 'e kant set. Ommers for him wier it likegoed in feest, in greate dei, as for al de oaren. Wier dit net de kroan op it wirk, dêr't hy him foarspand hie, al moast er him noch faek skamje oer de manear, sa't er it oanpakt hie. Mar nettsjinstande de ûnsuvere, ja sündige biweechredenen, dy't him dreauin hiene — de frede wier dochs kommen. En hy koe der syn Hear for tankje.

As de earste drokte hwet oer is en elts syn wiet en droech hawn hat, komme der amerijen fen stilte, bynammen by de âlderein. It is yn ien fen dy mominten fen rêtst, det de pastoar oerein riist en ris brimt, ta in teiken, det er hwet to sizzen hat.

Ynienen is it stil en de oandacht fen allegearre stiet spand. Hwet scil pastoar to sizzen hawwe? By gûnt fen de oantsittende gasten wier in „geastlik hear” netolle yn tel, mar op in dei as hjoed koe men soks oer de holle sjen. Op syn tiid moast der ek in plakje wêze for de tsjerke en de geastliken. Binijd nei hwet der komme scil set de hiele seal him den ek ta harkjen.

Mei in stim, klear as in klok, bigjint er: „De segen fen ús Hear mei wêze oer dit trouforboun! Ek ik forblîdzje my der yn, det dizze twa jonge minsken mekoarren foun hawwe. Der moosten forskate swierrichheden aan 'e kant skoud wirde, mar it ein is nei myn ynsjen så, dêr kin segen op rête. Hjar ljeafde is troch it leed lottere en hillige.”

Mei niget wirdt der harke, ek as de pastoar fierder hoeden útweidet oer de skelen twisken de famyljes fen Ropta en Helbada, oer de deilisskippen en de oerginst twisken ûnderskate oare slachten.

Syn eigen oanpart yn dizze kreauderijen forswijt er net en earlik komt er der for út, det er op in dwylpaed west hat.

As er den in birop docht op Worp fen Ropta om him to forjaen hwet er him missein en misdien hat, falt dy der twisken yn mei in wolmienend:

„It is forjown, alles is út 'e wei!”

Net allinne de pastoar, mar forskaten fen de gisten knikke mei ynstimming en Riemke strykt in trien fen hjar wang.

Mar it ein fen hear-om syn taspraek falt der al bysûnder yn by de feestgenoaten.

„Ik wol net weromkomme op al de skelen, dy't der twisken dizze twa famyljes bistien hawwe. Wy mijne mei blydskip en tank fêstlizze, det it nou út is. Der is in soen ta stân kommen, dy't in skoan ûnthjit for de takomst ynhalde. Dêr hawwe de beide jonge minsken, dy't hjar foar my oer sitte, de earste stap ta dien.

Mar ik bin fen miening, ek it plak, dêr't dizze wichtige dingen foarfallen binne, moat yn oantinken bliuwe. Ik scoe útstelle wolle, det it hûs, dêr't de soen troffen is, tonei de namme fen „It Soenhûs” drage scil.”

By dizze werden riisden al de gasten oerein en mei algemiene ynstimming waerd syn útstel ûntfongen.

„Heil de jongeljue!” klonk it fen alle kanten, „heil oer „It Soenhûs” fen East-Dongeradiel!”

Do't alles wer hwet ta bidarjen kommen wier, naem Ropta sels it wird. It ferge wol hwet ynspanning, mar swije koe er net. Hy bitanke Sjoarda for syn goede winsken en syn foar-slach stie him wakker oan.

„Mar ik wol hjar ek ûnder de oandacht bringe hofolle vrou Tetta ta dizze saek dien hat. Hja wol der ljeafst net tofolle praet fen ha en ik ha der wirk fen hawn om hjar hjar op it feest to krijen. Lykwols ik moat der dochs eat oer sizze. Tetta, ik bitankje Jo tige for hwet Jo for myn dochter west ha. Ik moat mysels it forwydt dwaen, det ik wolris tofolle de hearsker spile oer hjar, mar Jo hawwe as in mem for hjar west. Det scille wy nea forjitten.”

It âld-minse waerd forlegen ûnder dizze lof en hja brocht der skodholjend en stammerjend út:

„Och, Worp! lit my mar mei rêtst, it is sa wol yn oarder.”

Mar de hear fen Ropta koe it net litte om yn dit formidden earlik to bikennen, ho't hja Steltinga mei al syn tabihearren

skandalich forwaerloazge hiene. Mar ek dàt scil oars," sei er moai foars. „As ienkear „It Soenhús" ré is, den leit it op myn wei om der for to soargjen, det alles dêr yn es bliuwt. It scil my in eare en in foarrjucht wêze as my dêrta de krêft jown wirde mei."

Oandien sakke de man yn syn stoel del. Men fieldde de greate omkear yn it libben fen dizze noch machtige ealman. Net mehr hearskje, mar ... tsjinje en helpe — wier nou syn libbensdoel.

It feest gyng fierders syn gong. De fleurige en mylde stemming waerd gjin amerij forbritsen. Jong en âld fieldde it oan, det der in omkear yn 'e skiednis fen dizze úthoeke fen Fryslân kommen wier.

Dêr wiisde de jonge Helbada ek op, do't er op it ein fen it feest efkes it wird naem.

„It is," sa bigoun er, „it is gjin wizânsje, det in breugeman op syn brilloft in great wîrd fierst. Mar ik haw hwet op it hert, det der ôfmoat en ik fyn it wol aerdich om it yn dit formidden to dwaen."

En as er den forhellet fen de tsjustere takomst, dêr't syn vrou en hy foar stien hawwe, den bigripe de measten wol hwêr't er op doelt.

„Mar," seit er mei in laits om 'e lippen, „it ljocht is troch-britsen en wy tankje ús ljeaven Heare, det er it sa goed mei ús makke hat. Neist de tank oan Him meije wy lykwols net forjritte, hwet wy fen de minsken ûnderfoun hawwe."

Efkies swijt er en sjucht it hear ris oer. Dêr yn in hoekje sitte smûk by inoar Jitse en Aeltsje, ûnwittend noch fen it greate nijs det der for hjarren op komst is.

„Ja," giet Sjûk den fierder, „heit hat al tocht om vrou Tetta en it stiet ús tige oan, det hja for safier as wy der hwet ta dwaen kinne, noch in rëstige libbensjoun krije scil. Mar wy, Riemke en ik, tinke hjir oan twa jonge minsken, hja sitte wol hwet efterôf, mar det is jongfolk net kwea-ôf to nimmen."

De seal is fol laitsjen en de eagen geane nei de hoeke, dêr't it jonge pearke sit.

„Krekt sa," forfettet Helbada, „dy binne it: Jitse en Aeltsje. Jimme witte ho't Jitse it spil op Steltinga birêdden hat en Aeltsje hat jimmeroan in trouwe help for myn vrou west. En nou kinne wy moai twa miggen yn ien klap fange. Wy binne fen doel om, as „It Sounhús" klear is, dizze twa dêr ûnderdak to jaen. Frou Tetta kin in aparte keamer for hjar sels krije, den is hja frij en dochs net pûr allinne."

In daverjend applaus folge op dizze taspraek. Mocht der al ris ien wêze, dy't Jitse en Ael it greate lok forginde, men moast dochs algemien tajaen, it wier oan dit pear flinke jonglue goed bistege.

It pear sels wier der forlegen ûnder, det sei de hege kleur op hjar wangen dûdlikernôch, mar hja koene it net litte en kniip elkoarren ris tige yn 'e hannen.

„En nou wirdt it tiid fen skieden, frjeonen!" sei Sjûk. „Ik scoe hear pastoar forsiikje wolle om in lêste wîrdtsje to spreken."

Dêr hie Sjoarda net op rekkene, mar dochs naem hy tankber de gelegenheit oan om noch eat to sizzen.

„Yn 'e namme fen de Heit, de Soan en de Hillige Geast," bigoun er plechtich. „Sa meije wy de dei fen hjoed wol bislute. Hwent hat it gjin echte feestdei west for ús allegearre? Ik ha in gefoel as binne wy út 'e stoarm yn 'e stilte fallen. Sa fredich as it lânskip om ús hinne yn in moannenacht, allike fredich hawwe wy hjir meiïnoer forkeard. Det it in profesjje wêze mei for de takomst!

Ik scoe it elts, dy't hjir sit, mei earnst en ynmoed foarhâlde wolle: bistindigje de frede safolle as jo dêr for dwaen kinne. It scil ús allegearre, hûsman en ealman, pastoar en parochiaen, man en vrou to'n goede komme. Wolfeart scil wer dije op ús fjilden, moedich scil elts nei syn wirk útgean en ús ljeaven Hear scil ús Syn segen net ûnthâlde."

Djip-earnstige werden wierne it, dy't er folgen en hy bisleat
it feest mei in trijeris „heil”!

„Heil Helbada en Ropta! Heil ús Dongeradielen! Heil ús
hiele heitelân!”

Mei hantsjeklappen joegen de feestgenoaten hjar ynstim-
ming mei dizze winsken to kennen.

De seal roun stadichoan leech. Elts socht syn eigen sté ef
stins wer op.

Mar noch tiden dêrnei gyng it praet oer dizze heuchlike
houliksdei.

XXII.

IN NIJ TIIDREK.

Worp fen Ropta liet der gjin gêrs oer groeije.

De oerdeis nei de brilloft sette er al nei Steltinga ta om dêr
it spil yetris op to nimmen. Mei de âld-frou bipraette er it ien-
en-oar oangeande de bouwerij.

Earlik sein, den seach it minske der wol hwet tsjin oan.
Sa'n drokte en sa'n foroaring op hjar âlde dei! Om hjar hie it
spiltsje bêst sa stean bliuwe kinnen. Salang scoe se hjar dochs
net mear forkeare.

„Mar it slimste is, sei hja tsjin Worp, „alle âlde oantinkings,
oan myn man, oan de bern, oan safolle mear, hja scille alle-
gearre foart reitsje. Det kin my bytiden sear dwaen. Mar och,
hwerom ek sa oan dy ierdske dingen to hingjen? As jimme
it nou ienris sa wolle, nou, den scil ik my der by dellizze. Gean
jimme gong mar!”

„Det scille wy ek wol: it nije spil moat foar de winter klear.
Mar, Tetta, jo wolle fen my wol oannimme, det dizze for-
oaring net makke wirdt om jo sear to dwaen. Hwet my der ta
brocht hat om Sjoarda syn útstel daliks oan to nimmen is al-
derearst it moaije fen it idé. „It Soenhús”, is der moaijer
namme to bitinken? Mar it is op 't lêst ek yn jou bilang, det
hjir foroaring komt. Salang kin it spil hjir dochs net mear

hingje. En hwet scoene jo hjar noch langer allinne omheu-
kerje!”

Frou Steltinga moast him gelyk jaen. Yn gjin gefal mocht
om sa'n ding de frede wer forsteurd wirde.

Mei in dei twa setten de timmerfeinten al nei it âlde spil ta.
Tetta scoe salang op Ropta-stins in rêtstich plakje hawwe. En
it stie hjar wakker oan, det hja nou alle dagen Riemke mei
rie en die bystein koe.

De simmer joech in rist fen moaije dagen. It wirk koe sûnder
tsjinstuiten foartgong nimme en foar de hjerst hiene de
reiddekkers it tek der al op.

In healjier nei de brilloft wier it hûs kant en klar. De
namme „It Soenhús” stie mei greate letters yn 'e foargevel. En
elts, dy't der foarby kaem, bleau efkes stean om it spil op
to nimmen.

En as hja de âld-frou opmirken, den knikten se hjar min-
lik ta. It bliere antlit sei hjarren sûnder worden genôch.

De ieuwen binne forgien; forskate stoarmen, natuerlike en
oare, binne oer „It Soenhús” hinne waeid; de forgonklikens
fen al it ierdske is ek it diel warden fen dit hûs. Mar elts, dy't
yn dizze omkriten komt en freget nei it sté, dêr't it stien hat,
dy kriget koart en krekt biskied op syn frage.

Hjoed de dei is dit hûs en de skiednis deroan forboun noch
net forgotten.

Op Ropta-stins hawwe de dingen ek in oar oansjen krike.

It wier op in stille simmerjoun. De sinne sakke al nei de
kimen en dochs wier it noch near en soel. Riemke hie mar in
pear stoellen mei in taffeltsje bûtendoar ûnder de âld-boeke-
beam setten. Hja wierne wend om foar bêdtiid in skoftke rês-
tich by inoar to sitten. Det scoe nou joun mar wêze op dit ska-
dige plakje.

Sa fine wy hjir by inoar de lytse famylje Ropta: heit en
dochter en de oantroude soan. De manliue smoke net, in

krante ef boek is ek nearne to bikennen. Al dy nijichheden hearre by in letter tiid. Mar in hantwirkje, dêr koe Riemke net sûnder. De manljue sieten den hwet to riddenearjen oer âld en nij.

Mar joun wol it praet net rjucht flotsje. Binammen de âldman is hwet stil en ôfwêzich. De jongeljue merke it wol op.

Op 't lêst freget Riemke: „Skeelt der hwet oan, heit?”

„Né, fanke! Ho det sa?”

„Heit is hwet stil joun, tinkt dy ek net, Sjûk?”

„Ja, det komt my ek sa foar. Mar men kin it ek net altiten pratende hâlde,” seit Sjûk forgoedlikjend.

„Dêr hast' gelyk oan, jonge! Op yens âlde dei komme de prakkesaesjes al folle nei boppen. Jimme hawwe dêr noch net sa'n lêst fen, is 't wol?”

„Det moat heit net sizze. Ik mei, as ik oerdeis allinne sit, ek graech ris myn tinzen gean litte. Oer forline en takomst beide . . .”

Yninen hâldt se op. Se hat hjar dalik nei hjar trouwen foarnommen om net al to folle to praten oer hwet foarby is. Alde wounen moat men net iepen helje. Dêrom swijt se nou mar ljeaver. It is for heit better, mient se.

Mar den forbrekt de âld-man de stilte en seit:

„Om jimme de wierheit to sizzen ik haw al hwet. En it is wol goed, det wy dêr op dizze fredige joun ris meiïnoar oer prate.”

In bytsje kjel sjugge de jongeljue op. Hwet scille wy nou krije?

„Né, meitsje jimme mar net ûngerêst. De saek sit sa: ik wird âlder en minder. Folle soarch en omtinken kin ik net mear oan 'e holle hawwe. It wirdt tiid det ik my mar út it spil tobek lûk. Jimme binne mânsk genôch om it oer to nimmen en foart to setten.”

Binijd harkje Sjûk en Riemke op. Dêr hiene hja nea noch om tocht.

„En nou haw ik it sa foarinoar: ik draech it bihear oer al

myn bisittings fen nou ôf oan oer op jimme. It komt yn fortroude hannen en dêrom falt it my net swier.”

„En hwet wol heit den? Hjir by ús wei, miskien?”

„Né, fanke, det hoecht om my net. Ik haw it hjir skoan nei 't sin. En fensels, ik hingje tige oan it spil, dêr't ik myn libben lang for skript en wrotten haw . . .”

„Wy wolle heit ek net graech misse,” seit Sjûk. „It is my hiel hwet wîrdich, det ik heit nochris om rie freegje kin.”

„Sa stean ik der ek ûnder” seit Riemke.

„En ik krekt allyk,” de âld-baes wer. „Ik wol fensels it ljeafst, det alle dingen bihertige wirde yn myn geast. Mar oars lit ik jimme alhielendal baes.”

It jonge pear kin him by dizze winsk tige skoan dellizze en hja ûnthijtte, det heit, as it hwet kin, gjin reden ta kleijen hawwe scil.

„Mar den is der noch ien ding,” giet Ropta fierder. It is him oan to sjen, det it swierste nou komt. „Riemke hie it niis oer de takomst en dêr woe ik it ek wol efkes oer ha. Dou biste myn iennichste oerbleaun bern. Doaitsen is der net mear. As ik nou kom to forstjerren, den scil de namme fen Ropta fordwine. Det kin my bytiden sear dwaen. Mar ik haw in oplossing foun: ik jow Sjûk it rjucht om myn namme oan to nimmen. Den scil it letter wêze: Helbada fen Ropta, mar Ropta bliuwt it dochs.”

Nea hiene de jongeljue dit tinke kinnen, howol, yn 'e famyljes fen de ealljue kaem soks mear foar.

Ek dêrom makken hja neat gjin biswier tsjin dit ústsel.

It wier de âlde slotheare in pak fen it hert, det alles sa flot gyng.

„En nou wol ik der mar in nacht op sliepe,” sei er foldien en tofreden. „Ik winskje jimme in goeije rêt ta.”

„Nacht, heit! Sliep lekker!” klonk it him efternei.

Sjûk fen Helbada hear fen Ropta-stins! It hiele gea harke der frjemd fen op. It stiek in inkeldenien wol hwet yn it hege

krop. Erfgenamt fen dizze namme — it bitsjutte hiel hwet. Mar om't hja Sjûk koene as in man fen 'e frede, dêr't wol mei om to gean wier, leine se hjarren der ridlik gau by del.

Sjûk die syn nije namme gjin ûneare oan. Net om to hearskjen, mar mear om to tsjinjen. Dêrmei woun er yn koarten tiid it fortrouwien fen frjeon en fijân.

Hy hie hert for syn wirk en syn ryk bisit en hy fierde it bihear op sa'n wize, det syn spil faken as model en foarbyld for oaren neamd waerd.

Lange jierren hawwe Sjûk en Riemke op Ropta wenne. Hja kriegen it greate foarrjucht om to sjen ho't hjar bern en bernsbern opwoechsen ta flinke en achtenearre minsken.

Faken setten hja de stap nei „It Soenhûs” ta. De âld-frou net alline, mar ek Jitse en Aeltsje ûntfonganen hjarren hertlik en gol. Meiïnoar oertochten hja faek hwet him hjir ôfspile hie, it sûr en it swiet, det hja hjir preaun hiene.

Frou Tetta lykwols hat it net lang mear makke. Yn folle frede, mei al hjar frjeonen om hjar hinne, is hja forstoarn. Hja hie west fen earme komôf, yn tige bihyplike omstannichheden hie hja faken forkeard, mar de deis fen hjar bigraffenis wier it hiele gea kommen om hjar de lêste eare oan to dwaen. Yn Eanjum, hjar berteplak, is hja to hôf brocht.

En Worp fen Ropta?

Net lang nei vrou Steltinga is ek hy ôfreizge nei better oarden. Nei in libben fen striid en unrêst hied er de frede foun, dy't syn lêste libbensdagen tige noflik for him makken.

10 Augustus 1302 is er forstoarn en syn stoflik omskot rêt yn 'e tsjerke to Mitselwier, neist det fen syn sêfte Jitta fen Jarla.

Ek Ropta-stins is forgien. In terpke, heal forgroeven, wiist noch it sté oan, dêr't it alearen yn al syn stoerens stien hat. Mar de namme is yn 'e Dongeradielen oan't hjoed de dei ta yn oantinken bleaun.

NEISKRIFT.

Eft ik op dizze blêdkanten in sprookje forteld haw? Ja en né, al nei't men it nimme wol. De skiednis fen Ropta en it Soenhûs is my faker as ienkear yn myn jeugd forteld. Altyd alweroan spoun myn fantasije de rin fen de dingen út, en liet forskate persoanen opkomme, lyk as ik dy yn dit forhael opteikene haw. Ik bin bliid, det it my yn myn riper dagen jown waerd de skiednis fen it Soenhûs fêst to lizzen yn dit forhael.

Lêzers, as jim' ris twisken Ljussens en Eanjum nei „it Soen” freegje, den scil sels de ienfâldichste boerejonge it plak oanwize kinne en moai wis it ien-en-oar fortelle fen hwet jim' yn dit boek biskreaun fine. En as jimme dêr steane twisken de hagebeammen fen it Soenlân yn, op it sté dêr't ienris it Soenhûs stie, den scil it jimme gean lyk as my, den geane jim tinzen tobek nei dy forgiene tiden fen wylde hate en rou krychsmansbidriuw, mar ek fen folseleine oerjefte en himelske ljeafde.

Jim' witte, ho't alle wirk, mar bynammen geastlik wirk in stik freget fen de minske syn ynlikst sielelibben, om't hy sels tastannen en oandwaningen bilibje en trochlibje moat, scil hy syn persoanen yn hjar leed en lok de lêzers klear foar eagen stelle. Oardielje dêrom mei in bytsje lankmoedigens oer dit wirk fen

DE SKRIUWER.

YNHÅLD.

	Blêds.
I. De lêste fen 'e Steltinga's	3
II. De wrike fen Helbada	14
III. De slach, dy't oankaem	20
IV. De wrok fen de fiskersjonge	24
V. Plannen en winsken	29
VI. De bistrassing	34
VII. Yn twastriid	41
VIII. De slach	45
IX. Op Roptastate	48
X. Ropta syn dochter	53
XI. De goeddwaende	55
XII. As de bloei bigint	64
XIII. Mimerijen en plannen	68
XIV. Langstmen	74
XV. De forklearring	82
XVI. Yn it ûnwisse	88
XVII. De striid	91
XVIII. Skieding?	97
XIX. De oerrompeling	103
XX. De beslissing	105
XXI. De dei fen it feest	112
XXII. In nij tiidrek	120
Neiskrift	125

